

Jierferslach 2013



Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes		2
• Foarwurd		3
• Wurklist foarjiersgearkomste 26 maart 2014		4
• Ferslach algemien		5
- oantekens foarjiersgearkomste KF Easterein 27 maart 2013		13
- oantekens neijiersgearkomste KF Easterein 13 novimber 2013		
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- It jier 2014 alwer foar de doar en in weromsjen op 2013	Technyske kommisje	19
* Keatsters fan it jier	Roelie & Corrie Kroondijk	20
* Skoallekeatsen 2013 – Histoarje skreaun	Mirjam Punter, Julia Paauw en Selma de Boer	21
- In protte hannen meitsje.....	Fjilden- en materialekommisje	21
- Fan lyts nei grut....	Jongereinkommisje	22
- 2013, wer in sportyf jier foarby	Wedstriidkommisje	24
- PR-kommisje en gebak!	PR-kommisje	25
- Finansjele- en stipekommisje / lustrumkommisje	Finansjele- en stipekommisje en lustrumkommisje	26
* Algemeene taljochting op it finansjele jierferslach		28
* Eksploitaasjerekken 2013		30
* Ferklearring kaskommisje		30
* Taljochting op de eksploitaasjerekken 2013		31
• De 9de Jong-Feinte mei 14 PC-keatsers!		32
• Wedstriidferslaggen		36
• Keatsmominten út 2013		52

Kolofon

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Wilma Sjaarda, Rika Okkema, Akke Jikke van Berkum, Ingrid Vellinga, Anke Marije Pompstra en Froukje Dijkstra

Gearstalling bestjoer en kommisjes

Haad bestjoer	Fakatuere			Foarsitter
	Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein	0515-851878	Skriuwer
	Anco Elgersma	Kon. Wilhelminastraat 90, 8606 BZ Snits	0515-851324	Ponghâlder
	Hans Kooistra	De Singel 9, 8734 HP Easterein	0515-331560	Jongerein saken
	Marten Faber	Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein	06-24816080	Technyske saken
	Jikke Velzen	Dobbelân 3, 8734 GZ Easterein	06-14406123	Wedstriid saken
	Christian Hoekstra	Foarbuorren 25, 8734 HD Easterein	06-20168708	Fjilden en materialen
	Elske v.d. Meulen	v. Eysingaleane 24, 8734 GD Easterein	06-54232922	Databehear
Jongerein kommisje	Hans Kooistra	De Singel 9, 8734 HP Easterein	0515-331560	Foarsitter
	Carin Ypma	Hofsleane 14, 8734 HN Easterein	0515-332307	Skriuwer
	Joke Wiersma	Smidslân 7, 8734 HJ Easterein	0515-332784	Kontakt teamlieders
	Annette Kroondijk	Koafinne 3, 8734 HK Easterein	0515-332112	Kompetysje saken
	Liesbeth Bootsma	Populiereleane 3, 8734 HS Easterein	0515-331358	Alg./Fasilitaire saken
	Riemy Kamstra	Foarbuorren 21, 8734 HD Easterein	0515-332670	Opjefte jongerein
	Gep Bakker	Wynserdyk 18, 8734 GG Easterein	0515-332919	Alg./Fasilitaire saken
Technyske kommisje	Marten Faber	Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein	06-24816080	Foarsitter
	Romine Jelsma	De Ljits 10, 8734 HL Easterein	06-22709673	Skriuwer/koördinator
	Dirk-Yde Sjaarda	Skoallestrjitte 50, 8734 GN Easterein	06-54385633	Trainers koördinator
	Jelte de Boer	Skilplein 3, 8734 GW Easterein	06-55177033	TC koördinator
	Marije Hiemstra	Hofsleane 19, 8734 HM Easterein	06-30151578	TC koördinator
	Partoerbegjieders jongerein en senioaren			
PR kommisje	Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein	0515-851878	Foarsitter
	Ingrid Vellinga	Foarbuorren 2, 8734 HD Easterein	0515-336632	Skriuwer
	Froukje Dijkstra	Hofsleane 31, 8734 HM Easterein	0515-332973	Foarmjouwing
	Akke Jikke van Berkum	Dobbelân 4, 8734 GZ Easterein	0515-532609	Kleanbelied
	Anke Marije Pompstra	It Bosk 88, 8731 BM Wommels	0515-857300	Redaksjelid
	Rika Okkema	It Risplân 2, 8734 HT Easterein	0515-332223	Redaksjelid
Finansjele- en stipe kommisje	Anco Elgersma	Kon. Wilhelminastraat 90, 8606 BZ Snits	0515-851324	Foarsitter/Aksjes
	Tymen Dijkstra	Skrok 8, 8734 HG Easterein	0515-333030	Stiperskontakt
	Tjeerd Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	0515-331600	Stiperskontakt
	Fakatuere			Skriuwer/stipe-adm.
Wedstriid kommisje	Jikke Velzen	Dobbelân 3, 8734 GZ Easterein	06-14406123	Foarsitter
	Annie Sjaarda	Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein	0515-331536	Skriuwer
	Wiepkje Hiemstra	Eeskwert 29, 8734 HA Easterein	0515-333880	Wedstriidsaken
	Jelle de Boer	Skrok 11, 8734 HG Easterein	0515-331302	Wedstriidsaken
	Mattie Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	0515-331600	Alg. saken
Fjilden- en materiale kommisje	Christian Hoekstra	Foarbuorren 25, 8734 HD Easterein	06-20168708	Foarsitter
	Gep Bakker	Wynserdyk 18, 8734 GG Easterein	0515-332919	Fjilden jongerein
Web redaksje	Klaas Pompstra	De Singel 14, 8734 HR Easterein	0515-331789	Webmaster

Foarwurd

De Eastereiner keats(t)ers ha sich goed sjen litten op de fjilden yn 2013, sawol op lede -, federaasje - en KNKB wedstriden. In soad suksessen binne der wer fiert wêr't jim fansels fierder yn dit jersferslach wiidweidich oer lêze kinne.

Foar oanfang fan it seizoen is der yn 2013 in start makke mei de saneamde steunpuntentraining. Under it mom fan 'wa de jeugd hat hat de takomst' én/as om elts op syn/har eigen nivo traine litte te kinnen, krigen de gruttere keatsdoarpen de kâns om in bepaalde keatskategory te 'adoptearjen' en foar dizze keats(t)ers (wol as net út eigen doarp) de training te fersoargjen. En sa kaam it dat we sa'n 10 wiken lang eltse wike in tige entûsjaste groep 1e klas froulju op it fjild hiene te trainen ûnder de fakkundige lieding fan Marije Hiemstra. Ek yn 2014 sille we dit wer organisearje en hoopje we dat it krekt sa suksesfol wurdt as ôfrûne jier!

2013 wie foar it haadbestjoer in útdaging.... We namen ôfskied fan Tjerk Okkema (foarsitter jongerein kommisje) en Ype Tiemersma (foarsitter technyske kommisje), lokkich ha we foar beide mannen goede opfolgers fine kinnen: Hans Kooistra en Marten Faber ha it stokje fan resp. Tjerk en Ype oernaam.

Spitigernôch moast foarsitter Gerben Kooistra yn maart de foarsittershammer dellizze troch drokte mei stúdzje en wurk. Anco Elgersma, ponghâlder, syn sit yn it bestjoer siet der, nei rom 5 jier, op. Dit betsjutte dat we it keatsseizoen 2013 ynstart binne mei 2 fakatueres yn it haadbestjoer.

Mei-inoar ha we de skouders der ûnder setten en mei help fan de ferskate kommisjeleden en oare frijwilligers ha we neffens my in prachtich moai keatsseizoen hân. Tank hjirfoar! Ek wol ik fanôf dit plak Anco tige tanksizze foar it byhâlden fan de finânsjes, rekkens, it meitsjen fan de begrutting foar 2014 en it finansjele ferslach oer 2013.

Tige bliid binne we, dat we begjin 2014, in nije foarsitter én fise-foarsitter fûn ha yn resp. Dirk-Yde Sjaarda en Mattie Dijkstra. Ek de opfolger fan Anco stiet klear: Skelte Anema. Syn wurksumheden sille wol wat oars yndielt wurde, mear ynformaasje folget hjir oer.

Fansels ek tank oan al ús stipers. Sûnder jimme kinne wy der net foar soargje dat der elts jier wer prachtige partijen op it programma stean, dat ús keats(t)ers sa moai yn 'e klean rinne en dat we as feriening groeie kinne.

Ek tanksij de stipers én yn gearwurking mei al ús frijwilligers ha we foar 2014 leuke aktiviteiten op it programma stean yn ferbân mei it lustrum. Hjir binne ferskate kommisjes no al drok en entûsjast mei dwaande. Foar de Jong-Feinte Partij betsjut dit lustrumjier alwer de tsiende edysje. Wy hoopje, en geane der stikem ek al fanút, dat der wer in geweldich soad junioare-keatsers op dizze prachtige partij ôfkomme.

Foar safier it foarwurd. Ik wol jimme in protte lêsnocht tawinskje en hoopje jim ek yn 2014 wer op it fjild te sjen. We meitsje der mei-inoar wer in prachtich (lustrum)seizoen fan!

Wilma Sjaarda,
Skriuwer Keatsferiening Easterein



Foto: Henk Bootsma

Wurklist foarjiersgearkomste 26 maart 2014

De foarjiersgearkomste fan de Keatsferiening Easterein op woansdei 26 maart 2014 om 20.00 oere yn 'De Skoalleseize'.

Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de neijiersgearkomste op 13 novimber 2013. It ferslach is taheakke oan de útnoeging. Bin hjir fragen oer?
4. Finansjeel ferslach:
 - rekken 2013
 - begrutting 2014
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2013
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
 - Foardracht fakatuere foarsitter: Dirk-Yde Sjaarda
 - Foardracht fise-foarsitter: Mattie Dijkstra
 - Foardracht fakatuere ponghâlder: Skelte Anema
9. Stikken KNKB-gearkomste op 3 april 2014
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
 - meidielings fan út de foarjiersgearkomste Federaasje Snits
 - ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
 - ôfskied kommisjeleden
 - fakatueres: stân fan saken
 - lustrum 2014
11. Wedstriidaginda 2014
12. Omfregjen
13. Sluting



It haadbestjoer fan
Keatsferiening Easterein

Oantekens foarjersgearnomste KF Easterein 27 maart 2013

Oanwêzich: Haadbestjoer: Gerben Kooistra, Anco Elgersma, Wilma Sjaarda, Elske v/d Meulen, Ype Tiemersma, Jikke Velzen, Christian Hoekstra, Tjerk Okkema en 39 leden

Ôfwêzich mei berjocht: Douwe Dirk Reitsma, Anny Sjaarda, Anke Marije Pompstra, Abe en Annie Stegenga, Anne Bakker, Hans Kooistra, Harm Auke Dijkstra, Karin Sjaarda, Gep Bakker,

Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de neijersgearnomste op 21 novimber 2012. It ferslach is taheakke oan de útnoeging. Bin hjir fragen oer?
4. Finansjeel ferslach:
 - rekken 2012
 - begrutting 2013
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2012
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
 - ôfgeand en net ferkiesber: Ype Tiemersma, technyske saken foardracht: Marten Faber
 - ôfgeand en net ferkiesber: Tjerk Okkema foardracht: Hans Kooistra
 - ôfgeand en net ferkiesber: Anco Elgersma foardracht: fakant
 - tuskentiids ôfgeand: Gerben Kooistra foardracht: fakant
9. Stikken KNKB gearnomste op 5 april 2013
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
 - foarstel sittingsstermyn bestjoersleden
 - meidielings fan út de foarjersgearnomste Federaasje Snits
 - ûntwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize'
 - fakatueres: stân fan saken
 - ûntwikkelings MFT
11. Wedstriidaginda 2012
12. Omfreegjen
13. Sluting

1. Iepening

- Gerben iepent om 20.06 oere de gearnomste. In spesjaal wolkom foar ús eareleden Klaas Pompstra, Jan Hiemstra en Tjeerd Dijkstra én ús haadsponsor Tom Couperus. Gerben nimt de ôfmeldings op en begjint dêrnei syn foarwurd wat hy beslút mei de folgjende wurden: "De Keatsferiening is klear foar in nij seizoen. Ik hoopje dat we der mei ús allen wer in moai keatsjier fan meitsje sille, oan it bestjoer sil it net lizze".

2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Fêststellen fan de wurklist: gjin wizigingen, wurklist wurdt fêststelt.

Ynkommen stikken:

- Der binne gjin ynkommen stikken foar dizze gearnomste.

3. Ferslach fan de neijersgearnomste fan 21 novimber 2012

- Elts lid hat de oantekens fan de neijersgearnomste al tastjoerd krigen. Gerben freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne > Jan Hiemstra meldt dat hy net by de ôfmelders stiet, hy hat him wol ôfmelden. Wilma sil dit oanpasse yn de oantekens. Hjirnei wurde de oantekens fêststelt troch de gearnomste.

4. Finansjeel ferslach

- Anco jout oan de hân fan ûndersteande tabellen útlis oer de finansjele sifers fan 2012 en nimt de begrutting fan 2013 troch. Anco: "lokkich bin we yn 2012 dochs yn de positive sifers kaam, dit wie tsjin de ferwachtings yn. Hjir bin we as KF tige bliid mei. De wedstriden binne kosten-dekkend west. Klaas Pompstra hat fia de ING 1200,- euro generearre kinnen, tige tank hjirfoar! De Jong Feinte Partij koe dit jier net út, dit kaam warskynlik ûnder oare troch it waarme waar".

- Finansjele aksjes 2013:

Foarjier

- Flesse aksje Jumbo: opbringst € 137
- 6e Molkwarder koeke aksje fan 4 - 7 maart: opbringst € 3371,- (2012: € 3376,-) resultaat € 1203,- (2012: € 1211,-)

Tidens it keatsseizoen

- Jeugdaksje
- Ferlottings tidens wedstriden
- Ballefûns aksje yn ferbân mei it lustrum takom jier
- Desimber: Winterwille

Help by dizze aksjes is tige wolkom!

Rekken 2012

Opbringsten	Begrutting 2012	Rekken 2012	Rekken 2011
Kategory	Euro	Euro	Euro
Ynkomen partijen	2.900	2.504	2.771
Sponsorsleden	11.250	10.610	11.816
Kontribúsje en trainingsleden	10.600	10.116	10.504
Aksjes	6.050	5.165	5.358
Subsydjes en boargers	1.200	1.458	2.590
Ferskate opbringsten	1.500	2.761	1.425
Totaal opbringsten	33.300	32.614	34.263

Útjeften	Begrutting 2012	Rekken 2012	Rekken 2011
Kategory	Euro	Euro	Euro
Friten en krânsen	9.100	8.871	9.137
Kosten wedstitiden	3.175	3.047	3.175
Ferieningskosten	9.750	9.619	9.044
Hier sporthal, fjlden, materialen	2.450	2.059	2.896
KNKB en Federaasje	4.800	4.855	4.800
Aktsjes	2.300	2.257	2.309
Material	2.225	1.709	2.862
Totaal útjeften	33.800	32.417	34.296
Resultaat	-500	197	-33

Begrutting 2013

Opbringsten	Begrutting 2013			Begrutting 2012	
	Organisaasje	Wedstitiden	Totaal	Euro	Euro
Ynkomsten partijen		2.500	2.500		2.900
Sponsorsjden	500	10.000	10.500		11.050
Kontribúsje en trainingsjden	9.850		9.850		10.600
Aktsjes	4.500	1.500	6.000		6.000
Subsyzjes en bydragen	1.200		1.200		1.200
Beskate opbringsten	700	290	950		1.500
Totaal opbringsten	16.750	14.250	31.000		33.300

Útjeften	Begrutting 2013			Begrutting 2012	
	Organisaasje	Wedstitiden	Totaal	Euro	Euro
Friten en krânsen	200	9.300	9.500		9.100
Kosten wedstitiden	350	2.750	3.100		3.175
Ferieningskosten	6.000	1.600	7.600		9.750
Hier sporthal, fjlden, materialen	1.650	525	2.175		2.450
KNKB en Federaasje	4.800		4.800		4.800
Aktsjes	2.250	75	2.325		2.300
Material	1.500		1.500		2.225
Totaal útjeften	16.750	14.250	31.000		33.800
Resultaat	0	0	0		-500

Kontribúsje en bydragen 2013

	2011	2012	2013	Feraktil
Kontribúsje seniôren	29,50	31,00	32,00	1,00
Kontribúsje jongerein	22,00	23,50	24,00	0,50
Trainingsjden jongerein	16,50	17,00	17,00	
- Seel	13,00	13,00	13,00	
- Fjld	29,50	30,00	30,00	
Ynli wedstitiden seniôren	3,00	3,00	3,00	-
Ynli wedstitiden jongerein: fed. Sniks	1,50	1,50	1,50	-
KNKB	3,00	3,00	3,00	

- Opmerking Dirk-Yde Sjaarda: "ferdieling/ferhâlding trainingsjild tusken seal en fjld kin miskien oars?" Antwurd Anco: "dat is al besprutsen yn it HB, wurdt meinommen om te besjen at in oare ferdieling/ferhâlding hjiryn fan tapassing is".

5. Ferslach kaskommisje en benaming nij lid

- Dirk-Yde Sjaarda docht ferslach fan de kaskontrolle: "it seach der poerbêst út, Anco hat it goed foarmekoar. Jammer dat de Jong Feinte Partij in negatyf resultaat sjen lit. Miskien dochs ris kritysk nei sjen mei de Skoalleseize om in jûste ferdieling te krijen kwa útjeften en ynkomsten?". Antwurd Gerben: "wurdt oan wurke yn it HB". Dirk-Yde: "is de ôfdracht oan de KNKB no ek minder omdat it ledenoantal werom rint? Antwurd Gerben: "hji sille wy as KF kritysk nei sjen yn gearwurking mei de KNKB". Anco folt oan: "we sitte noch steeds yndeselde 'kategory'; tusken de 250-350 leden, dus yn prinsipe bliuwt de ôfdracht itselde. Miskien is in skriuwen nei de KNKB in idee om te efterheljen wat de mooglikheden binne en wat ús stânpunt is. Moat net ferjitte dat wy dit foarstel destiids wol goedkart ha. We sille ledenwervingsaksjes hâlde om it ledenoantal hooplik wer omheeg te bringen". Ideeën/foarstellen wurde meinommen yn it HB.
- Nei Dirk-Yde syn wurden/fragen wurdt decharge oan de ponghâlder ferliant. Dirk-Yde Sjaarda en Liesbeth Bootsma wurde betanke, Dirk-Yde syn sit fan 2 jier sit d'r op. Nij lid fan de kaskommisje wurdt Marije Hiemstra.

6. Presintaasje jierferslach 2012

- Wilma kriget it wurd: "Wy, as PR mar mei name Rika en Froukje, ha wer mei in soad nocht en wille oan it jierferslach wurke, al kostet it soms wol de nedige switdrup-peltsjes om alles op 'e tiid ôf te krijen. Roelie en Corrie Kroondijk fertelle oer hun suksesfolle seizoenen. Keatser fan it jier 2012, Bauke Dijkstra hat in stik skreaun oer syn ynternasjonale keatsseizoenen. Fansels wiidweidich ferslach fan de froulju's PC wêr Marije en Imke mei Aukje van Kuiken de krânsen mei nimme koenen. Marije en Imke ha hjir sels ek noch wat oer skreaun. Dêrneist ek de fêste saken sa as alle wedstriidferslaggen fan de ledenpartijen en de keatshichtepunten. As lêste wol ik foar Rika en Froukje in applaus freegje, dat ha se wol fertsjinne!" It jierferslach wurdt útdielt oan alle oanwêzigen.

7. Skoff

- Fan 20.37 oere - 20.53 oere skoff.

8. Bestjoersferkiezing

- Ofgeand en net ferkiesber:** Ype Tiemersma, technyske saken. Gerben kriget it wurd: "no hjir stiest dan. Dochts efkes yn'e belangstelling én oandacht foar dy. Ik wit datst der in hekel oan hast. Neffens myn bronnen, sûnt 2007 as opfolger fan Freddy as foarsitter TK yn'e keatsferiening. Fansels koe ik dy dêrfoar ek al, mar op in hiel oare manier. Ik ha dy kinnen leart as in man fan'e praktyk. Foarstellen op papier omsette yn deden. Net altyd likefolle nocht oan fergaderjen, mar wol altyd aktyf der by oanwêzich.

Bist entûsjast, altyd entûsjast oer dyn kommisje en noait te beroerd om wat te dwaan. Hast ek nochal wat foar my opknapt at ik net koe en ek dêr bin ik dy tankber foar. Ik ha dy kinnen leart as in man mei in keatshert. Foar it spultsje mar ek foar de feriening en foar de leden. Altyd oanwêzich, de iene kear wat nadrukliker as de oare kear. Dat wie ek hiel bot ôfhinklik fan it tiidstip fan'e dei. Mar wol alles oer foar de keatsferiening. Mei dy ha ik mei-krigen dat it yn'e TK faak lavearjen is tusken belangen fan de KF, âlders en net te ferjitten de keatsers sels. Hoe faak ha we net diskusjes hân oer wêr't we foar gean moatte. It belang fan de KF as dat fan de keatser? Foar de erfaring as foar de winst? Altyd sykje nei in lykwicht der-tusken. Ynhâldlike diskusjes wêr't ik ek in soad fan leart ha. Mar dy't ek lieden tot in oplossing wêr't ik efter stie en dy't ik ferdigenje koe. Al in jier foar it ein fan dyn sittings-termyn seisto dat ik dy net wer hoegde te benaderjen foar in HB-funksje, bestjoersfunksje of ferlenging dêrfan, mar foar alle oare dingen wol. Dat seit genôch oer dyn meitinken. Alhoewol atst it sels werskynlik nea tocht hiest, ferliest de KF yn dy in bestjoerder mei in dúdlike eigen fizy op it keatsen. In goede fertsjintwurdiger en it gesicht fan de KF op de keatsfjilden. Altyd oanwêzich en altyd yn foar in geintsje. We ha in soad wille hân mei syn allen en ik hoopje dat we dat ek noch in soad ha sille! Ik ha mei in soad plesier mei dy yn it bestjoer sitten en dêr wol ik dy foar betankje. Bedankt foar dyn ynset en entûsjasme. Ik bin der wis fan dat we elkoar noch in soad tsjinkomme".

- **Foardracht:** Marten Faber.

Gerben: "yn Marten ha we in tige entûsjaste fereanger fûn, mei ferfrissende ideeën. Wy binne hiel bliid dat Marten it stokje fan Ype oernimme wol!" Marten wurdt mei applaus fan de gearkomste ferwolkomt.

- **Ofgeand en net ferkiesber:** Tjerk Okkema, jongereinsaken. Gerben: "Ik hie foarich jier al in hiel epistel op papier setten. Toen soesto der eins al út. Mar om't we doe net in opfolger fine koene, woesto noch wol in jier oanbliuwe. Ik ha dy binnen de KF kennen leart as in man fan de praktyk. Yn dyn funksje as foarsitter fan de JK hiest it faker as ien kear oer dyn harem. Oer de gesellige neisitten fan de gearkomsten fan de JK en datst dêr ferwend waardst mei droege woarst, komkommer, nûtsjes en chips. Wat dyn rol dêr precies yn wie, is ús noch altyd net dúdlik. Feit is dat de JK draait as in tierelier. In entûsjaste club minsken dy't in soad wurk fersette. Do kaamst mei krityske fragen fanút de JK rjochting HB. En giest mei antwurden derop wer werom. Saken waarden regele en de jeugdpartijen en trainingen hiene we as HB gjin omsjen nei. Bûten de JK om regelst noch folle mear. De meast gekke dingen, do wist wer't it wei komme moast en altyd mar foar in pear sinten. Bestjoerswein, rydplaten, tassen, prizen, tinten, kinst it sa gek net betinke. Mar ek keatsballen by dyn maat út

Makkum. De beste ballen yn de moaiste kleuren. Foar dit jier hast sels de muzyk foar de Jong-Feinte Partij regele. En at der oars in 'probleem' wie, do hiest de oplossing. En meastal wie dat in oplossing mei in trekker of in kraan. Mei de JFP sille we ek seker wer in berop op dyn konneksjes dwaan en dyn ynset op de dei sels. Tjerk, bist in belutsen bestjoerder west. Sels at it drok mei it bedriuw wie, hiest toch even tiid om langs te kommen. Even op it fjild te sjen of noch krekt even mei op te romjen. Wiest der altyd en hast ek in dúdlike eigen miening oer keatsen, de KNKB, mar ek oer oare minsken yn de keatswrâld. En dy joust dan ek.... Ik fûn it moai om dy ek op dizze manier kennen te learen. Ik hoopje dat we dy ek nei dizze tiid noch in soad tsjin komme sille op it fjild. Hartstikke bedankt foar dyn ynset". Nammens de jeugdkommisje hat Annette Kroondijk, as tank, noch in Fryske keatsbal foar Tjerk.

- **Foardracht:** Hans Kooistra.

Gerben: "Hans koe der fannejûn net by wêze. Foar hast eltsenien is hy gjin ûnbekinde. Hans hat oanjûn sa lang sit te nimmen yn it HB totdat hy sels in goede fereanger fûn hat. Mar yn elts gefal foar minimaal in jier". De gearkomste giet akkoard troch middels fan in applaus.

- **Ofgeand en net ferkiesber:** Anco Elgersma, ponghâlder.

Gerben: "Folgens eigen sizzen tagelyk mei Ype yn it HB fan de KF kaam. Yn 2007, frege troch Freddie en earst hiel ûnwis asto it wol koest om ponghalder te wêzen fan de KF. Foardat ik yn it keatsbestjoer siet, koene wy elkoar fan gesicht mar dat wie't ek wol. Yn earste ynstânsje hast my holpen om yn it sadel te kommen en wiest foar my earste oansprekpunt oangeande keatssaken. Dêr ha ik in soad fan leart. Do hast in soad ferstân fan keatsen, bestjoeren en sinten. Sels de earste foarwurden foar wedstriden en wedstriidlieding ha ik fan dy leart. Do praatst maklik en ja, ik moat sizze soms wat te maklik. Ik sjoch noch foar my dat by HB-fergaderingen do it wurd naamst en dat de oare HB-leden achteroer sitten gean. Sa fan, dit duorret noch wol even. Mar ik moat sizze, it snijt wol hout. Der is altyd oer neitocht, der sit in idee efter en der is in fundearre miening op basseart. We ha tidens tillefoangesprekken, wêrfan at ik bliid bin dat ik sels net de rekkeningen hoef te beteljen, in soad ûnderwerpen by it ein hân. Ynhâldlike diskusjes, dielen fan stânpunten, dielen fan fizy's mar ek oer hoe no fierder. We koene der oerenlang oer bome. Ik ha der in soad fan leart. Oer it keatsen foaral mar ek oer it fergaderjen en foaral oer it meitsjen fan begruttingen, en minstens sa belangryk, it ús deroan hâlden. Op in sûne manier, fûl op elke euro. It binne sinten fan de feriening en dy kinne je mar ien kear útjaan. We ha sicht krigen op begruttingen fan de kommisjes en deryn besocht om ek kommisjeleden bewust te meitsjen fan wat in feriening kostet. Wat it bygelyks kostet at der 50 ekstra ballen komme moatte, dat de froufreonlike tillegrafan al fjouwer

jier yn't hok stean, wat ekstra krânsen kostje, bestedingspatroan oan prizen, wat it ynholdt dat we minder leden hawwe, wat ekstra programmaboekjes kostje, en sa kin ik noch wol even trochgean. Op elk flak, yn elke kommisje, eltsenien hat mei de ponghâlder te krijen. En de ponghâlder fynt ek oeral wat fan! Do hâldst minsken skerp en by de les. Soms, op in positive manier, krijt men in lyts prikje at dingen foar de safolste kear net regele binne. En ja, dat barde by âlle HB-leden.... Anco, mochtest der noch altyd oan twyfelje.. Do bist in goeie ponghâlder! Mar ek in goeie bestjoerder. Hast in eigen miening dy't goed ferurdzje kinst. Skiedst haadsaken fan bysaken en stelst it belang fan de feriening foarop. It is tige spitich datst der mei ophâldst en de KF is drok dwaande om foar dy in goeie ferfanger te finen. Dit is lestich genôch. Mar dêr moast do dy yn elts gefal net drok om meitsje. Hartstikke bedankt foar dyn ynset de ôfrûne jierren!"

- **Foardracht:** fakant. Gerben: "we ha noch gjin opfolger foar Anco fûn. Ha der oan tocht om de sinteraasje efentueel út te besteden, mar dit hat net de foarkar. We bin drok dwaande om in ferfanger te finen".
- **Tuskentiids ôfgeand:** Gerben Kooistra, foarsitter. Anco hat it wurd: "11 jannewaris 2010 slute Gerben oan by it HB

as foarsitter. Hy wie/is gjin keatser, mar wol in gesellige fint, fol enerzjy, hâldt fan struktuer en ôfspraken, is net benaud. As net-keatser pakte hy it goed op. Wol muoite der mei om oeral by oanwêzich wêze te kinnen yn ferbân mei syn wurk. Dit siet Gerben dwers. Dêrneist kaam de drokte fan in nije stúdzje der ek noch by. En dat waard te folle, Gerben wol it net heal dwaan. Yn septimber 2012 hat Gerben oanjûn dat hy syn taken net wier meitsje koe mei wat hy woe en dat hy dêrom tuskentiids stopjen gie. Yn de ôfrûne jierren wol in soad suksessen hân as foarsitter: 2010 4e priis NK seniaoren, 2e priis NK famkes, winst Ald Meiers Partij, winst froulju's PC en noch folle mear. Ut namme fan KF Easterein tige tank foar dyn ynset!"

- **Foardracht:** fakant. Anco: "ferfanger foar Gerben is noch net fûn. As jim ideeën ha dan graach oan Gerben trochjaan. We hâlde de leden fansels op de hichte". Nei al dizze moaie wurden krije Ype, Tjerk, Anco en Gerben út hannen fan Christian, Elske, Jikke en Wilma in bos blommen en in keatsbal mei hun eigen namme der op oanbean. Nei de foto-sessy nimt elts syn/har plak wer yn.
- Tjerk nimt namens de JK ôfskied fan Petra Jellema. Tjerk bedankt Petra foar al it wurk wat se foar de JK dien hat. Petra kriget as ôfskied in blomke en in Frykse keatsbal.



Petra betanket ek de JK, se hat 5 hiele leuke jierren hân. Se winsket Liesbeth Bootsma (har opfolgerster) sukses en in moaie tiid.

- Tjeerd Dijkstra freget hoe it no komt sûnder Gerben en Anco. Antwurd Gerben: "funksje fan foarsitter wurdt foar earst yntern oplost, wa dit wurdt moat noch yn it HB besprutsen wurde. Yn de tuskentiid wurdt der hurd socht nei in opfolger. Anco bliuwt op de eftergrûn de finansjele saken dwaan".

9. Stikken KNKB gearkomste op 5 april 2013

Belangrykste punten:

- Dronryp en Makkum stelle foar om it skeef opslaan wer ôf te skaffen. De folgjende redens wurde neamt:
 - Mear bûtenslaggen
 - Mear kwea-slaggen
 - Mear tiidferlies
 - Hinderlik foar oare spilers
 - Elite-rigel foar haadklassers. Dus 1e klassers dy't in kear meidwaan meie, rinne dêrtroch efter yn de erfaring
 - Dreech te trainen
 - Dreech te folgjen troch publyk en media en dêrtroch net waardeart.

It haadbestjoer fan de KNKB freget de ferienings om der net mei yn te stimmen. Undanks dat men wit dat it oantal fouten heech lei it ôfrûne jier. Men wol dit breder lûke as allinnich it skeef opslaan. Tink dan oan saken as wanten en keatsballen. Men fynt it eins te betiid om allinnich it opslaan de skuld te jaan fan it hege oantal fouten. Foarstel fanút dit HB is om mei de KNKB mei te gean en dus iets mear tiid te nimmen om te ûndersykjen wêr't it mis giet.

- Wat fynt de fergadering?

Romine Jelsma: "wat is de miening fan de keats(t)ers sels?" Antwurd Tjeerd: "wikselende ervarings ûnder de keats(t)ers, persintaazje is 50/50". Jan Hiemstra: "wat fynt de taskôger fan it skeef opslaan? Ik ha de erfaring dat de taskôgers it net geweldich fine. Ek hearre by de skiedsrjochters, wat fine sy hjir fan? It moat sa gau as mooglik ôfskaft wurde". Antwurd Gerben: "moat earst wijdweidich ûndersocht wurde. We nimme it mei nei de AV".
- Wiziging opjefte-termyn wedstriden: ferlengje oant tiisdeitejûn 19 oere. Dan fanôf tongersdei de listen fanôf 18 oere op 'e webside. Dit is al fêststeld.
- Utfieringsbeslút ranking: ranking fynt plak yn de haadklasse, earste en twadde klasse manlju én haadklasse en earste klasse froulju. Om't it noch net yn de regleminten stiet wol men graach tastemming fan de AV om dat dit jier te besykjen. Dus dit jier wurde partoeren net mear oanwiist troch de TK mar wurdt dat straks bepaald troch de stân op de ranking. Foarstel fanút it HB is om hjir fiat oan te jaan. Kin de gearkomste hjir yn mei gean? > akkoard fanút de gearkomste.

Tjeerd folt oan: "ranking wurdt posityf ûntfongen troch de keats(t)ers en bestjoerders. Moat yn de praktyk noch blike at it entûsjasme ek wierheid wurdt".

- Ofterdend en net ferkiesber foar it haadbestjoer fan de KNKB is Mw. Blumers, foar har is noch gjin ferfanger fûn.
- Oanfolling Tjeerd fanút KNKB:
 - Ledenbestân is belangryk, KNKB hat stiggjend (400 per jier) ledenbestân. Grut tal 'swarte' leden wurde no opjûn by de KNKB, sa kriget de KNKB mear jild fan it NOC*NSF. Ek in protte jeugd hat sich oanmelden, mei namme troch de keatsskoallen
 - Finansjele sifers: sûnt 3 jier wer yn de swarte sifers, ûnder strikte lieding fan dhr. Groustra/ponghâlder KNKB
 - Der wurdt in soad ferwachte fan de ranking, keats(t)ers bin net mear ôfhinklik fan de TK, ranking bepaald wa't op de haadklasse, 1e klasse en 2e klasse stean
 - One wall handball (muorre-keatsen): olympyske aspiraasje. Hr. van der Velden is hjir projektlieder fan (foarhinne bûnskoach fan België)
 - Gebeurt fan alles yn en rûnom it keatsen, we komme wer út de negative spiraal, keatsen sit yn de lift!
 - Opmerking Sipke Hiemstra: "nei 1 febrewaris soene der gjin wizigings mear yn de regleminten tapast wurde, dit is oait sa ôfpraten mei de KNKB, dit bart helaas net altyd. Neidiel is dat der dan yn in koart skoff tiid in soad ynpast wurde moat. Soe moai wêze at dit yn de takomst better regele wurde kin". Antwurd Tjeerd: "ik kin dit allinnich mar ûnderskriuwe".
 - Fetje Terpstra: "hat de KNKB kontakt mei de keatsskoallen?" Antwurd Tjeerd: "der is wol oerlis, mar dit soe better kinne. Mei trochdat der no yn in koart skoff tiid in hiel soad keatsskoallen begûn wurde. Bin gjin fêste ôfspraken oer".
 - Tjeerd jout noch in advys oan KF Easterein: spring yn dat gat en start in keatsskoalle!

10. Punten fan út it bestjoer

- Foarstel sittingstermyn bestjoersleden: foarstel is om de sittingstermyn yn stee fan 5 jier werom te bringen nei 3 jier Sipke: "is der in maksimum oantal tsjinstferbannen oan ferbûn?" Antwurd Gerben: "gjinn maksimum oan ferbûn". Wiepkje Hiemstra: "3 jier is wol koart, tsjin dy tiid sist der krekt wat yn en hast alles wat yn de fingers". Gerben stelt foar om te stemmen: foar: 9, tsjin: 3. Petra Jellema: "kin der ek as mooglikheid meinaam wurde dat as ien 5 jier te lang fynt dat dyjinge oanjou der earder útgean te wollen?" Antwurd Gerben: "we moatte wol foarkomme dat we itselde krije as dit jier: 4 der tagelyk út". Wiepkje: "ik hâld twifel, kwalitatyf gean we der op efter út". Foarstel Gerben: "wol ôfprate 3 jier (ynstek moat 3 jier wurde), mar de termyn kin wikselje, hinget fan de desbetreffende persoan ôf en wat hy/sy wol. We moat wer in better roaster fan ôftreden krije". De gearkomste giet hjir akkoard mei.

- Meidielins fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits
 - Skearnegoutum pakt it Jeu de Peloten dit jier op. Dit sil warskynlik op 8 juny wêze, Dielnimmers moatte lid wêze fan in keatsferiening.
 - Eltse feriening moat foar de Federaasjedei 100 lotten ferkeapje.
 - Foar de Federaasje senioaren wurdt der tidens de Federaasjedei in ôfdielingspartij organisearre mei de grutte bal (sawol ôfdieling as t.i.l.). Keats(t)ers moatte lid wêze fan de feriening wêr at se foar út komme wolle, hoege net perfoarst yn itselde doarp te wenjen.
 - Ynbrochte brief oer it werom rinnen fan dielname oan de Federaasje-partijen is besprutsen. Der bin in oantal oplossingen nei foarren brocht:
 - * Minder partijen organisearje. Fraach oan de ferienings is at der reeëns is om efentueel in partij falle te litten. Wolsum hat oanjûn dat by hun de partij al 2 kear net troch gien is omdat der te min dielname wie en dêrom 'hun' partij wol falle litte wolle.
 - * Elts wykein binne der miskien wol te folle partijen. Is it in idee om dan de KNKB partijen yn ien wykein te plannen? (bygelyks 1 wykein per moanne)
 - * Gesammentlike ledenpartij mei in pear ferienings en net mei de hiele Federaasje?
 - Federaasje keatsen foar de jeugd. Hjir bin inkele wizingen yn trochfiert:
 - * Wannear in keatser yn de KNKB A klasse keatst dan kin dizze keatser in kategory heger mei dwaan op de Federaasje-wedstriden.
 - * Alle kategoryen, mei útsûndering fan de welpen, wurde splitst yn jonges en famkes. Dit is besletten omdat it nivo-ferskil te grut wie tusken de jonges en de famkes. Der moatte wol minimaal 4 partoeren gearstalt wurde kinne, slagget dit net dan wurdt der alsnoch gemengd keatst.
 - * Wannear der te min dielname is by de junioaren meie dizzen meidwaan yn de jeugdkategory.
- Oanfolling Eppie Heins/bestjoerslid Federaasje Snits: "der is stimt oer minder wedstriden, Wolsum lit hun wedstriid falle, takom jier miskien minder federaasjewedstriden. Klustering KNKB wedstriden (nei 1 wykein) moat noch better. Alle buurtfederaasjes wurde talitten wannear Federaasje Snits in wedstriid hat. Omdat it nivo net bekind is fan de 'buurtspilers' wurde sy yn de A klasse pleatst. Net alle Federaasjes wolle dit (wêrûnder Wûnseradiel). Petra Jellema: "der bin safolle Federaasjes, is it in idee om ien partij foar alle Federaasjes te organisearjen, krigest mear bêrn op ôf". Antwurd Eppie: "kommunikaasje tusken de ferskate Federaasjes is dit jier wer oppakt, dit wurdt meinommen". Tjeerd Dijkstra: "nije beliedsplan is presentearre dit jier: mear frijheid oan de keats(t)ers. Ferienings binne de basis fan it keatsen, KNKB docht har bêst om de wedstriden allegear sa goed mooglik op mekoar ôf te stimmen. Federaasje Snits nimt it jûste foartou dêr yn om elts safolle mooglik keatse te litten en minder ûnderskied te meitsjen (KNVB model). Hjir is in wurkgroep foar yn it libben roppen. Miskien iets foar Petra?"
- Ontwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize', Feike Jorritsma kriget it wurd: "we bin mei in soad dingen dwaande:
 - útwreiding tiidlike klaiboksen > efter it haadfjild, tsjinoer de materialehokken. Oanfraach leit by de gemeente. Dit is nedich troch enoarme tanimming fan leden by SDS (jeugd, froulju).
 - 3e fjild: der is in nijpend tekoart oan fjilden. Moat in soad yn Snits traint wurde. Der leit in oanfraach by de gemeente om yn Itens en Wommels de jeugd hun thús wedstriden spylje te litten. Plan 3e fjild: alle grûn is fan tsjerke. Ien pachter wol neat. Oare pachter wol gedielte fan syn lân beskikber stelle sadat it fjild efter de sporthal in fuotbalfjild wurde kin. At we gjin finansjele middelen krije dan wurdt it neat. B fjild wurdt dan fergutte en de wiete stikken wurde oanpakt. A fjild wurdt dan in keunstfjild. It is net de ideale oplossing, mar wol in oplossing wêrfan de Skoalleseize tinkt dêr't se mei fierder kinne. It plan wurdt wol trochsetten, hielendal mei it each op de heryndieling fan de gemeente.
 - Wiepkje Hiemstra: "welke kant giet de útbreiding efter sporthal út?" Antwurd Feike: "rjochting van der Eems en efter by de tennisbaan".
 - Klaas Pompstra: "mei de keatsferiening traine op it keunstgêrs? Kin dat?" Antwurd Feike: "der kin op keatst wurde mar wolle de keats(t)ers dit? Hoe moatte de linen fêstlein wurde? Ontwikkelings wêr se mei dwaande binne".
 - Klaas Pompstra: "de keatsferiening moat dan 4-5 x per jier efter de sporthal hun wedstriden hâlde. Is it in idee om it trainingsfjild (foar it A fjild) te fergutsjen?" Antwurd Feike: "kin gjin kant út, dêrnêst faak wiet."
 - Tjeerd Dijkstra: "wat is de mening fan it HB?" Antwurd Gerben: "kommunikaasje fanút Skoalleseize nei keatsferiening wie net goed, bin net folslein op de hichte hâlden fanút de Skoalleseize. Fanút de keatsferiening ha we no in fantastyske akkomodaasje, we gean der no op efter út, at de plannen troch gean. Wy moatte noch al wat konsessies dwaan. Wy moatte oan ús eigen belang tinke. It hat nochal wat finansjele gefolgen. We wolle meimekoar yn gesprek bliuwe (Skoalleseize, SDS, keatsferiening). Is der echt gjin oare mooglikheid? We ha te min praten".
 - Gerben freget Feike: "bin alle gebrûkers yn dizze plannen kent?" Antwurd Feike: "allinnich de Oranjeferiening".
 - Gerben freget sich ôf at de konsumpsjeprizen omheech gean omdat de hypoteek wer ferhege wurdt. Antwurd

Feike: "we dogge ús bêst om dit sa min mooglik barre te litten".

- Ynkoarten sille Gerben, Feike en Douwe Dirk (foarsitter SDS) wer om de tafel. De keatsferiening is net bliid mei dit plan, we kin hjir net akkoard mei gean, we moat meimekoar ta in oplossing komme.
- Sipke Hiemstra: "kin it B fjild net ferbrede wurde?" Antwurd Feike: "dit wol de gemeente net. We ha al 3 jier mei alle partijen om de tafel sitten en alle aspekten trochnommen, dit is net mooglik".
- Tjeerd Dijkstra: "persoanlik bin ik it dêr net mei iens omdat it net in duorsomme oplossing is. Plan kin net foar in pear jier dien wurde, dêrfoar kostet it te folle jild. Nimmen is der by gebaat (keatsferiening, SDS, it doarp Easterein). Ideale situaasje soe wêze: it nije fjild oerdwers fan it A en B fjild. Skoalleseize kin by de gemeente de hjoeddeistige situaasje trochjaan en de ideale situaasje yntsjinje". Antwurd Feike: "dit is gjin oplossing neffens de gemeente omdat de Skoalleseize de grûn net hat, de gemeente wol it bestimmingsplan net wizigje".
- Tjeerd Dijkstra: "we moatte ús de ideale situaasje net samar troch de noas boarje litte! It giet om in duorsomme oplossing sa at wy dy foar eagen ha. De gemeente giet foar in tusken/tiidlike oplossing. Dêr kostet it dochs tefolle jild foar?!"
- Sipke Hiemstra freget him ôf wêrom at de pachter net meiwurkje wol. Antwurd Feike: "dat is puur in prinsipe kwestje, we ha de pachter in pear kear de pachtpris oanbean, hjir is hy net op yngien, de tsjerke-rentmasters kin dit helaas net feroarje omdat de pachter sich oan de rigels hâld".
- Gerben ropt op om tsjinoer mekoar it fatsoen te hâlden! De opsje fan Tjeerd nimme we mei.
- Fakatueres: stân fan saken kommissjes > gjin fakatueres yn it PR, JK en WK. Yn de TK wurdt d'r socht nei in kontakt-persoan foar de skoaljonges/jonges en yn de FSK is noch in algemien lid nedich. Foar wat betreft it HB: der wurdt hurd socht nei in nije foarsitter en ponghâlder.
- Ontwikkelings MFT > Klaas Pompstra fertelt: "mei it MFT blykt wol dat ferskate ferienings goed gearwurkje kinne! Helaas ha we de behearkommisje net by in feriening ûnderbringe kinnen. Dêrom is besletten om elts jier te wikseljen fan foarsitter, sadat eltse feriening dy't by it MFT belutsen is (7 ferienings) in jier de rol fan foarsitter op sich nimt. Dit hâldt dan yn dat dyjinge dat jier dan de agenda en de koördinaasje oer it MFT beheart. Ik ferlit de kommisje per 1 maaie dit jier. SDS en KF binne dwaande mei in stek foar om it MFT. Tot slot: meitsje gebrûk fan it MFT!"

11. Wedstriidaginda 2013

- Jikke jout tekst en útlis oer de wedstriidaginda fan 2013: "dit jier ha we 7 ledepartijen, 7 KNKB wedstriden oer 5 dagen ferdielt, 8 jeugd wedstriden wêrfan 1 federaasje

jeugdpartij. De Jong Feinte Partij is op woansdei 24 july. It nachtkeatsen is dit jier op sneon yn stee fan freed, we hoopje sa op mear animo en in gesellige neisit".

- Gerben folt oan: "de barfrijwilligers draaie mei keatspartijen tot 19.30 oere, ek al is it dan net 2 oeren nei de lêste slach. Yn oerlis mei de barfrijwilliger kin der besletten wurde dat de frijwilliger langer troch giet, is dit net it gefal dan nimt immen fan de KF/HB de bar-tsjinst op sich tot 2 oeren nei de lêste slach. Op dizze manier witte de frijwilligers ek wêr se oan ta binne omdat it altyd muoilik sizzen is hoe let at de keatswedstriid ôfrûn is".
- Tymen Dijkstra: "wurdt de ûndernimmerspartij troch de KF organisearre?" Antwurd Jikke: "yn gearwurking mei Tom Couperus sil KF Easterein dit mei organisearje".

12. Omfreegjen

- Jan Hiemstra: "ik nim wer in jierferslach mei foar it keatsmuseum. Helaas sit it keatsmuseum op it stuit yn swier waar. It is beslist de muoite wurdich om hjir 's te sjen! Fierder wol ik sizze dat ik ûnder de yndruk bin fan de geweldige ynspanning fan it bestjoer en de frijwilligers foar de keatsery yn Easterein. Sukses foar kommand jier!" Jan syn ferhaal fertsjinnet in applaus.
- Sipke Hiemstra: "opjefte Friesland Bank Cup kin noch 4 dagen". Antwurd Ype: "komt hielendal goed, bin der mei dwaande".
- Sipke Hiemstra: "sêfte bal keatsen moat promoaten wurde". Antwurd Gerben: "hjir bin we as KF Easterein mei dwaande".
- Eppie Heins: "wedstriidaginda is tige min te finen op de KNKB side". Antwurd Tjeerd Dijkstra: "dit sil fêst te meitsjen ha mei it nije ranking-systeem, moat warskynlik noch linkt wurde".
- Tjeerd Dijkstra: "takom jier ha we wer in lustrum, miskien goed om no al aksje op te ûndernimmen kwa oanfrach haadklasse-wedstriden". Antwurd Gerben: "nimme we mei yn it HB en gean der mei oan de slach".
- Tjeerd Dijkstra: "mear 'gekombinearde' wedstriden probearje te krijen, hoege je mar ien kear frijwilligers te regelen, je ha mear keats(t)ers en dêrtroch ek mear geselligheid". Antwurd Gerben: "wurdt oppakt yn HB".
- Imke vd Leest: "wat hâldt it werven fan leden konkreet yn?" Antwurd Anco: "ledenwervingsaksjes troch middel fan kliniek jaan oan legere skoalle bêrn, kliniek KNKB foar it muorrekeatsen yn april. Advys oan elts: bliuw meitinken!"
- Wiepkje Hiemstra: "hoe kin it dat SDS hieltyd wol mei de Poiesz aksje mei dwaan mei en de KF net?" Antwurd Anco: "wy ha gjin ynfloed op it lottingsproses". Klaas Pompstra meldt hjirop om nei de bedriuwslieder te stapen. SDS hat no 2 aksjes rinnen: by de Poiesz mar ek by de JUMBO.
- Dirk-Yde Sjaarda: "hoe sit it no mei it dragen fan fuotbalskuon tidens it keatsen yn Easterein? Levert dit noch

hieltyd in probleem op?" Antwurd Gerben: "mei KNKB en Federaasjewedstriden mei it wol, fuotbalskuon bin ferbean tidens ledenpartijen". Dirk-Yde: "ik bin it hjir net mei iens, falt der noch oer te praten?" Antwurd Gerben: "we sil it wer meinimme tidens de gearkomste mei de Skoalleseize".

- Dirk-Yde Sjaarda: "ha jim wolris oerlis mei oare ferienings om problemen te bepraten, ideeën út te wikseljen as oer in bepaald tema te praten?" Antwurd Gerben: "der is te min oerlis mei oare ferienings, dit kin útwreiden wurde. Oanfolling Anco: "mei de Greidhoeke-kompetysje hiene we wol oerlis mei oare ferienings. Dat is no foarby omdat de kompetysje ôfskaff is". Petra Jellema: "wol oerlizen hâlde, belangryk!"
- Dirk-Yde Sjaarda: "wol it dochs noch efkes oer it 3e fjild ha. Tjeerd Dijkstra hat it prachtich ferwurde, bin it der hielendal mei iens. Kin we as ferienings én doarp neat mear dwaan? Hantekeningenaksje? Dit giet elts oan, it hiele doarp!" Antwurd Gerben: "as keatsferiening binne we it iens, wy wolle yn petear bliuwe mei SDS en de Skoalleseize en prate oer in oplossing foar dit probleem". Tjeerd Dijkstra: "takom wike is der in gearkomste fan Doarpsbelang, dit is in sterk punt om dêr yn te bringen". Feike Jorritsma: "Doarpsbelang hat der neat mei nedich, der komt op dizze manier in bom ûnder it bestjoer fan de Skoalleseize te lizen". Klaas Pompstra: "we moat as doarp efter SDS, Skoalleseize en KF Easterein stean en nei de gemeente gean". Feike Jorritsma: "Skoalleseize is de fertsjintwurdiger foar alle ferienings yn Easterein rjochting gemeente". Gerben: "we moatte it earst meimekoar iens

wêze foar at we nei de gemeente gean". Romine Jelsma: "dizze kwestje is wol tige bepalend foar it doarp, moat we dêrom dochs net Doarpsbelang ynskeakelje?" Hendrik Okkema/Doarpsbelang: "wy jouwe, as Doarpsbelang, de winsken fan de ynweners altyd troch oan de gemeente, mocht dit no ek nedich wêze dan sille we dat dwaan". Gerben: "we moat der yn elts gefal foar soargje dat we net mei ferskillende petten nei de gemeente gean". Liesbeth Bootsma: "moat de fjildenkommisje net wer yn it libben roppen wurde, sy ha de lêste jierren ûndersyk dien nei it 3e fjild en hjiryn dan ek alle ferienings yn belûke". Feike Jorritsma: "dit is gjin opsje, der is al 3 jier sjoen nei alle mooglike opsjes, de mooglikheid dy't der no leit is de ienigste omdat we nergens oars grûn krije kinne. Gerben: "we moatte mei mekoar praten bliuwe, ik bin der seker fan dat we der útkomme". Dirk-Yde Sjaarda wol as lêste noch efkes benadrukke dat syn opmerking, dy't dizze diskusje oanwakkere, foaral pleatst wie as doarpsman!

- Ype: "16 april is der in 'kursus' Sportyf Coachen yn Easterein, dizze wurdt jûn troch Siemke Andela en Ymkje Broersma, elts is wolkom! Mear ynformaasje folget op ús webside".
- Anco: "we moatte der meimekoar foar soargje dat we soarchfâldich kommunisearjen bliuwe, ek mei de oare ferienings, foar wat it 3e fjild oanbelanget".

13. Sluting

- Gerben slút om 23.03 oere de gearkomste. Elkenien wurdt betanke foar harren komst en foar straks wol thús. Keatsferiening Easterein biedt elts 2 konsumpsjes oan.

Oantekens neijersgarkomste KF Easterein 13 novimber 2013

Oanwêzich: Haadbestjoer: Marten Faber, Wilma Sjaarda, Christian Hoekstra, Hans Kooistra, Jikke Velzen, Elske van der Meulen en 46 leden

Ofwêzich mei berjocht: Harm-Auke Dijkstra, Vera de Vries, Karin Sjaarda, Anny Sjaarda, Willy Bootsma, Jan Hiemstra, Abe en Annie Stegenga, Liesbeth Bootsma, Gerben Kooistra, Judy Bergsma, Jelte de Boer, Jan Reitsma, Tineke Kamstra, Eppie Heins

Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielingen en ynkommen stikken
3. Ferslach fan de foarjiersgarkomste fan 27 maart 2013
4. Stikken KNKB neijersgarkomste op 21 novimber 2013
5. Meidielingen fan út de Federaasje Snits neijersgarkomste fan 30 oktober 2013
6. Punten fan út it bestjoer, û.o.:
 - ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
 - fakatueres: stân fan saken
7. Skoff
8. Jildsaken: begrutting en kontribúsje 2014 fêststelle
9. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioaren
10. Keats(t)er fan it jier
11. Huldiging 3e priiswinner PC Jelte-Pieter Dijkstra
12. Omfreegjen
13. Sluting

1. Iepening

- Marten iepent om 20.05 oere de garkomste: "Wolkom allegearre, hartstikke moai dat jimme der binne op dizze neijersgarkomste. In spesjaal wolkom oan ús eareleden Tjeerd Dijkstra, Klaas Pompstra, Jelle Fopma en Hans Kooistra. Ek spesjaal wolkom oan ús haadstiper Tom Couperus. Myn 1e jier yn it haadbestjoer, ik mocht it stokje as foarsitter technyske kommisje oernimme fan Ype. In pracht jier, fûn it ek wol dreech... ik ha folle leart, mar moat ek noch in soad leare. It feit dat ik hjir fannejûn mei de hammer op tafel slaan mei is fansels net in goed teken. Dit is de taak foar in foarsitter, mar helaas... Lokkich is der ljocht oan it einde fan de tunnel, en ha we immen ree fûn om ús te helpen en de taken as bestjoerslid op sich te nimmen. Wa dit is, dat krije jimme straks te hearren. Ik ha it der wol oer dat we draait ha sûnder ponghâlder, mar Anco hat efter de skermen hast alles kwa finânsjes foar ús dien en byhâlden, hulde hjirfoar! Echt wier Anco, we fine it super datst dit foar ús dien hast en wolle dy dan ek fanôf dit plak tige tanksizze!!! Top!
We binne it seizoen starten mei in reedlik nij bestjoer, wêrfan Hans en ik der dit seizoen nij ynstapt binne. No hat Hans al de nedige rûfne, mar dochs... der feroarje

nochal wat dingen troch de jierren hinne, as net Hans? ;-)
In ynkompleet bestjoer, sûnder in foarsitter en sûnder in ponghâlder. We hiene net tocht dat it sa dreech wêze soe immen ree te finen, mar de realiteit docht bliken dat we no noch hieltyd sûnder foarsitter sitte! Sa as ik sis, we binne in reedlik nij bestjoer... jong, entûsjast, drage alle-gear lyk as jimme de keatsferiening in waarm hert ta. Dus wa't in geskikt persoan wit om hjir ek sitting yn te nimmen, kom nei ôfrin, as in oare kear by ús lâns, we binne gek op gouden tips... We ha ús der meielkoar trochhinne slein en sille dat de kommende jierren ek dwaan bliuwe.

De tiid fljocht foarby, it seizoen sit der alwer in tiidsje op!!!
We ha in, wat ús oangiet, tige slagge seizoen hân. Sa binne der ferskate hichtepunten west... Sa is de 'steun-puntraining' ûnder lieding fan trainster Marije fan start gien, winne op 12 mei Dirk-Yde, Pytrik en Bauke de manlju 1e klas ôfdielingswedstriid, op 25 mei is der in froulju haadklasse ôfdielings oerwinning fan Marije, Imke en Martine, op 26 juny winne Mirjam, Julia en Selma foar it earst yn de skiednis fan de Foareker it skoallekeatsen. Winne op 24 augustus sawol mem Petra as soan Bote de krâns by de Joostemartij. Tineke Dijkstra wint by de froulju 1e klas it algemien einklassemint, wat absolút in prestaasje fan formaat is. Lokwinkse hjirmei!! Op de PC by sawol de manlju as de froulju is keatsferiening Easterein sterk fertsjinwurdige, mei dit jier as hichtepunt fansels de 3e priis fan Jelte-Pieter Dijkstra. Dit binne mar in pear hichtepunten fan de safolle... der binne neist dizze 1e prizen ek noch in soad oare prizen wûn by sawol de federaasje as bij de KNKB. We dogge it as keatsferiening Easterein gewoan hiel goed, dit is in prestaasje dy't we mei alle leden berikke!

Nije ûntwikkelings binne der fansels ek. Sa stean der tidens it winterskoff wer genôch saken op de agenda om ús klear te stomen foar it nije keatsseizoen 2014. In lustrumjier, de keatsferiening bestiet kommand jier 110 jier en dit sil dan ek fiert wurde mei ferskate aktiviteiten en wedstriden. De lustrumkommisje is drok dwaande mei de tariedings en sil der straks wat mear oer fertelle. Ek binne der plannen foar in keatskamp en wolle we fan start gean mei 'keatsoplieding Easterein'. Wat dit is... ek hjir sil letter op de jûn útlis oer jûn wurde.

Al mei al dus wer genôch útdagingen, mar we meitsje der mei ús allen wat moais fan, dêr bin ik fan oertsjûge. Oant safier myn foarwurd. Ik hoopje dat we in goede garkomste ha fannejûn. It sil op sommige fronten wat oars wêze kwa ynfolling, mar dit hat alles te krijen dat we it sûnder foarsitter dogge en ha wy as bestjoer de taken dêrom ek wat ûnderling ferdield en hawwe we help fan inkele kommisjeleden ynskeakele. In goede garkomste tawinske!!" In applaus folget nei Marten syn foarwurd.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Fêststellen fan de wurklist: der bin inkele wizigings:
 - Yn ferbân mei de jeugdige keatsters fan it jier wurdt punt 10 foar it skofft dien yn stee fan punt 6
 - ekstra punt: huldiging fammen dy't it skoallekeatsen wûn ha, dit wurdt foar it punt 'Keats(t)er fan it jier' dien, De wurklist wurdt hjirnei fêststelt.
- *Ynkommen stikken:*
- Der binne gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

3. Ferslach fan de foarjiersgearkomste fan 27 maart 2013

- Elts lid hat de oantekens fan de foarjiersgearkomste al tastjoerd krigen. Marten freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne > gjin fragen/opmerkings. De oantekens wurde fêststelt troch de gearkomste.

4. Stikken KNKB neijersgearkomste op 21 novimber 2013

- Marten: "Hammerstikken foar de neijersgearkomste fan de KNKB. Oangeande de folgjende saken:
 - Ferromming leeftiidskategoryen
 - * Keats(t)er mei yn hegere kategory útkomme
 - * Op mominten dat de keats(t)er dat winselik acht
 - * Foar alle wedstriidfoarmen
 - * Sawol permanent as tiidlik
 - * Foar alle kategoryen, útsûndere 30+ en 50+
 - * Keats(t)er mei yn theory kategoryen oerslaan
 - It haadbestjoer wol akkoard gean mei dizze wiziging". Hans jout oan dat der wol twifels binne fanút de jongereinkommisje: is dit goed foar it keatsen? Der kin in pupil op de Freule komme te stean. Wolle je dat?"
 - Sipke Hiemstra: "gjin beswier, yn sommige ferienings binne der blykber net betteren en kin sommige ôfdielings oars net meidwaan oan ferskate wedstriden".
 - Tjeerd Dijkstra: "ferantwurdlikheid leit by de bestjoeren, mooglikheden wurde op dizze manier feromme".
 - Petra Jellema: "wat te dwaan mei keatsers dy't normaliter wol yn de betreffende kategory útkomme mar troch dizze regel oan de kant skeaun wurde kinne? Wurdt der dan oerlein mei de âlders?"
Marten: "ús ynstek bliuwt sa at dy no is, besykje om partoeren gear te stallen út ien kategory. Lytsere ferienings sille hjir earder gebrûk fan meitsje dan KF Easterein".
 - Talitha Dijkstra: "kin der ek bêrn út ferskate doarpen yn ien partoer setten wurde?"
Tjeerd Dijkstra: "KNKB is hjir al wol mei dwaande. Der wurdt nei sjoen om lytse keatsdoarpen mei grutte keatsdoarpen gearwurkje te litten, dit wurdt dan foar 3 jier fêststelt foar alle kategoryen. Hjir wurdt fierder oer neitocht, dit wurdt warskynlik yn de rin fan takom jier mear útwurke".
 - Marije Hiemstra: "kin der ek mear ôfdielingspartoeren út

ien doarp ôffeardige wurde nei in ôfdielingswedstriid? Op dy manier bliuwe der gjin keats(t)ers oan de 'kant' stean (yn bygelyks Easterein)".

Tjeerd Dijkstra: "dit wurdt meinommen en wurdt oer neitocht binnen de KNKB". As haadbestjoer fine we dat eltse feriening hjir har eigen ferantwurdling yn nimme moat. Wat fynt de gearkomste? > gearkomste giet akkoard.

- Begrutting 2014: dizze hat gjin konsekwinssjes foar KF Easterein. De gearkomste giet akkoard mei de begrutting.
- Bestjoersferkiezings:
 - Mw. A. Weiland is tuskentids ôftreden
- Nije bestjoersleden:
 - Dhr. D. Ploeg út Berltsum: PR&sponsoring
 - Mw. A. Breeuwsma út Folsgeare: Ferieningsûndersteuning en Federaasjes
- It haadbestjoer giet akkoard mei dizze bestoerswikselingen. Wat fynt de gearkomste? > akkoard.

5. Meidielings fan út de Federaasje Snits neijersgearkomste fan 30 oktober 2013

- Marten: "Hans en ik binne hjir hinne west, der binne gjin bysûnderheden besprutsen. It ôfrûne jier is evaluatearre. Dielname kwa senioaren keldert behoarlik, hjir bin noch gjin oplossings foar, wurdt oer neitocht".
 - Petra Jellema: "miskien goed om mear federaasjes bymeikoar te setten en sa besykje de dielname te ferheegjen".
 - Tjeerd Dijkstra: "dielname jeugd is wol groeit".
 - Sipke Hiemstra: "kritysk nei wedstriidaginda sjen fan de ferskate federaasjes, om foar te kommen dat der meardere grutte federaasje-wedstriden binne op deselde dei".
- It bestjoer sil de punten fan Petra en Sipke meinimme nei de foarjiersgearkomste fan de federaasje Snits.
 - Hans Kooistra: "gemeente Súd West Fryslân wol de hier fan de sportfjilden flink ferheegje, dit betekent foar Wolsum in grutte soarch, yn sommige gefallen giet it bedrach mei 200% omheech".
 - Anco Elgersma: "hoe komt it mei de jeugdwedstriid fan Reahûs dy't op deselde datum stiet as de Federaasje dei takom jier?"
 - Marten: "wedstriid giet net troch, Reahûs wie der (logyskerwiis) net bliid mei mar it is wol fersetten".

6. Huldiging winners skoalle-keatsen en keats(t)er fan it jier

- Hans kriget it wurd: "Graach nei foaren de froulju: Julia Paauw, Selma de Boer en Mirjam Punter. Jim hawwe in útsûnderlike prestaasje levere op woansdei 26 juny foar keatsend Easterein en yn it bysûnder foar basisskoalle de Foareker. By de provinsjale skoallekampioenskippen keatsen foar it basisûnderwiis hawwe jim skiednis skreaun (sprekwurdlik dan hé...). Noch nea earder hat

de Foareker Easterein by de famkes de 1ste priis wûn by dizze kampioenskippen. En dan wer werom komme yn Easterein wêr't de optocht troch it doarp al oan 'e gong wie. Yn Foarekertenu en de krâns om de nekke troch Easterein. Wat is der moaier om lokwinske te wurden troch Kabouters fan 1 meter 90, Froulju yn pettycoats, âld Eastereinders dy't krekt it húsketûntsje lege hawwe, kluukluuk, mammaloe ensfh. By de foarrûntes hiene jim net folle tsjinstân behalve yn de finale tsjin... Wommels mei Wijnia en Deinum, mar no Rixt en Elske en Nynke Marije Faber. As 2de fan de gemeente Littenseradiel nei Ljouwert ta foar de grutte finale. It ferrin:

1ste omloop

De Foareker Easterein - De Opslach Arum 5-0:6-2
Geanne Faber
Marieke Sinnema
Kiara Zuidema

2de omloop

De Foareker Easterein - De Gearrin Folsgeare 5-3:6-2
Nina Kaptein
Marit Folkertsma
(A keatster, 2de op NK pup.)
Marije Sweering (A keatster)

Heale Finale

De Foareker Easterein - De Skeakel Seisbierrum 5-2:6-6
Sigrid Post
Fiera de Vries
Anna Ennema

Finale

De Foareker Easterein - It Fûnemint Wommels 5-2:6-6
Rixt Wijnia
Nynke Marije Faber
Elske Deinum

Ek koach Jolinda Punter lokwinske. Ut namme fan de keatsferiening Easterein wol ik jim efkes in aardichheidsje oanbiede". De fammen krije in bioscoopbon oanbean en krije in fertsjinne applaus fan de oanwêzigen. Fan 'in stiper' krije de froulju ek noch in keatsbal mei hun namme der op oanbean.

- Dêrnei troch nei it punt "Keats(t)er fan it jier. Marten ropt earst Bauke Dijkstra nei foaren. Marten is oan it wurd: "It ôfrûne jier rûn Bauke Dijkstra oer de fjilden mei de titel "keatser fan it jier 2012". Oan al it moaie komt in ein Bauke, der is in nije keatser fan it jier keazen, do moast dizze titel dus oerjaan, mar bliuwt foar altyd grafearre yn de wikselbeker". Bauke kriget nei dizze wurden noch in oantinken oanbean troch Marten.
 Marten: "De ôfrûne tiid ha der ferskillende kommissjes harren kop brutsen oer wa't keatser fan it jier 2013 wurde moat. Der binne safolle nammen, der binne safolle

minskens dy't sich enoarm ynsette foar ús keatsferiening, wat binne de rjochtliden om oan te tinken? It binne allegearre fragen by kommissjes. Uteinliks giet it om in gefoel wêr't we allegearre efter stean, immen dy't der krekt efkes boppe-út stekt mei bepaalde dingen, sûnder dat we oaren tekoart dwaan wolle. Je ha sa in rijtsje nammen op papier, oer elts is wol wat te neamen!!

Toch ha wy mei ús allen in kar makke....

- tidens kompetysje keatsen binne se altyd oanwêzich;
- net in wedstriid misse wolle;
- as de bliksem út de himel slaat, sjogge se dochs efkes op it fjild om te hearren oft it trainen wol trochgiet;
- baltsjes opgoaie by de kabouter trainingen en Marije tidens trainingen assistearje;
- nei it kompetysje keatsen net nei hús ta te slaan, nee.... dan moat der fansels noch by de training fan de froulju haad- en 1e klas in baltsje opslein wurde. Se wrotte harren der wol tusken;
- mem hoecht net safolle shirts mear te waskjen, der is in Fryslân Bank shirtsje en dizze moat fansels oan... Se libje der hast yn;
- gretich om te winnen.... De iene hat wat in oare manier om dat te úterjen dan de oare, mar de winnersmentaliteit stiet as in hús;
- in begrip op de keatsfjilden yn Easterein en omkriten, miskien wol de nije suskes Sijbrandy kwa prestaasjes?? We hoopje der op, famkes!

Elts hat wol yn de gaten oer wa ik it ha. It binne der 2, mar foar ús en foar alle oaren binne jimme "1". Jou dizze famkes in grut applaus minskens, se ha it fertsjinne. Roelie en Corrie Kroondijk, fan herte lokwinske!!!"

Marten oerlanget de froulju in bioscoopbon út namme fan keatsferiening Easterein en Bauke oerlanget se de beker. Applaus folget fanút de seal.

7. Skoft

- Omdat de gearkomste flot ferrint dogge we punt 8 foar it skoft. Skoft fan 20.58 oere oant 21.13 oere.

8. Punten fan út it bestjoer:

- Ontwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize" > bin gjin ûntwikkelings, bin der fragen fanút de seal?
 - Abe Jan Stegenga: "wat is de stân fan saken kwa 3e fjild?"
 Marten Faber: "noch gjin útslútsel oer, wurdt fierder bepraten yn febrewaris. Wol is der útslútsel oer de slutingstiid fan de Skoalleseize. Der wie sprake fan dat de Skoalleseize in oere earder ticht moast. Dit idee is wer fan tafel en bliuwt de Skoalleseize dus 'gewoan' oant 2 oeren nei ôfrin fan de wedstriid iepen".
 - Sipke Hiemstra: "wol dochs wol graach mear witte oer de stân fan saken fan it 3e fjild, hoe wurdt der fierder gien"?

Marten Faber: "yn prinsipe wurdt der fêst hâlden oan it 1e plan sa't it no by de gemeente leit, helaas wurdt alles steeds wer útstelt. Der falt op dit stuit neat fan te sizzen en we hoopje dat der begjin takom jier mear dúdlikheid komt".

- Fakatueres: stân fan saken > Wilma kriget it wurd: "De folgjende fakatueres stean (noch) iepen:
 - haadbestjoer: foarsitter
 - jongereinkommisje 2 fakatueres: opjefte en fjilden/materialen
 - finansjele- en stipekommisje: relaasje-behear, werving nije stipers, stipe-administraasjeSa at Marten yn syn foarwurd al melde ha we in nij bestjoerslid fûn: Skelte Anema. Hy hat fannewike al mei ús mei fergadere. De ynfolling fan Skelte syn taken sille we dizze winter foarm jaan. Skelte wurdt tidens de foarijersgearkomste foarstelt. Fansels hoopje we gau in foarsitter te finen mar is de hoop der ek dat immen sich oanmeld by ús".
- Dirk-Yde kriget it wurd oangeande de 'keatsoplieding': "we wolle trainingsgroepen opsette foar alle jeugd-kategoryen binnen de federaasje. Dit om de jeugd per kategory en op eigen nivo traine litte te kinnen. Foarich jier moasten we inkele kategoryen bymekear sette en dit befoarderde de ûntwikkeling fan de bêrn net. Ek bin der ferskate ferienings dy't gjin trainer fine kinne. Wy ha, yn Easterein, in geskikte trainingslokaasje en diplomearre trainers.". Marije Hiemstra folt oan: "bêrn hoege net lid te wurden fan KF Easterein en sa probearje we it leechdrompelig te hâlden, it jild foar alle jeugdkategoryen".
 - Diewuke Vietor: "is it in ekstra training foar de eigen leden as komt it yn it plak fan de reguliere training?" Dirk-Yde Sjaarda: "komt yn plak fan de reguliere training, mar wol mei foardielen: ús eigen leden kinne op nivo en yn eigen kategory traine".
 - Carin Ypma: "der is ek Federaasjetraining yn Snits, giet dat mekear biten?" Marije Hiemstra: "fanút de federaasje betrefte it allinnich sealtraining, dus stiet mekear net yn de wei".
 - Anco Elgersma: "it is mei de neijersgearkomste fan de federaasje tige posityf ûntfongen".
 - Jelte-Pieter Dijkstra: "wêrom allinnich foar federaasje Snits?" Dirk-Yde Sjaarda: "earst probearje at we it yn de eigen federaasje fan de grûn krije, miskien letter útwreidzje".
 - Tjeerd Dijkstra: "miskien ek in 50+ trainingsgroep op tou sette? ;)" Marten Faber: "kin de folgjende stap wurde miskien...".
- Marije fertelt it ien en oar oer it te hâlden keatskamp takom jier: "takom jier is it jubileum. Dêrom tochten wy, der moat wat nijs komme op it programma. We ha it al in pear jier oer in keatskamp, hoe moai soe it wêze as we dat organisearje kinne hjir yn Easterein. No is it jubileum

takom jier en dat is foar ús de reden west om der no mei te begjinnen. Wêrom wurdt dit in sukses?

- goed foar de teambuilding;
- binning mei de eigen feriening, der moat fansels in soad barre en ha we dus in soad frijwilligers nedich, elts kin wol wat dwaan;
- ledenwerving. Yn oare doarpen hearre we dat it in grut sukses is, keats(t)ers bliuwe as wurde lid omdat se harren freonen op keatskamp kinne, de âldere jeugd wurdt der ek yn belutsen, sy kinne as trainer helpe as begeleiding jaan by de spultsjes;
- we kin fan mekear leare en in moaie start fan it seizoen meitsje!

It keatskamp bestiet út 3 dagen en 2 nachten en sil hâlden wurde yn de maaie-fakânsje". Elske sil de brief/útneoging hjir foar nei de leden maile.

- Lustrumkommisje. Tjeerd Dijkstra fertelt oer de plannen foar takom jier. "Yn elts lustrumjier ha we, folgens ôfspraak mei de KNKB, in haadklassewedstriid manlju en froulju. Fierder binne we drok dwaande mei de ynfolling foar de rest fan it seizoen. De lustrumkommisje bestiet út: Anco Elgersma, Sipke Hiemstra, Tymen Dijkstra, Klaas Pompstra en Tjeerd Dijkstra". It lustrumprogramma sjocht der as folgt út:
 - 04-04-2014: Keatskamp foar de jongerein
 - 28-05-2014: Jongerein (leden)
 - 29-05-2014: Senioaren (Himelfeart / leden/âld-leden)
 - 30-05-2014: Haadklasse manlju en froulju t.i.l.
 - 30-05-2014: Federaasjedei alle kategoryen
 - 23-07-2014: Jong-Feinte - 10 jier
 - 07-09-2014: Ofsluting seizoen ynklusyf stiperdei
 - Wiepkje Hiemstra: "komt de keatsballenaksje der wer?" Tjeerd Dijkstra: "ja, de ballefûnsaksje wurdt wer opsetten, begjin takom jier sil dit los gean".

9. Jildsaken: begrutting en kontríbúsje 2014 fêststelle

- Anco kriget it wurd en fertelt oer de begrutting foar 2014, finansjele aksjes 2014, it fêststellen fan de kontríbúsje foar 2014 - senioaren/jongerein, bydrage trainingen 2014 foar de jongerein, ynlis wedstriden 2014, lustrum 2014.

De begrutting is makke oan de hân fan:

- Realisaasje rinnend jier
- Plannen/ambysjes KF Easterein takom jier
- Lustrum

De folgjende prinsipes wurde foar de begrutting oanhâlden

- De begrutting fan sawol de wedstriden as de organisaasje en it lustrum (moat) slutend wêze,
- De kontríbúsje en trainingsjilden fêststelle oan de hân fan de begrutting fan de organisaasje

Plannen takom jier:

- 110-jierrich jubileum
- Organisaasje 1e keatskamp
- Keatsoplieding

Aksjes

Finansjele aksjes

- Fan 3 - 7 maart hâlde we ús tradisjonele koeke-aksje.
- Oare finansjele aksjes: Winterwille, jeugdaksje Poiesz, ferlotting by Jong-Feinte Partij, ballefûns-aksje foar it lustrum

Werving nije stipers

- Websponsoring en op nivo hâlden (wedstriid-)sponsors

Werving nije leden

- Mei keatskamp as ekstra ympuls.

Ledental rint werom:

	2009	2011	2012	2013
Totaal	340	321	321	292
Jeugd	135	109	109	86

Oan de hân fan ûndersteande grafieken jout Anco útlis oer it ta stân kommen fan de begrutting foar 2014

Ynkkomsten	Begrutting 2014				Begrutting 2013	Prognose 2013
	Wedstriden	Organisaasje	Jubileum	Totaal		
Kategory						
Ynlis wedstriden	1.950		450	2.400	2.500	2.750
Sponsorjild	8.300	600	2.600	11.500	10.500	10.000
Kontribúsje en trainingen		10.000		10.000	9.850	9.500
Aksjes	1.750	3.500	2.250	7.500	6.000	5.500
Subsedyje/bydragen		900	2.100	3.000	1.200	900
Ferskate opringsten		1.500	1.600	3.100	950	850
Totaal ynkkomsten	12.000	16.500	9.000	37.500	31.000	29.500

Útjettes	Begrutting 2014				Begrutting 2013	Prognose 2013
	Wedstriden	Organisaasje	Jubileum	Totaal		
Kategory						
Prizen en krânsen	7.225	200	4.350	11.775	9.500	9.500
Kosten wedstriden	2.200	400	1.800	4.400	3.100	3.100
Ferieningskosten	1.875	6.300	2.350	10.525	7.600	6.500
Hier sporthal, fjild, materiaal	600	1.800	350	2.550	2.175	2.150
KNKB en Federaasje		4.800		4.800	4.800	4.800
Aksjes	100	2.250	150	2.500	2.325	2.325
Materiaal		950		950	1.500	500
Totaal útjettes	12.000	16.500	9.000	37.500	31.000	28.875
Resultaat	0	0	0	0	0	625

	2012	2013	2014	Ferskil
Kontribúsje senioren	31,00	32,00	32,50	0,50
Kontribúsje jongerein	23,50	24,00	24,50	0,50
Trainingen jongerein	17,00	17,00	12,50	-4,50
- seal	13,00	13,00	17,50	4,50
- beide	30,00	30,00	25,00	-5,00

- Marten freget oft de gearkomste akkoard giet mei it foarstel fan de kontribúsjeferheging > gearkomste giet akkoard.

Anco: "it ynlisjild foar de wedstriden bliuwt gelyk. Sa at jim sjen kinne is it trainingsjild minder wurden. De technyske kommisje hopet hjirmei mear bêrn foar it trainen te krijen troch in spesjale koartingsaksje: wannear seal- en fjildtrainings folgje krije se 5 euro koarting". Marten freget at der noch fragen binne oangeande de begrutting 2014.

- Wiepkje Hiemstra: "is it in idee om krystpaketten yn te pakken by de Poiesz? Om op dy manier ekstra jild te generearjen?"

Marten Faber: "sille we meinimme yn it haadbestjoer".

- Talitha Dijkstra: "is it in idee om bêrn waarm te meitsjen foar it keatsen troch middel fan in kliniek of sokssawat?"

Marije Hiemstra: "hjr bin we mei dwaande, hooplik yn gearwurking mei skoalle. De bedoeling is dat ik tidens de gymlessen inkele kearen lâns kom om de bêrn kennis meitsje te litten mei it keatsen. Hjr wurdt dus oan wurke".

10. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioren

- Elske: "ek dit jier ha we wer fanôf keninginnedei hast eltse tongersdei kompetysje keatsen hân. Foarich jier wiene der yn totaal 44 minsken minder bij it kompetysje keatsen west dan it jier dêr foar. Lokkich is it oantal dit jier aardich gelyk bleaun en hoopje we dat elkenien kommen bliuwt op de tongersdeitejûn foar it kompetysje keatsen". De winners fan foarich jier krije earst in T-shirt as oantinken oanbean:

Manlju

- 1e Simon Kingma
- 2e Sipke Hiemstra
- 3e Jan Reitsma

Froulju

- 1e Petra Jellema
- 2e Sanne Rixt Jorritsma
- 3e Talitha Dijkstra

Elske: "Dan is it tiid foar it bekind meitsjen fan de winners fan dit jier. By de manlju wie it dit jier minder spannend as foarich jier en leine de punten wat fierder útelkoar". Elske freget de mannen om nei foaren te kommen en biedt se de wikselbekers oan:

- 1e Rémon Tie Bouma (77 pnt)
- 2e Hans Kooistra (69 pnt)
- 3e Tom Couperus (56 pnt)

Elske: "by de froulju sieten de punten ticht byelkoar. De 1e en 2e priiswinners hiene sels it selde oantal punten, dus ha we sjoen nei wa it faakst wûn hat. Petra hat 9 kear wûn en Willy 8 kear". Elske oerlanget de froulju de bekere:

- 1e Petra Jellema (73 pnt, 9x wûn)
- 2e Willy Bootsma (73 pnt, 8x wûn)
- 3e Tineke Yntema (66 pnt)

Alle priiswinners krije applaus.

11. Huldiging 3e priiswinner PC Jelte-Pieter Dijkstra

- Dirk-Yde kriget it wurd en freget oan Jelte-Pieter at hy nei foaren komme wol. Dirk-Yde: "Do hast dy dit jier goed manifestearre op de haadklasse sjoen dyn oerwinnings yn:
 - Morra Liessens (mei Taeke Triemstra en Hans Wassenaar)
 - Dokkum (mei Taeke Triemstra en Jouke Bosje)
 - Broeksterwâld (mei Alle Jan Anema en Daniël Iseger)

Neist dizze oerwinnings pakt ek noch de keningspriis yn Dronryp op 30 juny. Dit kear winst de krâns mei dyn fêste maten Sjoerd de Jong en Herman Sprik.

En dan de PC dei.... 31 july 2013.... De 1e omloop keatse jim deeglik tsjin it 1e klas partoer: Haye Jan Nicolay, Hendrik Jan vd Velde en Jan Schurer, en winne jim mei 5-2:6-6. Yn de 2e omloop moat jim it opnimme tsjin it haadklassepartoer: Menno van Zwieten, Folkert vd Wei, Hans Wassenaar. Ek dit wurdt in klinkende oerwinning, jim keatse foutleas en winne mei 5-0:6-4. Yn de heale finale treffe jim dan ien fan de favoriten foar de PC-winst: Johan van der Meulen, Renze Pieter Hiemstra en Hylke Bruinsma. It giet net sa lekker as yn de 2e omloop. Der wurde in soad ballen fuortslein troch it ontketende perk Hiemstra/Bruinsma. Jim komme foarearst net yn de wedstriid en stean 'samar' mei 5-1 efter. Troch in bûtenslach fan Johan vd Meulen op 5-1:2-6 én op 5-2:6-6 stiet it samar wer 5-3 en is der hoop op in ferrassing. Op de stân 5-3:6-6 pleatsto in prachtige sitbal wêr it perk Hiemstra/Bruinsma gjin rie mei wit en wurdt it dus 5-4! Soe it dan dochs kinne? Helaas ferlieze jim it folgjende earst mei

6-4 en wurdt de einstân: 5-4:6-4 foar vd Meulen c.s. Mar dochs in prachtige 3e priis op dyn 6e PC. Wy ha foar dy in bliuwend oantinken oan dizze dei meitsje litten. Applaus foar Jelte Pieter!" Wilma oerlanget Jelte-Pieter in moaie aksje-foto fan de PC op canvas.

12. Omfreegjen

- Mattie Dijkstra: "komplimint oan de foarsitter!" Dit wurdt beleand mei in applaus fan de oanwêzigen.
- Sipke Hiemstra: "dogge jim ek wer mei oan Winterwille?" Marten Faber: "seker dogge we mei".
- Dirk-Yde Sjaarda: "foarich jier koe de Jong-Feinte Partij net rjocht út, is der ynsjoch oer hoe it foar dit jier liket?" Anco Elgersma: "de ferwachting is dat we de nul-lijn dit jier wol helje kwa wedstriden, we komme yn elts gefal better út as foarich jier. Kwa Jong-Feinte Partij kin ik op dit momint noch net sizze hoe it liket mei de sifers. Hjir sil mear dúdlikheid oer wêze mei de foarjiersgearkomste".
- Marten Faber: "ter ynformaasje: 15 desimber ha we ús jierlikse HAK sealkeatswedstriid".

13. Sluting

- Marten slút om 21.53 oere de gearkomste. "Dan binne we oan it ein kommen fan dizze neijergearkomste. Ik wol jimme út namme fan ús alle gearre tige tank sizze foar jimme ynbring en oandacht fanne jûn. Elts mei noch 2 konsumpsjes op kosten fan de keatsferiening nimme, de rest is foar eigen kosten. In noflike jûn tawinske! Oant straks en oars oant in oare kear!"



It jier 2014 alwer foar de doar en in weromsjen op 2013

It ôfrûne jier is op 'e nij wer in pracht jier west, mei meardere suksessen sawol yndividueel as foar de ôfdielingswedstriden. It heechst mooglike foar in ôfdieling binne fansels de bûnswedstriden. Hjir ha we spitigernôch gjin resultaten yn de sin fan in poadiumplak helle, hjir kin it kommende jier dus allinnich mar progressy yn boeksturd wurde.

It resultaat fan Jelte-Pieter Dijkstra op de manlju's PC yn Frjentsjer, de 3e priis, is fansels wol wer in prestaasje fan formaat. Hjir kinne we as feriening (en fansels JP noch folle mear) allinnich mar grutsk op wêze. In pracht keatsdei, wêr't se it as partoer spitigernôch net winne koene fan de lettere winners. Ek in mooie dei om in kear fan oanrin te feroarjen. Want om ris wat oars te probearjen, wat is der dan in moaiere dei om dat te dwaan tidens de PC.... 'Gedurfd'!!! De tsjinstanners kinne harren yn elts gefal net tariede op hokker opslach/bal der op harren ôfkomt, in knappe prestaasje en ek poerbêst opslein!!

By de dames PC dit jier spitigernôch gjin resultaten. De winners fan ferline jier (Marije en Imke) giene der yn de 1e omloop ûnearfol ôf, in off-day kinne je wol sizze.

Wol wie der hast in priis foar it partoer fan Anke Marije Pompstra, mei har maten Sanne en Mariska. De 2e omloop, in fige spannende wedstriid, moasten sy helaas belies jaan op in 5-5:6-6 stân. In wedstriid wat it keatsen moai makket, alles oan de hang, mar foaral ek de striid dy't der levere waard foar eltse bal, in genot om nei te sjen. Der waard keatst as hong it libben der fanôf!! De partij fan de dei, dat wol... mar spitigernôch krékt net in priis.

Mei de ôfdielingswedstriden binne der wol in oantal prizen pakt.

- Sa winne 5 maaie Marije Hiemstra, Martine Tiemersma en Imke van der Leest de 2e priis by de dames haadklasse.
- 9 maaie winne Marije, Martine en Imke de 3e priis dames haadklasse.
- 12 maaie winne Dirk-Yde Sjaarda, Pytrik Hiemstra en Bauke Dijkstra de 1e priis foar heren 1e klasse.



- 25 maaie winne Marije, Martine en Imke de 1e priis by de dames haadklasse.
- 15 juny winne Selma de Boer, Corrie en Roelie Kroondijk de 3e priis by de pupillen famkes.
- 1 septimber winne Sanne Rixt Jorritsma en Dian Dijkstra de 1e priis by de famkes federaasje.

In oantal moaie resultaten, wêr't je wol dúdlik sjen kinne dat de froulju fan Easterein op de keatsfjilden yn Fryslân hege eagen smite!!

Op it momint dat alle keatsende Eastereiners oan it keatsen binne, as yn de feesttinte stean, wurdt der yn Ljouwert ek keatst. Tidens de doarpsfeesten wurdt der yn Ljouwert it jierlikse skoallekeatsen ferkeatst. Mirjam Punter, Julia Paauw en Selma de Boer ha harren hjir foar pleatst, troch de foarrondes yn Winsum as 2e te eindigjen. Se ferlieze fan ús buerdoarp Wommels. Yn Ljouwert berikke se op 'e nij de finale en ek dizze kear treffe se Wommels. Dit kear binne de rollen omdraait en winne se de finale.

Mirjam, Julia en Selma winne it skoallekeatsen 2013 yn harren kategory en dit is de 1e kear yn de histoarje fan Easterein. In topprestaasje!!

1x yn it jier is der in ôfdielingswedstriid KNKB foar de pupillen. Hjir binne we as Easterein goed fertsjinwurdige mei 2 jonges partoeren en 1 famkes partoer. Sawol de jonges as de famkes ferlieze harren ôfdielingswedstriid, mar dat mocht 'de pret net drukke'. Wat wie it in moai gesicht om al dizze opkommende talinten yn it griene shirt fan de keatsferiening te sjen. De tarieding om waarm te wurden wie in genot om nei te sjen!! Wêr't je normaliter in baltsje slaan om waarm te wurden, sjogge wy samar 9 griene shirts efter elkoar oandrafen? Hja binne as freonen leuk tikkertsje oan it dwaan!! Skitterend... In dúdlik foarbyld dat plezier foarop stean moat, dan komme de resultaten fansels...

Oant safier in oantal hichtepunten fan it jier 2013, op nei in moai en nij keatsjier 2014.

Keatser fan it jier 2013

It ôfrûne jier rûn Bauke Dijkstra oer de fjilden mei de titel "keatser fan it jier 2012". Oan al it moaie komt in ein Bauke, der is in nije keatser fan it jier keazen, do moast dizze titel dus oerjaan, mar bliuwt foar altyd gravearre yn de wikselbeker. De ôfrûne tiid ha der ferskillende kommisjes harren kop brutsen oer wa't keatser fan it jier 2013 wurde moat...

Der binne safolle nammen, der binne safolle minsken dy't harren enoarm ynsette foar ús keatsferiening en dy't dêr prestaasjes leverje yn en om it fjild... wat binne de rjochtlinen om oan te tinken? It binne allegear fragen by kommisjes... úteinliks giet it om in gefoel wêr't we allegear efter stean, immen dy't der krekt efkes boppe-út stekt mei bepaalde dingen, sûnder dat we oaren tekoart dwaan wolle. Je ha sa in rijsje nammen op papier... oer elts is wol wat te neamen en der binne we ek tige grutsk op!!

Dochs ha wy mei ús allen in kar makke.... wêr't we dan ek tige wiis mei binne!! In oantal punten fan it ôfrûne jier:

- Tidens kompetysje keatsen binne se altyd oanwêzich.
- Net in wedstriid misse wolle.
- As de bliksem út de himel slaat, sjogge se dochs efkes op it fjild om te hearren oft it trainen wol trochgiet.
- Baltsjes opgoaie by de kabouter trainingen en Marije tidens trainingen assistjearje.
- Nei it kompetysje keatsen net nei hús ta te slaan, nee.... dan moat der fansels noch by de training fan de dames haad en 1e klas in baltsje opslein wurde. Se wrotte sich der no al tusken.
- Mem hoecht simmerdeis net safolle shirts mear te waskjen, der is in Fryslân Bank shirtsje en dizze moat fansels oan... se drave der it hiele doarp en op de fjilden yn om!!

Keatsters fan it jier

Een uitnodiging in de bus voor ons om aanwezig te zijn op de neijersgearthoofstede. Wij maar denken: wat moeten wij daar. En maar vragen maar geen één gaf ons daar een antwoord op.

Woensdagmiddag naar het muurkaatsen. Deze training was geweldig, we kregen trainen van een paar Amerikanen en Belgen. Die waren in Franeker voor een toernooi in de Trye. Snel eten en naar de vergadering. Marten deed een mooi verhaal en nog hadden we niets in de gaten. Tot we de foto van ons zelf voorbij zagen komen. Toen ging er een lichtje branden.

Geweldig wat een eer om de beker in ontvangst te nemen van Bauke Dijkstra die was vorig seizoen keatser fan it jier. Het geeft wel een stuk motivatie voor het komende seizoen. Maar dat zit bij ons wel goed. En dan staat het ook nog in Op 'e Skille. Wat een reacties dat was top.

- 'Gretig' om te winnen.... de iene hat wat in oare manier om dat te uterjen dan de oare, mar de winnaarsmentaliteit stiet as in peal.
- In begrip op de keatsfjilden yn Easterein en omkriten, miskien wol de nije suskes Sijbrandy kwa prestaasjes yn de takomst?? Wy hoopje der op famkes.

Keatsters fan it jier 2013.... **Roelie en Corrie Kroondijk!!!!**

De technyske kommisje,

Dirk-Yde Sjaarda, Romine Jelsma, Jelte de Boer, Marije Hiemstra en Marten Faber



We hebben het afgelopen seizoen weer veel prijzen gewonnen. Met Selma de Boer een derde prijs gewonnen op een afdelingswedstrijd. Dat was een leuke ervaring. En Ype als coach.

Wij zien al weer uit naar het volgende seizoen. In februari begint het trainen weer bij de KNKB en de Keatsskoalle de Greidhoeke. We zullen zien wat het komende seizoen ons weer zal brengen.

Groetjes Roelie en Corrie

Skollekeatsen 2013 – Histoarje skreaun

Op 5 juni 2013 hadden wij schoolkaatsen in Winsum. We moesten de eerste omloop tegen de Stapstien Winsum. De tweede omloop moesten we tegen Reahûs 2. De derde omloop moesten we tegen Reahûs 1. Wij hebben die omlopen gewonnen. We stonden in de finale tegen Wommels. Wij hebben die wedstrijd verloren. Toen hadden wij de tweede prijs.



Een paar weken later hadden we de provinciale kampioenschappen in Leeuwarden. Dat was op 26 juni 2013. De eerste omloop moesten we tegen Arum, die hebben we 5-0:6-2 gewonnen. Daarna moesten we tegen Folsgeare, die hebben we 5-3:6-2 gewonnen. Toen moesten we tegen Sexbierum, die hebben we 5-2:6-6 gewonnen. Toen stonden we in de finale tegen Wommels en die hebben we 5-2:6-6 gewonnen!

Toen we terug kwamen in Easterein was de optocht net begonnen. Wij mochten vooraan lopen. Het was een super leuke dag!

Groetjes Mirjam Punter, Julia Paauw en Selma de Boer

In protte hannen meitsje.....

It ôfrûne seizoen lit sich it bêste omskriuwe as rêstich. Fansels moasten de fjilden wer regelmjittich lein wurde, mar mei de help fan ferskate frijwilligers is dat goed te dwaan. Hulde dêrfoar! It wie ek noch net nedich om it materiaal fan ûnderhald te foarsjen. Op de oanskaf fan wat keatsballen nei hawwe wy ek gjin ynvestearings dien. Sadwaande is der net folle te melden fanút dizze kommisje.

Mar sa rêstich as it wie op dit mêd, sa drok hie it haadbestjoer it mei de bestjoerlike ynfolging. It is noch altyd dreech om it haadbestjoer wer foltallich te krijen. Sa stadichoan liket der wat feroaring yn te kommen, mar dit is noch ûnfoldwaande om alle fakatueres yn te folgjen.

Takom jier bestean wy 110 jier, fanút dizze kommisje hawwe wy de ambysje útsprutsen om al it materiaal foar dizze mylpeal op te knappen en te skilderjen. It sil opslein wurde by de famylje Sjaarda, sadat we de romte hawwe om dit kerwei op in goed wurkbere wize út te fieren. Mooglik doch ik in berop op de leden om hjirmei te helpen.

It kommende jier kinne jim wer op ús rekkenje! Alfêst in protte keatsnocht tawinske. Oant sjen op it keatsfjild!

De fjilden- en materialekommisje,

Gep Bakker, Christian Hoekstra

Fan lyts nei grut....

Nei de foarjiersgearkomste wêr't Tjerk Okkema út namme fan de jongereinkommisje bestjoerlik ôfskied nommen hat fan Petra Jellema en Gerben Kooistra bestjoerlik ôfskied nommen hat fan de jongereinfoarsitter Tjerk Okkema, fansels mei in fryske flaggebaltsje, wurde de 2 nije komsjesleden Liesbeth Bootsma en Hans Kooistra wolkom hjitten. De jongereinkommisje is wer kompleet dus se kinne harren rjochtsje op it nije seizoen. Ut namme fan de jongereinkommisje wolle we Petra en Tjerk noch tige tank sizze foar harren ynset foar de jeugd.

Op 15 maaie de earste woansdeitemiddeipartij fan it seizoen, de Kniplokaeltsjepartij. In oare opset by de kabouters, in iepen ledewedstriid. De kabouters hoege by dizze earste partij gjin lid te wêzen fan de keatsferiening. Se meie op dizze middei kennis meitsje mei it keatsen yn wedstriidfoarm. Fuort 8 kabouters en fansels alle gearre mei in grauwe medalje nei hûs.

Op snein 2 juny de âlder - bernpartij mei ek wat in oare opset. Net stride om krânzen en prizen mar stride om de ear. Doel fan de jongereinkommisje is om op dat stuit sa folle mooglik minsken oan it keatsen te krijen en dat it nivoferskil net sa folle útmakket. Nei 3 x keatse noch efkes mei syn allen neigenietsje fan de moaie boppeslach as dy dikke blunder yn it tuskenpul ûnder it genot fan in hapke en in drankje oanbean troch de KF. In tige gesellige middei dy't grif in fuortsetting krijt.

Op 11 juny krigen we de partoeren fan stifting keatsfan op besite yn Easterein. Topkeatsers lykas Bauke Dijkstra, Pieter van Althuis, Pieter Sybren Scharringa, Jacob Klaas Haitma, Hendrik Bouwhuis, Jelmer Hornstra en Steven de Bruin trainden ûnder lieding fan âld topkeatser Wybe Visser neist ús eigen jeugdtoppers. Stifting keatsfan kaam nei de ferienings ta om it keatsen te promoten. De bern fan de KF Easterein mochten meidwaan oan de warming up. Dêrnei wer lekker sels kompetysjekeatsen. Nei it kompetysjekeatsen krigen de

bern in tas, koartingsbonnen, in pen en boekje wer't se de hantekeningen fan de keatsers yn sammelje koene. De jeugdfoarsitter krige in cheque fan € 75,- om te ynvestearjen yn de jeugd. Fansels nei de tiid mei syn allen op de foto.

Op freed 6 septimber de slotdei foar de jeugd. Om 16.00 oere de kabouters en de welpen. De bern moasten yn groepkes by ferskate spultsjes del. De measte fan dizze spultsjes stiene fansels wol yn it ramt fan it keatsen, bygelyks opslaan troch in boerd mei gatten as baltsjebedriuwend troch in parkoers mei in helm mei bekertsjes wetter op 'e kop, flingo, keatsgolf ensfh. It einspul wat we betocht hiene nl. de telegraafrace, moast healwei ôfblaast wurde omdat it waar it net taliet. Wat betider as pland de bern de kantine yn foar patat, limonade en de útslach fan it kompetysjekeatsen.

By de kabouters:

1ste	Redmer Stegenga	90 pnt.
2de	Arjen Stremmer	89 pnt.
3de	Bente Ottens	86 pnt.

Welpen famkes:

1ste	Amber Reijnhoudt	82 pnt.
2de	Nynke Paauw	76 pnt.
3de	Nadja Sixma	69 pnt.



Welpen jonges:

1ste	Siebo Boersma	87 pnt.
2de	Redmer Wiersma	86 pnt.
3de	Rutger Sybesma	75 pnt.

Pupillen famkes:

1ste	Corrie Kroondijk	105 pnt.
2de	Roelie Kroondijk	92 pnt.
3de	Selma de Boer	82 pnt.

Pupillen jonges:

1ste	Halbe Willem Overal	60 pnt.
2de	Sydrik Kooistra	49 pnt.
3de	Hendrik v/d Eems	41 pnt.

Skoalfamkes:

1ste	Jeska Terpstra	75 pnt.
2de	Margriet Jellema	72 pnt.
3de	Julia Paauw	67 pnt.

Skoaljonges:

1ste	Rutger Wiersma	70 pnt.
2de	Kees v/d Horst	59 pnt.
3de	Tjalling Tjalsma	57 pnt.

Om 18.45 koe de twadde groep mei de pupillen en de skoaljeugd los. Ek dizze bern moasten spultsjes dwaan mar tidens it ferpleatsen nei in oar spultsje moasten se troch de feart klauterje. It wie in soart slettenrace. Se foenen it alle-gearre prachtich moai en nei de tiid earst de blauwe drek der mar wat ôfspuitsje foardat se ûnder de brûs stapten. Alle bern fan kabouter oant skoaljeugd krigen in presintsje foar harren ynset. Dizze binne beskikber stelt troch Oranje en Heitelân wêrfoar noch tige tank.

In lyts oersicht fan de partijen foar de jeugd. Fansels wie der yn Easterein noch folle mear te dwaan foar de jeugd. Yn totaal 3 partijen op woansdeitemiddei, Alder/bernpartij, 1 jeugdlededepartij op sneon, 1 federaasjepartij, nachtkeatsen, slotdei en net te ferjitten it blokjerinnen by de KNKB partijen. Ek dêr draait de keatsjeugd fan Easterein harren hân net foar om.

Ta beslút wolle wy alle frywilligers en stipers dy't op hokker wize ek de jeugd in waarm hert tadrage, tige tank sizze en we hoopje dat we ek oar jier wer in berop op jim dwaan kinne.

De jongereinkommisje,

Gep Bakker, Carin Ypma, Joke Wiersma, Annette Kroondijk, Liesbeth Bootsma, Riemy Kamstra en Hans Kooistra



2013, wer in sportyf jier foarby

Alwer in jier foarby. Dat betsjut dat we efkes werom sjen moatte. Wat is der allegearre bard dit jier en wat kin der better?

Fansels freegje we ús dit elts jier ôf en dan komt de fraach fan Rika of we wer efkes in stikje skriuwe wolle foar it jierferslach. Wy, as wedstriidkommisje bestean út 5 minsken; Wiepkje, Jelle, Annie, Jikke en Mattie.

We ha it wer drok hân mei it organisearjen fan de wedstriden. Dit bard altyd yn gearwurking mei de jongereinkommisje en it haadbestjoer en fansels in protte frijwilligers. Omdat we dit jier 'foarsitterleas' wienen moasten we mei syn allen de skouders der ekstra ûnder sette. Dit is neffens ús goed slagge. Wol betsjutte dat dat we wat faker tsjinst op 'e fjilden hawwe moasten.

Ús taak as wedstriidkommisje is bygelyks de wedstriidagenda meitsje, besetting fan de linen tidens de KNKB wedstriden, prizen útsykje, frijwilligers sjen te krijen, masseurs oanfreegje en fansels noch folle mear saken.

It ôfrûne jier binne der ek wer ferskate prizen wûn. Dit kinne jim yn dit moaie jierferslach wol sjen. De PR kommisje makket der altyd in prachtich neislachwurk fan.

It ôfrûne jier ha we 5 KNKB-, 2 federaasje- en sa'n 11 lede-wedstriden hân foar de senioaren en de jongerein. En dan it feestkeatsen, keninginnedei en it peloten en sa der ek noch by. Mei de KNKB wedstriden ha we ek meardere wedstriden op ien dei. Dy telle fan út de KNKB dan foar twa of trije wedstriden en wy hoege dan ús frijwilligers net noch in dei te freegjen om nei it fjild te kommen. Dêr binne we fansels tige bliid mei en dizze karmasters, tillegrafisten, blokjeriners, fjildlizzers, catering, lotsjeferkeapers, sutelers en sa kinne we ek net genôch tank sizze.

Ús agenda foar it kommende keatsseizoen is wer klear. De KNKB en federaasje wedstriden wurde ynpast by ús altyd gesellige ledewedstriden foar de jongerein en senioaren. Kinne we fanôf maaie wer 4 moanne ús tjiigje op de keatsfjilden. Fansels moat der ek wolris wat fernijing komme. We sille sjen oft dat fertuten docht dit jier.

Wy ha der wer sin oan en we hoopje dat 2014 foar elkenien in sûn, sportyf en suksesfol seizoen wurdt.

De wedstriidkommisje,

Jikke Velzen, Jelle de Boer, Wiepkje Hiemstra,
Annie Sjaarda en Mattie Dijkstra





PR-kommisje en gebak!

Mei deselde ploech froulju as ferline jier ha we wer in moai seizoen hân. Wat gebak dêrmei te meitsjen hat is dat dit oanjout út wat foar ferskaat fan leeftiden we bestean. We sitte yn 'e generaasje fan krekt ôfstudearde oant en mei krekt beppe leeftiid. Hjir tuskenyn sitte noch froulju dy't krekt mem wurden binne, in hûs keapje, oar wurk ha of jierdei binne. Dêrom ha we, by ús gearkomsten fan de PR, altyd wol in reden om ús 'bynmiddel' gebak op tafel te setten.

Wêr binne wy no sa'n hiel jier mei dwaande? Dat is fansels de Jong-Feinte Partij, mei dit jier foar it earst ús eigen konsumpsjemunten. De Jong-Feinte Partij stiet by ús heech yn it findel, ien fan ús taken is om de partij namme te jaan, dit dogge we ûnder oare troch flyers en posters te ûntwerpen en te fersprieden yn de keatsdoarpen fan Fryslân. Op de dei sels regelje we it lotten ferkeapjen mei fansels prachtige prizen en binne we, wêr mar nedich, ynsetber.

It jierferslach yn maart, it programmaboekje yn april, it promoten fan alle wedstriden de hiele simmer troch en net te ferjitten yn desimber: Winterwille. Hjir ha we poffertsjes bakt en we bin der mei ús allen wol oer út dat dit oar jier mar wer moat want de opbringst hat noch nea sa heech west!

Foar takom seizoen bin der gjin wikselingen fan kommisjeleden. De froulju bliuwe en der fanút geande dat we noch in

protte moaie mominten mei meitsje meie, it gebak ek! Mei de oare kommisjes soargje wy derfoar dat de keatssport libjen bliuwt. Ek dat sil sintraal stean yn it kommende lustrumjier.

De PR-kommisje,

Wilma Sjaarda, Akke Jikke van Berkum, Rika Okkema, Froukje Dijkstra, Anke Marije Pompstra en Ingrid Vellinga



Finansjele- & stipekommisje / lustrumkommisje

De finansjele- en stipekommisje is de lêste jierren wat de gearstalling oanbelanget net feroare. En sa as wol faker oanjûn is in ekstra lid noch altyd tige wolkom. De basis dy't rom 10 jier lyn troch it bestjoer lein is makket it mei mooglik dat we mei dizze lytse besetting noch altyd de belangrykste taken úffiere kinne. Dêrneist priizje we ús gelokkich mei de situaasje dat in grut oantal stipers al jierrenlang oan ús keatsferiening ferbûn binne en foaral bliuwe. En mei de ynset fan tal frijwilligers binne we der yn slagge om de ynkomsten út stipejilden en finansjele aksjes op nivo te hâlden. Fia dizze wei wolle we alle stipers en frijwilligers dan ek tige tank sizze.

Mei it lustrum yn 2014 yn it foarútsjoch ha we yn it twadde healjier fersterking krigen fan Klaas Pompstra en Sipke Hiemstra om tydlik as lustrumkommisje oan de slach te gean. Dizze mannen bringe de noadige ervarings, kunde en kontakten mei harren mei dy't goed fan pas komme om de finansjele útdagings wêr't we foar steane oan te gean. As belangrykste taken binne beneamd it opsetten fan in lustrumprogramma, it aktualisearjen fan it sponsorplan en it foar de kommende jierren foljen fan de sponsorportefeuille. Resultaat fan de gesprekken dy't yn de kommisje fiert binne is it beneamen fan twa doelen dy't we berikke wolle. Allereerst dat yn de oanrin nei in lustrumjier ekstra ynspannings rjochte wurde op it organisearjen fan lustrumaktiviteiten en de sponsoring dy't hjir foar noadich is. Dat hâldt konkreet yn it ferlingen fan besteande kontrakten fan haad- en (klean-) stiper(-s) en it finen fan nije stipers. En as twadde dat yn de jierren tusken 2 lustrums yn genôch finansjele earmslach oanwêzich is om de jierlikse aktiviteiten hâlde te kinnen. Sa moat úteinliks in lustrumsyklus ûntstean.

Op it momint fan skriuwen is al in earste, tige belangryke stap setten: it ferlingen fan it kontrakt fan ús haadstiper Couperus Hydrauliek B.V. wêrmei sy ek de kommende jierren it gesicht bliuwe fan ús keatsferiening. En dat is fansels geweldich nijs om it lustrumjier mei te begjinnen.

De kommisje

De taken fan de kombinaasje tusken finansjele- en stipekommisje en lustrumkommisje wienen as folcht ferdield:

Tjeerd: foarsitter, relaasjebehear stipers

Klaas: skriuwer, lustrumplan

Sipke: algemien lid

Tymen: relaasjebehear stipers, oanfraach subsydzjes

Anco: ponghâlder, begruttingen, finansjele aksjes, kontakt haadbestjoer

Stipers

Yn 2013 mochten we 2 nije stipers wolkom hjitte:

HDM Pipelines Wommels

Jouke Huitema Nylân

Fierder is in nij 5-jierrich stiperskontrakt mei oranjeferiening Oranje & Heitelân ôfsluten. Ek bliuwt Rabobank Sneek-ZuidwestFriesland, foaral mei tank oan Pep de Boer, de kommende 3 jier de Jong Feinte partij stypjen want sy ha it kontrakt ferlingt.

Fan de folgjende stipers is yn 2013 it kontrakt mei 1 jier ferlingt:

MRW Accountants & Adviseurs	Snits
Autobedrijf Witteveen & Brouwer	Easterein
Posthuma Skilderbedriuw	Easterein
B. Sandstra Handel, Transport en Opslag	Easterein
AB Vakwerk	Snits
Bakkerij Posthuma	Wommels
Murk's Slagerij	Wommels
Willem Overal Montage	Easterein
Duo Bouw Timmerbedrijf	Easterein
Boero Groep	Easterein
Sporthuis A.P. van der Feer	Boalsert

Lykas de advertinsjestipers:

Mitselbedriuw BOU-plus	Wommels
Bergsma Groothandel	Makkum
Mondzorg Harkema	Harkema
BOIKON BV	Leek

Stiperdei

Moarns kaam de rein mei bakken út de himel en wiene we benaud oft it keatsen wol troch gean koe. It fjild wie sa wiet dat we wat langer dwaan koene oer de sop, broadsjes en salade. Gelokkich waard it droech en kaam de sinne der by en wie de loft skitterend blau. En dat soe ek net mear feroarje en sa koe der keatst wurde mei perfekt keatswaar en wie it op it terras betiden sels tige waarm.

Nei in koart petear en it útdielen fan de ballen giene de 24 dielnimmers de striid mei mekoar oan. It tal dielnimmers is konstant want ek foarich jier wiene we mei 24 keatsers. Tige spannend waard der keatst, de ien wie noch fanatiker as de oar. Mei in grutte bal keatse jout dochts wer in hiel oar spultsje as mei de lytse bal, je kinne in protte mear drave en dat is fansels geweldich om nei te sjen.

Neidat de 1e list ferkeatst wie koe eltsenien efkes bekomme. Nei wat iten en wat drinken en fansels efkes gesellich babbelje wie it wer tiid yn it fjild oan te treden foar de 2e list. Ek op dizze 2e list waard goed en fanatyk keatst, nei ôfrin hiene in protte keatsers al yn 'e gaten oft der foar harren noch kâns wie op in priis as net. Ek yn it konsumpsje ferbrûk koene je sjen hokker keatsers goed rekkenje koene.

Foar de tredde list wie sprake fan ien wiksel. Jan Hiemstra koe spitiernôch net fierder en Wilma Sjaarda wie syn ferfangster.

It tafal woe dat Hiemstra lotte hie mei Dirk-Yde sadat broer en sus moai tegearre keatse koenen. Opfallend wie it tal famylje ferbannen op 'e 3 listen. Sa mochten ûnderoare Tjeerd en Mattie, Abe Jan en Willy, Peter en Liesbeth en Peter en Geertje in kear mei inoar keatse.

Uteinliks wûn by de A-keatsers Dirk-Yde Sjaarda mei 21 punten foar en 5 tsjin de earste priis. Peter Sijbesma hie mar 1 earst mear tsjin en wûn de twadde priis mei 21 punten foar en 6 tsjin. It wie tige spannend by de A-keatsers want ek de tredde priis winner hie 21 punten foar en mar 11 tsjin en dêrmei gie dizze priis nei Sipke Hiemstra. Mei 19 punten foar en 10 tsjin wie de 4e priis foar Stefan van Krimpen. As treast-priis wie der noch in aardichheidsje foar Tymen en Talitha Dijkstra. Sy hiene elts de minste earsten foar mar gelokkich net minder wille.

By de B-keatsers wie it ek tige spannend want nei twa listen wiene der noch 3 minsken dy't twa kear wûn hiene. It wie Liesbeth Bootsma dy't mar 5 punten tsjin hie en 21 foar en dêrmei wie de krâns foar har. Nûmer twa hie ek twa kear safolle earsten tsjin mar ek 21 punten foar dêrmei wie Hendrik Okkema de winner fan de lytse preemje. Jan Hiemstra pakte mei help fan Wilma de tredde priis mei 18 punten foar en 10 tsjin. De 4e priis mei 16 punten foar en 12 tsjin wie foar Geertje Sijbesma.

De moaie krânsen wienen wer stipe troch Tuincentrum Gaardenier te Wommels. Nei de foto's fan de priiswinners wie der noch in gesellige neisit en koe werom sjoen wurde

op in tige slagge stiperdei. Alle stipers nochris tige tank foar jimme finansjele stipe oan ús prachtige keatsferiening!

Aksjes

Yn 2013 hawwe we de 6e edysje fan ús jierlikse koeke aksje hâlden. Dit jier waard wer begjin maart mei sa'n 30 frijwilligers in lytse 2.000 koeken ferkocht mei in netto winst fan **€ 1.203 (opbringst € 3.371, kosten € 2.169)**. Mei hast it selde oantal koeken as yn 2012 levere dat doe in netto winst op fan € 1.211.

Finansjeel

De begrutting foar it stipe- en subsydzjebedrach foar it jier 2013 bedroech **€ 11.700 (stipe € 10.500, subsydzje € 1.200)**.

Yn 2013 waard oan bydragen fan stipers, natuera, subsydzjes en (bysûndere) bydragen ûntfongen in totaalbedrach fan **€ 12.821** (2012: € 14.737). It bedrach is as folcht ferdield: stipers **€ 10.360**, natuera **€ 803**, subsydzje/bydragen **€ 1.358**, en ferskaat **€ 300** (koartingen, bysûndere bydragen).

De rekken 2013 wurdt yn de foarjiersgearkomste fan 2014 presintearre. Foar 2014 hawwe we in bedrach begrutte fan **€ 12.400 (€ 11.500 oan stipe en € 900 oan subsydzjes en bydragen)**.

De finansjele- en stipekommisje en lustrumkommisje,

Anco Elgersma, Tjeerd Dijkstra, Tymen Dijkstra,
Klaas Pompstra en Sipke Hiemstra



Algemeine taljochting op it finansjele jierferslach

It jier 2013 wie foar keatsferiening Easterein yn bestjoerlik op sicht gjin maklik jier. In grut part fan it jier moast it bestjoer it sûnder foarsitter en ponghâlder stelle. Der is dêrtroch dan ek in soad tiid stutsen yn it finen fan opfolgers foar de fakante funksjes. It die bliken dat dit gjin maklike taak wie want meardere kearen seagen minsken dy't benadere wiene ôf fan in sit yn it haadbestjoer. Net allinne keatsferiening Easterein hat hjir mei te krijen mar nimt net wei dat dit tige spitich is. In feriening kin úteinliks net sûnder in foltallich bestjoer. Der is dan ek neitocht oer alternative konstruksjes hoe dochs de fakante funksjes ynfult te krijen. En gelokkich úteinliks net sûnder resultaat. Ik wol it bestjoer dan ek komplimintearje mei har fêsthâldendheid en it fermogen om yn it belang fan ús feriening bûten de bekinde kaders te tinken en te hanneljen.

Yn finansjeel op sicht wie 2013 in jier fan konsolidaasje. De begrutting fan 2013 liet net al te grutte útdagings sjen. Ek hawwe der sich gjin ûnferwachte saken foar dien dy't fan ynfloed wiene op it resultaat. Yn de ôfrûne jierren is der genôch erfaring opdien om der dan foar te soargjen de kosten ûnder kontrôle te hâlden. Om ek yn de takomst de aktiviteiten op nivo te hâlden binne der noch wol de noadige útdagings. Sa rint it oantal leden oer de hiele liny de lêste jierren stadich oan werom, mar meiname by de jeugd. As we dizze tendens trochbrekke wolle sille we op syk moatte nei mooglikheden om net allinne ús jeugdleden foar ús feriening te behâlden mar ek nije jeugdleden oan de keatssport te binen. Mei it lustrumjier yn it foarútsicht biedt dit fêst ek wer kânsen.

Mei dizze wurden as ynliding kin ik jimme witte litte dat we alle plannen dy't yn de begrutting opnommen binne útfiert hawwe. Hjirûnder in koarte taljochting hoe't 2013 finansjeel ferrûn is.

Finansjele posysje

Sa as yntusken fêst bekind wêze sil stribet it bestjoer fan keatsferiening Easterein nei om in eigen fermogen fan minimaal € 10.000 te hâlden. Dat it bestjoer hjir de lêste jierren ek yn slagge is blykt wol út it feit dat it fermogen sich stabilisearre hat rom boppe de € 13.000. Oer 2013 hawwe we de aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden, nei bestimming fan it resultaat, mei in posityf resultaat fan € 0,32 ôfsletten. Dat betsjut dat we op 31-12-2013 in eigen fermogen ha fan € 13.496. Ofsetten tsjin de eksploitaasje sitte we mei 45% sels flink heger as de faaks hantearre ûndergrins fan 10%. Dêrmei is de keatsferiening Easterein in finansjeel tige sûne feriening.

Stipers

Yn myn taljochting fan foarich jier ha ik oanhelle dat 45% fan ús ynkomen bestiet út stipersjilden. Ek ha ik doe oanjûn hoe útsûnderlik dit is. As keatsferiening Easterein kinne we yn myn eagen dan ek tige grutsk en tankber wêze mei al ús stipers. Al jierrenlang jouwe sy ús de finansjele middelen om it keatsen yn Easterein en fiere omkriten mei mooglik te meitsjen, ek yn de finansjeel net maklike jierren.

Oer 2013 hat ús keatsferiening in totaal oan stipe- en sub-sydzebedrach ûntfongen fan € 12.821 (2012: € 14.737). Dit bedrach is as folgt ferdielt: stipers € 10.360 (2012: € 10.930), sub-sydze/bydragen € 1.358 (2012: € 1.458), natuera € 803 (2012: € 933) en ienmalige stipe fan € 300 (2012: € 1.416).

Resultaat

Mei tank oan ûnder oare dizze geweldige stipe en de finansjele aksjes dy't hâlden binne hawwe we de plannen/begrutting oer 2013 útfiere kint. Geandewei it jier waard dit hieltyd dúdliker en koe úteinliks sels in posityf resultaat fan € 650 notearre wurde. Dit resultaat wurdt hielendal reservearre foar it útfieren fan de lustrumaktiviteiten yn 2014.

Om ynsicht en grip te hâlden op de sifers wurdt sûnt in oantal jierren ûnderskied makke nei organisaasje en wedstriden. Fan beide ûnderdielen wurdt in begrutting makke en wurdt hjir ek op stjoert. Oer 2013 wiene gjin bysûnderheden ferwachte sadat fan beide in slutende begrutting opstelt wie. Uteinliks is oangeande de organisaasje in posityf resultaat behelle fan € 351 (2012: € 198). Sawol de ynkomen as útjeftes foelen leger út as begrutte meiname troch legere ynkomen út aksjes en legere útjeftes foar materialen en ús webside.

De wedstriden binne yn 2013 organisearre mei in posityf resultaat fan € 299 (2012: € 395). Neidat yn 2012 de Jong Feinte partij foar it earst gjin bydrage levere oan it resultaat, kinne we foarearst konkludearje dat dit in útsûndering west hat. De KNKB wedstriden hawwe der úteinliks foar soarge dat we in posityf resultaat behelle ha want de ledewedstriden koene it ôfrûne jier net út.

Sjogge we alfêst nei 2014 dan hawwe we in begrutting dy't rom € 6.000 heger is as oer 2013. Belangrykste reden is fansels ús 110-jierrich bestean en de aktiviteiten dy't yn it kader fan it lustrum hâlden wurde sille. Sa wurdt foar de earste kear yn ús bestean foar de jeugd in keatskamp organisearre. It beloofd in grut spektakel te wurden en hoopje hjirmei ek nije jeugdleden werfe te kinnen. Fierder binne we gasthear foar de federaasjedei en binne op dizze dei fansels ek de manlju/froulju haadklassers wer úthoeg. Yn 2014 wurdt alwer de 10e edysje fan de Jong Feinte partij organisearre en wolle we dizze bysûndere edysje ekstra kleur jaan.

Om de plannen foar 2014 realisearje te kinnen is yn de ledegearkomste ynstemt mei in kontribúsjeferheging fan € 0,50 foar alle leden. Ek lizze der plannen om neist de jeugdtrainingen de steunpunttraining fan it KNKB fierder út te bouwen. Yn 2013 is hjir mei sukses in earste erfaring mei opdien en sjoen de fasiliteiten lizze hjir genôch kânsen. Fierder wolle we, sa as foarich jier al in kear oanhelle, mear ynkomsten út aksjes helje. Sa hawwe we us ûnder oare ynskreaun foar dielname oan de Poiesz jeugdsponsoraksje en hjir binne we yntusken foar ynlotte.

Yntusken is ek bekind wa't myn plakje as ponghâlder yn it bestjoer oernimmen giet. Skelte Anema is ree fûn om de finânsjes fan keatsferiening Easterein op him te nimmen. Hy sil hjirby op de eftergrûn bystien wurde troch Willem Twijnstra.


Fanôf dit plak winskje ik Skelte en Willem in hiel soad nocht en wille ta yn harren nije rol. Rêst my noch jimme te betanken foar de moaie en learsume jierren as bestjoerder fan de prachtige keatsferiening Easterein. Oant sjen op it keatsfjild!

Anco Elgersma, ponghâlder

Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat (foar bestemming)	Bedrach
Organisaasje	351,47
Wedstriden	298,85
Totaal	650,32

	2001	2002	2003	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013
Kas				64	36	409	137	275	333	311	791	267	754
Bank		15	376	739	2.345	79	312	427	268	-80	785	1.323	655
Sparekken	1.795	2.374	2.309	21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141
Oerrinnende posten								-190	3.172	2.234	1.184	1.074	-49
Eigen fermogen	1.810	2.750	3.048	24.041	16.562	16.664	9.450	12.234	12.424	13.331	13.298	13.495	13.496
Resultaat	916	945	297	20.991	-7.480	102	-7.214	2.784	190	907	-33	197	0



Eksploitaasjerekken 2013 (bedragen yn Euro)

Saldy	31-12-13	31-12-12	Resultaat
Kas	754	267	487
Betelrekken 3495.01.904	650	655	-5
Sparrekken 3495.124.681	12.141	11.500	641
Oerrinnende posten	-49	1.074	-1.123
Totaal	13.496	13.495	0

Baten	Rekken 2013	Begrutting 2013	Ofwiking	Rekken 2012
Ynkomsten partijen	2.719	2.500	219	2.504
Stipersjilden	9.811	10.500	-689	10.610
Kontribúsje	8.169	8.600	-431	8.858
Trainingen (seal/fjild)	1.329	1.250	79	1.258
Donateurs	171	200	-29	153
Aksjes	5.531	6.000	-469	5.165
Subsydzje Gemeente	848	1.200	-352	827
Subsydzje Bydragen	610		610	632
Kreditrinte	146	200	-54	210
Keatsclinics		250	-250	250
Ferskaat	659	300	359	2.149
Totaal	29.992	31.000	-1.008	32.614

Lêsten	Rekken 2013	Begrutting 2013	Ofwiking	Rekken 2012
Krânsen	2.179	2.100	79	1.947
Prizen	7.617	7.400	217	6.924
Organisaasjekosten wedstriden	3.039	3.100	-61	3.047
Hier sporthal	772	1.275	-503	807
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	1.077	900	177	1.253
Trainers	688	400	288	363
Ferieningskosten	6.088	7.200	-1.112	9.256
Aksjes	2.313	2.325	-12	2.257
Materiaal	781	1.500	-719	1.709
Federaasje	125	125	0	125
K.N.K.B.	4.663	4.675	-12	4.730
Totaal	29.342	31.000	-1.658	32.417

Resultaat foar bestemming	650	0	650	197
----------------------------------	------------	----------	------------	------------

Reservearring jubileum 2014	650
------------------------------------	------------

Resultaat nei bestemming	0,32
---------------------------------	-------------

Ferklearring kaskommisje 2013

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei Anco Elgersma, ponghâlder fan de keatsferiening Easterein, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn.

Hjirmei geane wy akkoard mei it finansjele ferslach oer it jier 2013 fan de keatsferiening Easterein.

Easterein, febrewaris 2014

De kaskommisje, Liesbeth Bootsma en Marije Hiemstra

Taljochting op de eksploitaasjerekenen 2013

Baten	Rekken 2013	Begrutting 2013	Rekken 2012
Ynkomsten partijen - mear dielname KNKB partijen	2.719	2.500	2.504
Stipersjilden - nije stiper yn 2013 en ferlinging besteande kontrakten	9.811	10.500	10.610
Aksjes - de jierlikse koeke-aksje, yntreejld foar de Jong Feinte partij en ferlottings	5.531	6.000	5.165
Subsydzje Gemeente - dit is 75% fan de taseine subsydzje oer 2013 en de ôfprekken fan 2012	848	1.200	827
Subsydzje Bydragen - bydrage Ald-Feinteklup	610	0	632
Keatsclinics - der is gjin keatsclinic organisearre	0	250	250
Ferskaat - û.o. ferhier partytinten	659	300	2.149

Lêsten	Rekken 2013	Begrutting 2013	Rekken 2012
Krânsen - oantal krânsen en kosten yn lyn begrutting	2.179	2.100	1.947
Organisaasjekosten wedstriden As folcht ferdield:	3.039	3.100	3.047
- û.o. rekkens stifting 'De Skoalleseize' foar gebrûk konsumpsjes en fersoarging frywilligers	2.042	1.783	1.821
- rekkens KNKB wedstriden foar skiedsrjochters, masseurs, wedstriidfûns, ynlis wedstriden	821	1.137	1.042
- ferskaat: publiciteitskosten	175	180	184
Ferieningskosten totaal As folcht ferdield:	6.088	7.200	9.256
- Kosten bestjoer en lieding befetsje de rekkens fan stifting 'De Skoalleseize' foar fergaderkosten, gebrûk konsumpsjes en oare fergaderkosten	1.299	1.575	1.532
- Administraasjekosten kosten webside, bank, jierferslaggen, programmaboekjes en ferskate administraasjekosten	4.183	4.525	4.530
- Ferskaat: muzyk Jong Feinte partij en attinsjes leden/stipers	607	1.100	3.194
Aksjes - ynkeapkosten koeke-aksje, ferlotting Jong Feinte en ynlis Winterwille	2.313	2.325	2.257
Materiaal - û.o. nije keatsballen	781	1.500	1.709
K.N.K.B. - ôfdracht kontribúsje en abonneminten WIS-IN	4.663	4.675	4.730

De 9de Jong-Feinte mei 14 PC-keatsers!

Nei de winst op de bûnspartij foar de junioaren yn Minnertsgea pakte St Anne ek de winst op de Jong-Feintepartij. Sjoerd de Jong, Krijn Hiemstra en Rein Hiemstra wûnen de finale (5-5:6-4) fan it oare prachtige partoer fan Seisbierrum-Pitersbierrum mei Johannes vd Veen, Kees vd Schoot en Jelte Visser. St Anne stie foar de 3e kear yn de finale. Yn 2010 (2-5:0-6) en 2012 (4-5:4-6) waard beide kearen ferlern fan Tsjummearum.

Nettsjinsteande de waarmte en droechte fan de lêste moanne hiene fjildbehearbers/frijwilligers fan de Skoalleseize soarge foar in geweldige keatsarena, in biljertlekken seinen guon. De vrijwilligers fan de keatsferiening en Skoalleseize ha wer sjen litten hoe gastfrij we yn Easterein wêze kinne en de dei rûn mei de goede organisaasje prima. In primeur wie dat wy op dizze 9de edysje foar it earst Omrop Fryslân te gast hienen yn de persoan fan Geert van Tuinen. Hartstikke mooi dat jimme der wienen. No it paad fûn is hoopje we jimme elts jier wer te sjen en seker takom jier by it 10-jierrich bestean fan de Jong-Feinte en it 110-jierrich bestean fan K.F. Easterein. Der stienen 25 partoeren op de list (20 ferienings). Seisbierrum-Pitersbierrum, Wommels, Frjentsjer en Dronryp kamen mei twa partoeren. Trije debutanten op de list, Jorwert, Gaast-Ferwâlde en Jelsum-Koarnjum-Britsum. Easterein, Tsjummearum, Dronryp en Wommels ha oan alle edysjes meidien en der binne no 58 ferskillende ferienings west.

1e omloop

Snelle en spannende partijen; we hiene fan alles wat yn de earste omloop. Seisbierrum-Pitersbierrum 1 en Boalsert geane frij maklik troch nei de twadde list troch 5-0 winst op harren tsjinstanners (Wjelsryp en Wommels 1). Easterein mei Doede Rients Okkema, Rémon Tie Bouma en Carlo Booms koe it net rêde tsjin it sterke St. Anne. Op 1-3:6-6 wie der in kâns om oansluting te finen, mar dit slagge net. Fanôf dizze 1-4 foarsprong gong it hurd en wie der winst foar St. Anne op 1-5:0-6.

Debutant Gaast-Ferwâlde ferliest fan Frjentsjer 2 mei 5-2:6-0. By Frjentsjer 2 keatst Jan Hof mei dy't yn 2011 de Jong-Feinte Partij wûn mei Patrick Scheepstra en Erik de Groot. By Berltsum tsjin Bitgum wie it tige spannend, op 2-4:6-6 slacht Tsjisse de bal foar en it wurdt 3-4. Hy makket it letter yn 'e partij wer goed troch in sitbal te slaan op 4-4:6-6. It wurdt úteinlik 5-5:2-6 en Bitgum wint troch in kweaslach fan Berltsum op dizze stân. In oare debutant, Jorwert, ferliest mei 0-5:4-6 fan Dronryp 2. Dronryp 1 tsjin Easterlittens is freeslik spannend. It wurdt 5-5:6-2 foar Dronryp troch trije ballen bûten fan

Easterlittens. Der komt in keats en Easterlittens wit de bal oant twa kear ta oer de boppe te slaan, 5-5:6-6. Dan komt der in dikke keats by de boppe foar Easterlittens en se witte dizze keats te behâlden. Easterlittens wint nei in 5-2 êfterstân.

Arnold Zijlstra, ferline jier winner mei Tsjummearum, mocht dit jier foar de lêste kear oantrede op de Jong-Feinte Partij. Se ferlearen mei 5-3:6-4 fan Arum. St Jabik wint mei 1-5:2-6 fan Achlum en pleatst sich foar de twadde list. De tredde debutant, Jelsum-Koarnjum-Britsum, wint mei 0-5:6-6 fan Wommels 2. Menaam komt op de tredde list mei in steand nûmer, troch winst op Lollum-Waaksens mei 5-1:6-4.

- 1) Seisbierrum-Pitersbierrum 1 – 2) Wjelsryp, 5-0:6-6
- 3) Wommels 1 – 4) Boalsert, 0-5:0-6
- 5) Easterein – 6) St Anne, 1-5:0-6
- 7) Frjentsjer 2 – 8) Gaast-Ferwâlde, 5-2:6-0
- 9) Berltsum – 10) Bitgum, 5-5:2-6
- 11) Wytmarsum – 12) Frjentsjer 1, 1-5:2-6
- 13) Jorwert – 14) Dronryp 2, 0-5:4-6
- 15) Dronryp 1 – 16) Easterlittens, 5-5:6-8
- 17) Arum – 18) Tsjummearum, 5-3:6-4
- 19) Achlum – 20) St Jabik, 1-5:2-6
- 21) Wommels 2 – 22) Jelsum-Koarnjum-Britsum, 0-5:6-6
- 23) Menaam – 24) Lollum-Waaksens, 5-1:6-4
- 25) Seisbierrum-Pitersbierrum 2

2e omloop

Twa spannende partijen op de twadde list. By de klapper tusken Boalsert en St. Anne, lûkt St. Anne úteinlik oan it langste ein. Op in stân fan 4-4:6-6 stiet St. Anne oan de opslach en Sjoerd de Jong kin de bal werom slaan it perk yn. Dan hat St. Anne op 4-5:6-6 de kâns om it út te meitsjen, mar dat slagget net. De bal giet bûten. Op 5-5:6-2 liket it dat Boalsert der mei de winst fan troch giet, mar Boalsert beslút in keats te hâlden yn stee fan de bal werom it perk yn. Dan op in stân fan 5-5:6-6 slacht Peter van Zuiden de bal foar en giet St. Anne troch nei de tredde list.

Ek in spannende partij tusken Frjentsjer 2 en Bitgum. It giet gelyk op en op in stân fan 5-5:6-2 foar Frjentsjer pakt Bitgum de keats. Op 5-5:6-4 in sitbal troch Tsjisse Steenstra, mar dêrnei giet de bal út. Frjentsjer troch nei de tredde list.

By de striid tusken Seisbierrum-Pitersbierrum 2 tsjin Seisbierrum-Pitersbierrum 1 jout it earste partoer it twadde partoer gjin kâns. De winst is foar Seisbierrum-Pitersbierrum 1 op 1-5:0-6. Frjentsjer 1 is ek troch nei de tredde list troch winst op Dronryp 2, 5-0:6-2. Sa't Arum op de earste list mei 5-3 winne koe, ferlieze se op de twadde list mei 5-3:6-0 fan Easterlittens.

Jelsum-Koarnjum-Britsum, ús lêste debutant, koe St Jabik byhâlde oan't spullen gelyk. Dêrnei komt St Jabik op de 3 earsten nei't Bauke Triemstra op'e 6 de bal werom slacht en Enno Kingma docht it selde op de folgjende 6: 4-2 foar St Jabik. Op 5-3:6-4 leit der in keats by de middelline dy't Haye Jan Nicolay net foarby slacht. Dêrmei komt St Jabik yn 'e prizen troch in steand nûmer op de tredde list.

- 25) Seisb.-Pitersbierrum 2 – 1) Seisb.-Pitersbierrum 1, 1-5:0-6
- 4) Boalsert – 6) St Anne, 5-5:6-8
- 7) Frjentsjer 2 – 10) Bitgum, 5-5:6-4
- 12) Frjentsjer 1 – 14) Dronryp 2, 5-0:6-2
- 16) Easterlittens – 17) Arum, 5-3:6-0
- 20) St Jabik – 22) Jelsum-Koarnjum-Britsum, 5-3:6-4
- 23) Menaam

3e omloop

It aventoer fan Menaam op de tredde list duorre net lang tsjin Seisbierrum-Pitersbierrum 1. De earste buordsjes wurde ferdield, mar fanôf de 1-2 foarsprong set Seisbierrum-Pitersbierrum in sprint yn. It wurdt 1-5:0-6. St. Anne nimt it op

tsjin Frjentsjer 2 yn de tredde omloop. Se rinne frij maklik út nei de 5-0 foarsprong, mar dat lêste earst is ek belangryk! Frjentsjer komt werom mei 5-1:5-2, mar dan op 5-2:6-6 makket St. Anne it út.

Frjentsjer 1 keatst tsjin Easterlittens dy't al goed fan sich ôfslein hat oant no ta. Ek yn dizze partij liket Easterlittens it oerwicht te hawwen mei in 3-5 foarsprong. Easterlittens komt yn dit lêste buordsje op in 0-6 foarsprong en dan kin balkearder Ruben Bonhof in lytse keats hâlde. Simon Zijlstra makket it út troch dizze keats foarby te slaan.

- 23) Menaam – 1) Seisbierrum-Pitersbierrum 1, 1-5:0-6
- 6) St Anne – 7) Frjentsjer 2, 5-2:6-6
- 12) Frjentsjer 1 – 16) Easterlittens, 3-5:0-6
- 20) St Jabik

Heale finales

De earste heale finale gie tusken St Jabik en Seisbierrum-Pitersbierrum 1. Seisbierrum mei de keatsers Johannes van der Veen, Kees van der Schoot en Jelte Visser begjinne sterk tsjin Bauke Triemstra, Enno Kingma en Rick Poortstra. It earste buordsje is foar Seisbierrum en op 0-1:6-6 en in keats, bringt Bauke de bal bûten en nimt Seisbierrum de 0-2 foarsprong. Op 0-2:6-6 slacht Jelte de keats knap foarby. Op 0-3:2-6 wit Kees de bal foar de keats te kearen en rint Seisbierrum út nei 0-4.

Pas dan pakt St Jabik it earste buordsje as op 4-4 Rick Poortstra boppe slacht en op 6-4 Johannes v/d Veen bûten slacht. Yn it folgjende earst stiet it 6-6 en slacht Enno Kingma in geweldige sitbal: 2-4 yn earsten. Op 2-4:4-6 hâld Kees v/d Schoot de keats foar syn partoer en pakt Seisbierrum de



5 earsten. Bauke Triemstra slacht de bal bûten op 2-5:4-4 en nimt Enno de opslach oer. Dizze bal wurdt fuortsein oer de boppe troch Kees v/d Schoot en dêrmei is Seisbierrum-Pitersbierrum de earste finalist fan dizze 9e Jong-Feinte Partij. It is fuort ek de earste kear dat Seisbierrum yn de prizen sit.

Easterlittens mei Ruben Bonnhof, Erwin Zijlstra en Simon Zijlstra keatse prima hjoed en steane mei rjocht yn de heale finale tsjin St. Anne. St. Anne makket in goede start en nimt in 2-0 foarsprong. Op 2-0:6-6 slacht Erwin Zijlstra in sitbal en wurdt it 2-1. It slagget Easterlittens ek om it spul te pakken en sa giet it dus gelyk op. Op in folgjend momint yn de wedstriid is de stân 3-2:6-4 en in lytse keats. Sjoerd de Jong kin dizze keats foarby slaan en nimt dêrmei syn partoer nei de foarsprong fan 4-2.

St. Anne is net fan doel it spannend te meitsjen en rint út nei de 5 earsten troch in boppeslach fan Sjoerd de Jong op 4-2:6-2. Op 5-2:4-4 wit Easterlittens de bal boppe te slaan, mar Krijn Hiemstra slacht dêrnei in moaie sitbal, 5-2:6-6. Mei in keats fan ûngefear 6 meter besiket Erwin Zijlstra it tredde buordsje te pakken, mar dit slagget net. Sjoerd de Jong makket it út mei in boppeslach.

20) St Jabik – 1) Seisbierrum-Pitersbierrum 1, 2-5:4-6
6) St Anne – 16) Easterlittens, 5-2:6-6

Finale

Nei in prachtich Frysk folkslied songen troch Antsje Stenekes kinne we los mei de finale. Seisbierrum-Pitersbierrum 1 mei de keatsers Johannes van der Veen, Kees van der Schoot en Jelte Visser nimme it op tsjin St. Anne mei Rein Hiemstra, Krijn Hiemstra en Sjoerd de Jong. Fanwege de wyn binne de perken omlein. It earste buordsje is gelyk spannend. Op 4-4 lizze der twa keatsen, 1 fan ûngefear 6 meter en 1 by de boppe. Seisbierrum-Pitersbierrum sil oan de opslach besykje dizze keatsen te behâlden. De earste wurdt pakt troch in boppeslach fan Sjoerd de Jong en de twadde is foar Seisbierrum. Op 6-6 slacht Sjoerd de Jong de bal in ein oer de boppe en is it earste buordsje foar St. Anne.

It giet wer gelyk op. Krijn slacht in bal boppe, Johannes in sitbal, Johannes in bal bûten en noch ris in sitbal: 4-4. Dan in keats en Kees v/d Schoot slacht op, mar Sjoerd soarget foar de 6 troch de bal boppe te slaan. Troch in kweaslach fan Seisbierrum-Pitersbierrum wurdt it 0-2 yn earsten foar St. Anne. 0-2:4-4 en twa keatsen, wêrby't sawol Seisbierrum-Pitersbierrum as St. Anne in keats pakke. It wurdt wer seis gelyk en Sjoerd de Jong pakt it tredde buordsje foar St. Anne troch de bal werom yn it perk te slaan.

It folgjende buordsje is foar Seisbierrum-Pitersbierrum. Op 0-3:4-0 en in dikke keats slacht Jelte Visser de bal boppe fan



Krijn Hiemstra. De 6-0 foarsprong yn it earst wurdt ôfmakke troch Seisbierrum en sa wurdt it 1-3. Op in stân fan 1-3:2-2 en twa keatsen pakt St. Anne beide keatsen en wurdt it 1-3:2-6. In dikke keats op de boppe en Johannes slacht de bal plat foaryn, 4-6. En wer in knappe sitbal fan Johannes, 6-6. It perk Kees/Jelte tsjinoer Sjoerd pakt de keats net, 1-4.

Yn it nije earst slacht Jelte kwea út, 0-2. Seisbierrum besiket it mei in ruil yn it perk, mar no slacht Kees kwea út, 0-4. Der komt in 0-6 as St Anne de 1e keats pakt en de 1-5 is dêr as de 2e keats ek troch Sjoerd fersulvere wurdt. De earste bal yn it nije earst giet op de kwea yn, 2-0 en dan komt der in keats. Dan pakt Krijn de 2-2 mei in boppeslach. St Anne is deeglik en keatst tûk. Der binne twa keatsen en Krijn oan de opslach. De hege bal wurdt in proai foar Kees, 4-2. Op 6-4 pakt Seisbierrum it spul as Sjoerd bûten slacht.

Kees pakt de earste 2 punten yn it nije earst, boppe, 2-0. Der komme twa keatsen en Rein hâldt de keatsen lyts yn it tuskenspul. Kees slacht fligend op de linkerhân fan Sjoerd, 4-0. Johannes slacht best op en Krijn strak út. Johannes kin net mear foar de keats werom slaan, 4-2. Twa keatsen en de earste giet nei Seisbierrum, Sjoerd bûten, 6-2. Krijn slacht op en wer heech fansels. Mar eilaas bûten en Seisbierrum slûpt fichterbij, 3-5. Se begjinne ek it folgjende earst goed mei trije boppeslaggen, 6-0! Dan in keats healweis. Johannes slacht op en keart sels foar de keats, 4-5!

Dan kwea út fan Sjoerd, 2-0. Dan Sjoerd prima út en Jelte werom yn it perk, 4-0. Dan in geweldige boppeslach fan de heup fan Sjoerd, 4-2. De folgjende útslach fan Sjoerd giet krekt kwea, 6-2. Der komt in lytse keats. De opslach fan Sjoerd giet bûten. Dan earst in lytse keats. Krijn heech op en Kees vd Schoot pakt de earste twa punten fan it lêste earst. Dan pakt Krijn de 2-2 mei in platte bal en de 2-4 mei in tuskenynse bal, twa keatsen en 5-5:2-4. Kees mei in prachtige platte bal op Krijn/Sjoerd, 4-4. Johannes best op, mar Krijn passeart de boppe mei strakke útslach, 5-5:4-6. En dan slacht Johannes de bal eilaas bûten en wint St Anne yn har 3de finale dizze kear de haadpriis.

1) Seisbierrum-Pitersbierrum 1 – 6) St Anne, 5-5:4-6

Utslach

1. St Anne (Rein Hiemstra, Krijn Hiemstra, Sjoerd de Jong)
2. Seisbierrum-Pitersbierrum (Jelte Visser, Johannes van der Veen, Kees van der Schoot)
3. Easterlittens (Simon Zijlstra, Erwin Zijlstra, Ruben Bonhof)
3. St Jabik (Enno Kingma, Bauke Triemstra, Rick Poortstra)

De Jong-Fammen fan Frjentsjer, Iris vd Veen, Nicole Hempenius en Manon Scheepstra hingje de krânsen om by de Jong-Feinten fan St Anne. It wie in prachtige Jong-Feintedei mei in moaie finale, prachtige keatsers, in moaie winner. In soad publike belangstelling en geweldich troffen mei it waar! We sjogge jimme graach wer yn 2014, op de fjirde woansdei fan july, 23 july 2014, by ús lustrumedysje fan de Jong-Feinte.

Klassemint Jong-Feinte

Ferienings			Prizen			Jierren								
Nr	Ofdieling	Pnt	1e	2e	3e	'05	'06	'07	'08	'09	'10	'11	'12	'13
1	Tsjummearum	10	2	2						2	1	2	1	
2	Wytmarsum	8	2	1		1	1		2					
3	Holwert	7	2		1			3	1	1				
4	St. Anne	7	1	2							2		2	1
5	Wommels	5		1	3	2	3		3	3				
6	Frjentsjer	4	1		1	3						1		
7	Makkum	3	1					1						
8	Dronryp	3			3				3	3			3	
9	St. Jabik	3		1	1			2						3
10	Goutum	2		1			2							
11	Seisbierrum/Pitersbierrum	2		1										2
12	Easterein	1			1	3								
13	Hym-Feinsum	1			1			3						
14	Makkum 2	1			1						3			
15	Minnertsgea	1											3	
16	Peins	1			1							3		
17	Wjelsryp	1			1							3		
18	Easterlittens	1			1									3

Wedstriidferslaggen

Yn 2013 wie de dielname oan de wedstriden yn Easterein nochal wat minder as ferline jier. No hiene we doe fansels ek de Federaasjedei en de jubileumpartij fan de Skoalleseize 25 jier.

Bysûndere prestaasjes en aktiviteiten wienen:

- Op 26 juny winne Selma de Boer, Julia Paauw en Mirjam Punter foar it earst yn de skiednis fan de Foareker it skoallekeatsen.
- Tineke Dijkstra wint by de froulju 1e klas it algemien ein-klassemint.
- Jelte-Pieter Dijkstra wint 3e priis op de PC.

En fansels hie eltse keatser yn hokker partij as klasse dan ek syn of har eigen suksessen!

Stipers

Yn 2013 hienen we 44 stipers. Troch harren finansjele as materiële bydrage hawwe wy sportyf sjoen alle aktiviteiten, yn in moaie keatsaginda, biede kinnen oan ús lede-, federaasje- en KNKB-keatsers. Ut namme fan keatsers, bestjoer, kommisjes en frijwilligers hertlik tank dêrfoar.

Oersicht dielname oan partijen yn Easterein

Yn 2013 stienen 428 partoeren op de listen. Dat wienen 71 minder as ferline jier (499). Dizze partoeren keatsten yn 55 (65) klassen. By de jongerein wienen 178 (226) partoeren en by de senioaren 250 (273). By de jongerein waard faak keatst yn 2-tallen. By de manlju en froulju keatsten de jonges en famkes as somtiden skoalbern ek mei.

Keatsers / keatsters

Oer 2013 is der 1.047 kear (yn 2012 1.199) dielnaam oan wedstriden yn Easterein en dêrmei 152 minder as ferline jier. Der binne 139 krânsen (161) om de nekke hongen en 441 prizen (451) útrikt.

Kategory	KFE	Fed.	KNKB	Totaal
Kabouter famkes	0	0	0	0
Kabouter jonges	0	0	0	0
<i>Kabouters</i>	32	4	0	36
Welpen famkes	0	6	0	6
Welpen jonges	0	14	0	14
<i>Welpen</i>	32	0	0	32
Pupillen famkes	0	4	0	4
Pupillen jonges	0	12	0	12
<i>Pupillen</i>	16	0	0	16
Skoalfamkes	0	0	0	0
Skoaljonges	0	0	0	0
<i>Skoalbern</i>	18	14	0	32
Famkes	0	0	14	14
Jonges	0	0	0	0
<i>Famkes/Jonges</i>	4	8	0	12
Junioaren	0	0	25	25
Froulju	37	7	31	75
Manlju	61	12	31	104
<i>Froulju/Manlju</i>	46	0	0	46
Totaal	246	81	101	428

Faak keatsten de jongerein yn 1 klasse mei mear kategoryen, lykas welpen famkes en -jonges, as skoalfamkes en -jonges.

Kategory	KFE	Fed.	KNKB	Totaal
Kabouter famkes	43	5	0	48
Kabouter jonges	24	3	0	27
Welpen famkes	24	19	0	43
Welpen jonges	33	29	0	62
Pupillen famkes	13	11	0	24
Pupillen jonges	16	25	0	41
Skoalfamkes	20	11	0	31
Skoaljonges	13	17	0	30
Famkes	0	9	32	41
Jonges	3	15	0	18
Junioaren	0	0	71	71
Froulju	156	20	93	269
Manlju	213	36	93	342
Totaal	558	200	289	1047
Klassen	40	8	7	55
Parfoeren	246	81	101	428
Krânsen	93	26	20	139
Prizen	276	92	73	441

LEDEWEDSTRIDEN

17-03-2013: Sealkeatsen jongerein

Er was wat weinig animo voor de wedstrijd maar we hebben hem toch door laten gaan, met 9 personen op de lijst hebben we er toch een leuke wedstrijd van weten te maken. Met 3 keer bij een ander en met een zachte bal en zaalregels, was het toch ook voor de jongens moeilijk om van de jongeren te winnen.

De eerste wedstrijd ging gelijk al gelijk op maar op 4-4:6-6 wisten Bote en Kees toch de winst te pakken en wonnen de wedstrijd van Rémon en Geja. Jorrit, Rimmer en Margriet hadden moeite met de ballen van Hendrik en Rutger en dus



was de winst voor Hendrik en Rutger. Met 5-4:6-4 was het een leuke partij.

De tweede omloop was voor iedereen wat makkelijker, de derde partij wist iedereen weer wat zaalkaatsen was en ging het allemaal wat soepeler en waren de prijzen verdeeld.

Er was leuk gekeatst en heel sportief. Hopelijk volgend jaar wat meer deelname want anders weten we niet of deze partij nog wel door kan gaan. Dat zou toch heel jammer zijn want het is toch weer een leuk begin van het nieuwe kaatsseizoen!!!!

1e prijs: Bote Jellema, 21 voor en 8 tegen

2e prijs: Margriet Jellema, 18 voor en 8 tegen

3e prijs: Rémon Tie Bouma, 18 voor en 9 tegen

Van harte gefeliciteerd met jullie prijs en een gezellig en sportief kaatsseizoen toegewenst!

30-04-2013: Keninginnepartij – Oranje & Heitelân

Hjoed, mei in strieljend sintsje mar wol kâlde wyn, is der foar de lêste kear keatst tidens Keninginnede! Fanôf takom jier in oare dei mei in oare namme; fanôf dan wurdt op 27 april Keningsdei fiert. Foar de measten wie it wer de earste kear dat der in baltsje slein waard. Dit gie meastentiids sa moai as wat, der waard fanatyk, fûleindich mar ek sportyf keatst.

By de A klasse froulju waard der yn in poule keatst mei 4 partoeren. Nei 3 listen kamen Marije Hiemstra, Sietske Poelsma en Dian Dijkstra (alles wûn) as winners út de bus en koene de krânsen omhongen krije. Tineke Dijkstra, Romine Jelsma en Lysbet Bakker (2x wûn, 1x ferlern) pakten de 2e priis.

De froulju yn de B klasse keatsten in 'gewoane' list. Yn totaal wiene hjir 5 partoeren. De finale yn de winnersronde gie tusken Janieke Dijkstra, Jeska Terpstra en Dieuwke Kooistra, Willy Bootsma, Yvonne Terpstra. De 2 jeugdige leden Janieke en Jeska pakten knap de 1e priis troch de finale te winnen mei 5-3:6-2. Yn de ferliezersronde gie de finale tusken Mattie Dijkstra, Riemy Kamstra, Jikke Velzen en Wiepkje Hiemstra,



Martina Kooistra, Geja Hofstee. Wiepkje c.s. lutsen hjiryn oan it langste ein troch te winnen mei 5-0:6-6.

By de manlju ek in A en B list. De A manlju keatsten yn in poule mei 4 partoeren. In moai begjin fan it keatsseizoen foar ús nije haadbestjoerslid Marten Faber, hy pakte fuort de krânse mei Marco Hoekstra en René Velzen. Sy wûnen alle 3 partijen, 2e waarden Ewout de Boer, Rémon Bouma en Christian Hoekstra, sy wûnen 2x en ferlearen 1x.

De B klasse by de manlju waard ferkeatst mei in 'gewoane' list. Yn de winnersronde wiene de krânsen foar Peter Stuver, Sipke Hiemstra en Klaas Pompstra. Sy wiene yn de finale te sterk foar Tjeerd Dijkstra, Ids de Boer en Gep Bakker en wûnen mei 5-4:6-4. In 3e priis wie noch foar Marco Reijnhoudt, Geert Couperus en Tom Veldman. De ferliezersronde waard wûn troch Hendricus Tacoma, Hendrik Okkema en Wietse Vink troch de finale te winnen mei 5-1:6-0 fan Abe Jan Stegenga, Roel Sijbesma en Mebius de Boer.

Tsjin 5-en koene Jikke en Hans út namme fan it bestjoer de krânsen en prizen útrikke. Al mei al in tige slagge Keninginnepartij hân!

09-05-2013: Witteveen & Brouwer-partij

9 maaie ha we de Witteveen & Brouwer partij hân. By de manlju wie der hjoed in moaie list mei 11 partoer. By de froulju waard der mei de sêfte bal keatst. We hiene by de froulju poule keatsen. Der wiene 2 poulen mei yn elke poule 3 partoeren.

Nei de earste omloop stie der in hearlik kâld buffet foar alle keatsers (oanhang en bern) klear. Dit buffet is stipe troch Couperus, Vellinga, Okkema, v/d Eems en Bos. En fersoarge troch Noflik Easterein. Doe elkenien de bûk wer fol hie koene we wer fierder keatse.

By de manlju yn de winnersronde wie it partoer fan Erwin de Boer, Klaas Kamstra, Tom Veldman it sterkste en ha de earste priis wûn. Twadde bin Rene Velzen, Ype Tiemersma en Jorrit Veldman wurden. It tredde plak wie foar Bote Jellema, Sipke Hiemstra en Tjerk Okkema. Yn de ferliezersronde binne Robert Sijbesma, Hans Kooistra en Marco Rijpkema der mei de earste priis fan troch gien. It twadde plak wie hjir foar Stefan v/d Weg, Abe Jan Stegenga en Stoffel Bouma.

Bij de froulju koene de âlderen it hjoed net winne fan de jongerein. Jitske Veldman en Sanne Rixt Jorritsma ha alles wûn en krigen de krâns hjoed. Twadde bin Dian Dijkstra, Arjanne Schaafsma en Yvonne Terpstra wurden.

Al mei al ha we hjoed in moaie dei hân, mei tank oan ús stiper: Witteveen & Brouwer.

15-05-2013: Kapsalon Kniplokaeltsje-partij

Wat hawwe wy it troffen mei it waar dizze dei! It wie in prachtige keatsdei! De foarsizzing fan dizze dei: "wiet waar". Mar dit is oan ús foarby gongen. By de kabouters wie it in iepen ledewedstriid. Bern dy't net lid binne mar it wolris probearje woenen koene dizze dei meidwaan. Dêrtroch binne der dizze dei 8 twatallen by de kabouters. Betûfte kabouters en kabouters dy fan neat wisten. No en dat gong prachtich tegearre... wolris wat teloarstellingen mar oer it gehiel nommen ha de bern mekoar goed oppeppe kinnen. Ast net in priis wûn hiest dan wie der in moai oantinken yn de foarm fan in medalje. Neffens ús hat eltsenien syn stjonkende bêst dien dizze dei.

Utslach Kabouters

Winnersronde:

1e priis Arjen Stremmer en Marije Zijlstra

2e priis Judith v.d. Weerd en Senay Sixma

Ferliezersronde:

1e priis Sybrand Vellinga en Nyka Ottens

2e priis Niels Hiemstra en Mette Stap

By de welpen wie der poule keatsen. En mei 5 twatallen en 1 folslein partoer hawwe se allegearre 3x keatse kinnen.

Utslach Welpen

1e priis Nynke Paauw en Marrit Hiemstra

2e priis Bauke Reijnhoudt en Jelmer Brouwer

3e priis Amber Reijnhoudt en Redmer Wiersma

By de pupillen binne dizze dei 4 partoer, 2 fan twa en 2 fan trije keatsers. Ek sy koenen 3x keatse.

Utslach Pupillen

1e priis Selma de Boer en Marc Janssen.

2e priis Hendrik v.d. Eems, Halbe Willem Overal en Rimmer Kamstra

By de skoaljeugd wie der 3x in totaal oare list fan 4 partoer. De krâns wie foar de bêste A, B en C maat en ek sa foar de 2e priis.

Utslach skoaljeugd

1e priis

A Jeska Terpstra

B Rutger Wiersma

C Geja Hofstee

2e priis

A Janieke Dijkstra

B Julia Paauw

C Tjalling Tjalsma

19-05-2013: Pearkekeatsen – Murk's slagerij, Willem Overal Montage, Peter Sijbesma Duo Bouw Timmerbedrijf

Mei 34 partoer op de list giene we om goed 12 oere los mei it pearkekeatsen. Der waard yn 4 klassen keatst: TOP

(10 partoer), A, B en C (allegearre 8 partoer). We bin fansels wol went oan wat 'frjemde' nammen op de list omdat der mar ien fan it partoer lid hoecht te wêzen fan de keatsferiening. Ien pearke foel yn it bysûnder op: Tineke Kamstra en Christopher Grove... Hiene we hjir mei in útlânsk idool te meitsjen? Neifraach by Tineke die blyken dat we net fier út de rjochting wiene. Dizze dreamman hie se sjoen yn de trein yn New York en fûn de namme Christopher Grove, nei wat wikken en wegen, goed by him pasjen. Om noch wat yn dizze dream te bliuwen keatste se hjoed yn gedachten mei him, mar stie Harm Auke Dijkstra yn it echt mei har yn it perk. In prima ferfanger ;-)!

Under prima waarsomstannigheden waard der keatst mei nocht en foaral ek wille. De measte pearkes wiene goed oanmekear weage en dit levere moaie, striidlustige partijen op mei hjir en dêr wat famylje-striid.

Yn de TOP klasse mar leafst 10 partoer op de list. Dúdlik te sjen dat Easterein bol stiet fan keatstoppers! De finale gie tusken Jildou Jorritsma/Jort Strikwerda en Dian Dijkstra/Bauke Dijkstra. Yn in spannende partij wûnen Dian en Bauke mei 5-5:6-2. Ek de finale yn de ferliezersronde wie spannend. Petronella Tolsma/Jelte-Pieter Dijkstra wûnen fan Regina Sandstra/Stefan v/d Weg mei 5-5:6-0.

De finale yn de A klasse gie tusken Hester Kingma/Simon Kingma én Judy Bergsma/Ype Tiemersma. Hester en Simon wiene yn de finale fierstente sterk foar Judy en Ype tsjûge de sifers: 5-1:6-4. De finale yn de ferliezersronde waard wûn troch Tineke Kamstra en Christopher Grove troch te winnen mei 5-2:6-0 fan Gerry Edou Mollema en Bote Jellema.

De prizen yn de B klasse waarden ferdielt tusken Tineke Yntema en Bote Strikwerda én Sieta Tessemaker en Peter Stuiver, de earstnamden wûnen mei 5-1:6-4. Yn de ferliezersronde gie de finale tusken Liesbeth Bootsma/Abe-Jan Stegenga en Hans Kooistra/Dieuwke Kooistra. Liesbeth en Abe-Jan lutsen hjiryn oan it langste ein troch te winnen mei 5-2:6-6.

Yn de C klasse wie it foaral in famylje-oangelegenheid tusken de Okkema's. De finale gie dan ek tusken Vera en Hendrik Okkema én Karin Sjaarda en Durk Okkema. Dizze waard wûn troch de lêsten mei de sifers 5-3:6-6. Petra Jellema/Mebius de Boer en Wilma Sjaarda/Auke de Boer stiene yn de finale fan de ferliezersronde. Petra en Mebius wiene hjiryn de terjochte winners en wûnen mei 5-1:6-6.

Goed 18.30 oere koene alle prizen útrikt wurde en waard de ferlotting hâlden. Al mei al in tige slagge keatsdei yn Easterein, mei tank oan ús stipers Murk's Slagerij, Overal Montagebedrijf en Duo-Bouw.

TOP klasse Winners

- 1e Dian Dijkstra en Bauke Dijkstra
- 2e Jildou Jorritsma en Jort Strikwerda
- 3e Lysbet Bakker en Ewout de Boer

Ferliezersronde

- 1e Petronella Tolsma en Jelte-Pieter Dijkstra
- 2e Regina Sandstra en Stefan v/d Weg

A klasse Winners

- 1e Hester en Simon Kingma
- 2e Judy Bergsma en Ype Tiemersma

Ferliezersronde

- 1e Tineke Kamstra en Christopher Grove
(alias Harm Auke Dijkstra)
- 2e Gerry Edou Mollema en Bote Jellema

B klasse Winners

- 1e Tineke Yntema en Bote Strikwerda
- 2e Sieta Tessemaker en Peter Stuiver

Ferliezersronde

- 1e Liesbeth Bootsma en Abe Jan Stegenga
- 2e Hans en Dieuwke Kooistra

C klasse Winners

- 1e Karin Sjaarda en Durk Okkema
- 2e Vera Okkema en Hendrik Okkema

Ferliezersronde

- 1e Petra Jellema en Mebius de Boer
- 2e Wilma Sjaarda en Auke de Boer

02-06-2013: Alder-bernpartij – Pake's en Beppe's

Soe it wat wêze om 1x yn it jier te keatsen sûnder dat je in krâns as in priis winne kinne? Keatse mei je heit as mem (as iets wat der op liket) gewoan foar de geselligens? Is dat wol leuk?? No de bern en de âlders fan KF Easterein ha hjoed sjen litten dat dat grif leuk wêze kin!! It waar wie ús op de hân dizze edysje fan de âlder-bern partij en mei 28 partoeren yn totaal hiene we 3 moaie ferskillende listen by alle kategoryen. Der koe lekker ûntspannen keatst wurde wêr by foaral de bern it wurk dwaan moasten (foarbest op en foaryn) en de âlders 'ter ondersteuning' wiene. Al fielde dat foar eltsenien miskien net sa.....:-)

Der waard 3 x 20 minuten keatst, sadat der tusken de partij en troch ek genôch tiid wie om te boartsjen, te fuotbaljen, te kleurjen as yn de sânbak (de bern) of om lekker fan it sintsje te genietsjen en even by te praten mei de oare âlders. It jild wat oars brûkt waard foar de krânsen en prizen hiene we nuttich besteed foar de 'ynwendige minsk'.

Foar alle bern wie der limonade, ijsko's en chips. Foar de âlders kofje, tee, borrelhapkes en nei de tiid foar eltsenien noch bitterballen. De woarst, tsiis en de komkommer wie beskikber steld troch Jumbo Wommels, bêst genôch! Nei ôfrin wie der foar alle bern noch in leuke herinnering oan dizze partij yn de foarm fan in echte muorrekeatsbal, sadat der thús ek omraak oefene wurde kin. De KNKB hie hjir in oantal fan beskikber steld. Ek wer bêst genôch! By in goeie ynboedelfersekering kin der sels ek tsjin de muorren yn'e hús brûkt wurde....

Al mei al fûnen wy it as jeugdkommisje in tige slagge dei. Oankommende woansdei ha we wer in ledepartij en dan binne der wer krânsen en prizen te ferkeatsen en helje we de bitterballen wer fan de list!

05-06-2013: Sandstra-partij

Eindelijk was het zover, geen winterjassen of sjaals of lange mouwen tegen de kou. Vandaag was het zonnebrandcrème tegen de zon maar dat hadden we er graag voor over. Er werd leuk gekeatst. Veel ballen werden boven geslagen. Heel veel spannende partijen.

Bij de kabouters was het duidelijk wie de krans had gewonnen. Er was een partuur die 3 partijen had gewonnen. Maar toen kwamen 2 parturen met het zelfde aantal eersten en het zelfde tegen eersten. Dus twee 2 prijzen.

Bij de welpen waren er 2 partuur met 21 punten 3 keer gewonnen. Dan komen de tegen eersten aan bod. Partuur 6 had 4 tegen eersten en partuur 5 had 5 eersten tegen.

Verder was het een zeer geslaagde middag en avond.

Kabouters

- 1e prijs Arjen Stremmer en Anke Blanksma
- 2e prijs Judith vd Weerd en Mette Stap
- 2e prijs Mirthe Overal en Gjelt Kempe

Welpen

- 1e prijs Nadja Sixma en Jelmer Brouwer
- 2e prijs Redmer Wiersma, Siebo Boersma en Redmer Stegenga
- 3e prijs Bauke Reijnhoudt en Thijs Jansen

Pupillen

- 1e prijs Hendrik vd Eems en Marc Janssen
- 2e prijs Corrie Kroondijk en Rimmer Kamstra

Skoljeugd/Famkes/Jonges

- 1e prijs Jeska Terpstra en Jeljer Overal
- 2e prijs Machtelt Couperus en Jildou Couperus
- 3e prijs Rutger Wiersma en Kees vd Horst

19-06-2013: Boero Group-partij

We hiene der as jeugdkommisje foarôf hast pine bûk fan, wat soe it waar dwaan dizze woansdei. Der waarden tropyske temperatueren foarspelt mar ek dikke reinbuien mei kâns op ûnwaar. Mar niks fan dit alles barde. Wat wie it moai keatswaar oant let yn'e jûn. Om 13.30 oere begongen we mei de 3 jongste kategoriën. De kabouters wiene 3 kear by in oare maat en keatsten dus foar hun eigen punten. By de B-maten wiene der 8 keats(f)ers en by de A-maten 6 dus wiene der by de B-maten 4 prizen en de A-maten 3. By de 4e priis wie it spannend want dy hiene like folle foar as tsjin earsten. Doe moasten de punten dy't helle wiene oan't ein fan de partij der ek nog by.



Utslach A-maten

1e Niels Hiemstra
2e Redmer Stegenga
3e Gjelt Kempe

Utslach B-maten

1e Senay Sixma
2e Mirthe Overall
3e Nyka Ottens
4e Liset Sijbesma

By de welpen wiene der 6 partoeren yn 2 poules. De striid lei dêr oan't de lêste partij noch iepen. It wie tige spannend mei sels 2 partijen mei 'alles oan'e hang'. 2 partoeren hiene alle 3 partijen wûn en dus beide 21 punten foar mar de iene hie 6 tsjin earsten en de oare 8.

1e Redmer Wiersma en Marrit Hiemstra
2e Nynke Paauw en Tessa Ottens
3e Rutger Sijbesma en Thijs Janssen

By de pupillen wiene der 4 partoeren en koene se 3 kear keatse. Ek hjir ien partij mei alles oan'e hang. De oare partijen wiene minder spannend.

1e Hendrik van der Eems en Halbe Willem Overall
2e Corrie Kroondijk en Bauke Reijnhoudt

Om 17.00 oere koe de skoaljeugd los, dêr ek 4 partoeren dy't elts 3 kear keaste koene. Der wie 1 partoer dy't 3 kear wûn en de krâns mei nei hûs naam.

1e Jildou Couperus en Rutger Wiersma
2e Kees van der Horst en Julia Paauw

Mei tank oan de sponsor Boerogroup en de frijwilligers wie it in slagge keatspartij.

22-06-2013: Posthuma-partij

By de manlju kamen Hotze Jellema en Simon Kingma der noch by op de list en sadwaande waard by de manlju keatst yn 2 poules. Poule A mei 3 partoer en poule B mei 4 partoer. By de froulju wie 1 poule mei 4 partoer. It seach der om 12 oere noch reedlik út mei it waar, mar nei in lyts oerke begûn it al aardich troch te drippen. Rûn healwei trijen bruts de loft iepen en it wetter kaam mei bakken út de himel, mei trochweakke kleen en sopjende skuon is om 3 oere de wedstriid foar in oerke stil lein om't it ta koste gie fan it fjild, dat it wetter net sa hurd opnimme koe. Om 4 oere is it fjild wer keurd en koenen we wer fierder keatse.

By de manlju gie de finale tusken Erwin de Boer, Jan Vellinga, Geert Couperus en Danny Roos, Hans Kooistra en Hendrik Okkema. Mei in einstân fan 5-0:6-2 wûnen Danny, Hans en Hendrik by de manlju.

By de froulju gie de finale tusken Janieke Dijkstra, Riemy Kamstra, Klaske Plantinga en Mattie Dijkstra, Martine Kooistra en Karin Sjaarda. Mattie, Martine en Karin wûnen mei 5-2:6-0 fan Janieke, Riemy en Klaske.

Run healwei sânen wie de priisútrikking. Us tank giet út nei de stiper Skilderbedriuw Posthuma.

06-07-2013: Bos-partij

Bij de kabouters A hebben gewonnen:

1e Arjen Stremmer
2e Redmer Stegenga
3e Niels Hiemstra

Bij de kabouters B hebben gewonnen:

1e Mette Stap
2e Senay Sixma
3e Sybrand Vellinga





Bij de welpen winnaarsronde:

- 1e Nynke Paauw en Amber Reynhoudt
- 2e Bauke Reynhoudt en Thijs Janssen

Bij de verliezersronde:

- 1e Tjalle Durk van der Eems en Jelmer Brouwer
- 2e Niels Janssen en Marrit Hiemstra

Bij de pupillen/schooljeugd:

- 1e Hendrik van der Eems en Sydrik Kooistra
- 2e Rutger Wiersma en Jeljer Overal

Met dank aan onze sponsor Bos Mechanisatiebedrijf en wij wensen iedereen een prettige vakantie toe en vooral mooi weer.

20-07-2013: De Jong-partij

Op in 'zonovergoten' keatsfjild wie hjoed de 'De Jong' partij. Troch de fakânsjetiid wie de opkomst net al te grut (4 partoer by de froulju en 6 partoer by de manlju), mar dat mocht de pret beslist net drukke. Der waard fanatyk en sportyf keats!

De froulju keatsten yn ien poule, sa koene se allegearre 3 x keatse. Nei de 1e twa omlopen stiene de partoeren ticht bymekoar, dus alles moast noch beslist wurde yn de 3e omloup. Eintsjebeslút wiene it Sanne Rixt Jorritsma en Karin Sjaarda dy't de measte westriden wûn hiene en de measte earsten en sadwaande mei de krânsen nei hûs giene.



Al hiene se it wol dreech tsjin harren lêste tsjinstanders, Vera de Vries en Romine Jelsma, sjoen de stân 5-5:6-6. De 2e priis waard dan ek wûn troch Vera en Romine mei 1 punt minder dan Sanne Rixt en Karin.

By de manlju 2 poules fan 3 partoer. Harm Auke Dijkstra en Tjerk Okkema wûnen poule A, foaral de lêste wedstriid hjiryn wie tige spannend, tsjin Ids de Boer en Durk Okkema kaam alles oan de hang. Harm Auke en Tjerk wisten dizze te winnen en berikten sa in plak yn de finale. Hjiryn moasten se it opnimme tsjin Christian Hoekstra, Sipke Hiemstra, Marco Rijpkema. Sy wûnen poule B, wêryn ek harren lêste wedstriid it dreechst wie, tsjin Rémon Bouma en Sjoerd Wijngaarden waard it 5-5:6-0. De finale waard úteinlik mei 5-2:6-2 wûn troch Christian, Sipke en Marco.

We ha wer in tige slagge keatsmiddei hân, mei tank oan stiper Theo de Jong fan Installatiebedrijf De Jong!

23-08-2013: Nachtkeatsen jongerein – MRW Accountants

Zeven uur ging het spektakel los. Er werd gekeatst met 3 verschillende lijsten. En er werd gekeatst met een andere bal. Dat was voor sommige kinderen wel even wennen. Maar het ging allemaal goed. Er waren spannende partijen bij, veel op 5-5:6-6.



Half 10 begon het eindelijk wat donker te worden. Het was weer een geslaagde avond!

Kabouters A-maten

- 1e priis: Redmer Stegenga, 21 foar en 7 tsjin
- 2e priis: Senay Sixma, 19-16
- 3e priis: Niels Hiemstra, 16-9

B-maten

- 1e priis: Liset Sijbesma, 21 foar en 12 tsjin
- 2e priis: Benthe Ottens, 17-11
- 3e priis: Bernou van der Velde, 16-12

Welpen A-maten

- 1e priis: Nynke Paauw, 18-14
2e priis: Rutger Sijbesma, 16-10
3e priis: Niels Jansen, 15-11

B-maten

- 1e priis: Tessa Ottens, 21-7
2e priis: Jelmer Brouwer, 19-13
3e priis: Arjen Stremler, 18-12
4e priis: Thijs Jansen, 17-11

Pupillen A-maten

- 1e priis: Hendrik v.d. Eems, 21-11
2e priis: Corrie Kroondijk, 14-16

B-maten

- 1e priis: Sydrik Kooistra, 21-9
2e priis: Marc Janssen, 19-10
3e priis: Rimmer Kamstra, 16-14

Skoalbern A-maten

- 1e priis: Jeska Terpstra, 21-8
2e priis: Rutger Wiersma, 13-14

B-maten

- 1e priis: Geja Hofstee, 21-10
2e priis: Jeljer Overal, 14-14

24-08-2013: Nachtkeatsen senioaren – MRW Accountants

Sneon ha we wer ús tradisjonele nachtkeats partij hân. Goed 21.00 oere is elts binnen en kinne we de iepening dwaan. Mei hearlik waar, in hartstikke moaie list fan yn totaal 16 partuur (8 by de manlju en 8 by de froulju), yn totaal 42 keatsers, kin it hast net oars as dat it in moaie keatsnacht wurd. Dit wie ek it gefal, it hiele skoppersfjild foar de klaaiboksen stie fol keatsers. Der kamen regelmjittich taskôgers op it fjild sjen, sels op Skylge koene se ús hearre want Samme en Anke komme ek efkes te sjen wat der hjir allegear bard.



In protte wille wie der, ûntsetkend folle tuskenspul, sommigen drave it hiele fjild oer om de bal noch te pakken en dat slagget faaks ek noch om't de bal sa hearlik stuit, elts hat it nei't sin. 3x keatse mei in oare list, it makket it altyd bysûnder kwa útslach want de 'earsten foar' telle earst, dêrnei de tsjin-earsten. Der wurdt dus rekkene om it libben.

Dames A klas:

1. Mattie Dijkstra (17 foar, 14 tsjin)
2. Sanne Rixt Jorritsma (16 foar, 9 tsjin)
3. Dian Dijkstra (16 foar, 13 tsjin)

Dames B klas:

1. Jitske Plantinga (21 foar, 6 tsjin)
2. Machteld Couperus (21 foar, 13 tsjin)
3. Talitha Dijkstra (16 foar, 13 tsjin)

Dames C klas:

1. Jeltsje Hallema (21 foar, 7 tsjin)
2. Willy Bootsma (21 foar, 12 tsjin)

Manlju A klas:

1. Stefan van Krimpen (21 foar, 6 tsjin)
2. Robert Sijbesma (21 foar, 7 tsjin)
3. Marten Faber (21 foar, 8 tsjin)

Manlju B klas:

1. Hans Kooistra (21 foar, 8 tsjin)
2. Tjerk Okkema (19 foar, 8 tsjin)
3. Sjouke Schilstra (18 foar, 14 tsjin)

Manlju C klas:

1. Hendrik Okkema (21 foar, 3 tsjin)
2. Jorrit Veldman (21 foar, 7 tsjin)
3. Wietse Vink (16 foar, 13 tsjin)

Al mei al in tige slagge nachtkeatspartij. BEDANKT en oant de oare kear!!!

15-12-2013: Sealkeatsen senioaren – A. HAK Infranet B.V.

Snein 15 desimber ha we ús lêste keatspartij fan it seizoen 2013 keatst. Dit wie in troch elkoar lotte sealwedstriid mei sêfte bal fan trije listen. De beskikber stelde prizen kamen fan A.Hak Infranet BV út Swolle. We hiene 3 moaie listen mei 18 keatsers op 'e list. Dit koe moai ferdield wurde oer de 3 perken yn de sporthal, dus elkenien koe de hiele tiid keatse. Der is moai keatst de hiele dei.

De earste omloop duorre hast 1½ oere, dit wie dan ek in spannende wedstriid. Op de earste list wiene de útslaggen: 5-3, 5-2 en 5-5/6-0. De twadde list wie al wat oars, hjir wiene de útslaggen: 5-1, 5-2 en 5-4. Bij de tredde list waard it wer wat spannender, dêr hiene we ek twa kear in 5-5/6-2 en 5-1.

Op de tredde list fan de A-keatsers hie allinnich Marten Faber al 2 partijen wûn. De tredde partij stie Marten mei 5-2 foar, mar se lieten de tsjinstander werom komme en ha úteinlik ek noch ferlern mei 5-5:6-2. Mar Marten hie dochs noch genôch punten om earste fan de A-klasse te wurden. Bote Jellema is twadde wurden, hy hie ek 2 partijen wûn en 1 ferlern, mar krekt 2 foar earsten minder dan Marten.

Yn de B-klasse wie der ek mar ien dy't al 2 partijen wûn hie foardat se oan de tredde list begûnen en dat wie Tom Couperus. Ek de lêste partij wûn Tom noch nei't se earst mei 5-2 achter stiene. Dus dit wie dúdlik en Tom is der mei de krânse fan troch gien. Twadde is wurden Roel Sijbesma, dy hie 2 partijen wûn.

Dan de C-klasse. Dêr hiene Wiepkje Hiemstra en Mattie Dijkstra beide al 2 kear wûn en yn de tredde list stiene se tsjin oer elkoar. It koe dus noch alle kanten op. It partoer fan Wiepkje wie folle sterker en sy wûnen dan ek mei 5-1. Earste is dus wurden Wiepkje Hiemstra. Fierder leine de punten hiel ticht bij elkoar, mar twadde is wurden Hester Kingma.

It wie in moaie ôfsluter fan it seizoen en we betankje de stiper A.Hak Infranet BV út Swolle.

A-Maten: 1e Marten Faber, 2e Bote Jellema

B-Maten: 1e Tom Couperus, 2e Roel Sijbesma

C-Maten: 1e Wiepkje Hiemstra, 2e Hester Kingma

WEDSTRIDEN FEDERAASJE

13-07-2013: Okkema-partij

Hjoed waar de 35ste Okkemapartij keatst op sportpark De Skoalleseize yn Easterein. Al 35 jier is Leanbedriuw Okkema de stiper fan dizze partij. Sûnt foarich jier meie de leden fan de ferienings fan alle Federaasjes yn Fryslân meidwaan oan dizze moaie partij. Troch net safolle opjeffe hiene we in list van 19 partoer yn trije klassen. Froulju A, Manlju B & C. Om 12 oere begûn de partij. We hiene de hiele middei prachtich moai waar.

By de manlju B klasse f.f. wiene der 8 partoer. Yn de finale fan de winners naam it partoer fan Harm Auke Dijkstra, Dirk de Jong en Hendrik de Jong it op tsjin Nolke Bergstra, Evert Sjoerd Sijbesma en Sjoerd Hofstee. De finale einige mei 5-2: 6-2 foar Nolke, Evert Sjoerd en Sjoerd.

Yn de finale fan de ferliezers stiene Sjoerd Postma, Wietse Swierstra en Johan Jilderda tsjinoer Christian Hoekstra, Durk Okkema en Ype Tiemersma. Sjoerd, Wietse en Johan wiene krekt wat te sterk foar it partoer van Christian, Durk en Ype en wûnen mei skjinne fiif earsten.



Yn de C-klasse stienen 4 partoer op 'e list dy't yn in poule keatsten om twa prizen. Nei twa omlopen wiene der twa partoer dy alles wûn hiene. Dit wiene it partoer fan Oeds Broersma, Roel Sijbesma en Catrinus Kooistra en it partoer fan Eppie Heins, Jelle de Boer en Hendricus Tacoma. Yn de tredde omloop kamen dizze twa partoeren elkoar tsjin. It waard in spannende 'finale' dy't wûn is troch Eppie, Jelle en Hendricus mei 5-4:6-2.

By de froulju wie der allinnich frije formaasje omdat der net genôch dielname wie foar troch inoar lotsjen. De trije dames dy't har opjûn hiene foar it t.i.l. foarmen mei syn trijen in partoer. Yn de ferliezersronde wiene Sieta Tessemaker, Sietske Poelsma en Sietske Merkus dúdlik te sterk foar Petra Jellema, Mattie Dijkstra en Marjan Flapper. Se wûnen dan ek mei 5-0:6-4. By de winnersronde giene Gerry Edou Mollema en Hester Kingma der mei de krânse fan troch. Mei syn twaen wiene se de sterksten hjoed. Yn de finale wûnen se mei 5-1: 6-2 fan Cilia Witteveen, Romine Jelsma en Vera de Vries.

Al mei al ha we in prachtige 35ste edysje fan de Okkema-partij hân, mei tank oan ús stiper Okkema! Op nei de 36ste!

16-08-2013: Van Krimpen-partij

Freed 16 augustus wie de van Krimpen-partij, de partij fan Federaasje Snits foar de jongerein. Dizze partij waard sponsore troch Van Krimpen út Easterein. 138 jeugd keatsleafhawwers hiene harren opjûn. Dat wie super. Christian hie it mei syn 'hulptroepen' perfekt foarelkoar. Elkenien koe om 13.00 oere los, en it waar wie top.

Kabouters

1e priis: Arjen Stremmer, Senay Sixma en Anke Blanksma

2e priis: Niels Hiemstra en Daniel van der Weerd

Welpenfamkes

1e priis: Nynke Paauw, Easterein en Anna Boukje Altenburg, Hidaard

2e priis: Iris Oosterbaan, Skearnegoutum en Amber Reijnhoudt, Easterein en Frodo Hofman, Hommerts

3e priis: Laura Dozeman, Hommerts en Amarins Gerbrandy, Reahûs

Welpenjonges

1e priis: Jurrit Osinga, Menaam, Jori Visser, Wytmarsum en Redmer Stegenga, Easterein

2e priis: Jelmer Osinga, Ingelum en Wiebe S. Leenstra, Hilaard

3e priis: Redmer v Netten, De Gastmer en Pascal Poelstra, Winsum

3e priis: Doede de Jager, Turns, Jelmer Brouwer, Easterein en Folkert Wierda, Goaiïngea

Ferliezersronde

1e priis: Harold de Boer, Jellum en Jetze Thijs Kroondijk, Froubuurt

2e priis Redmer Wiersma, Easterein en Jelmer Kuiken, Winsum



Pupillenfamkes

1e priis: Corrie Kroondijk, Easterein, Annemare Wempe, Hommerts en Noa Slager, Winsum

2e priis: Hester de Boer, Jellum en Alien Dijkstra, Easterein

Pupillenjonges

1e priis: Hessel Postma, Winsum en Menno Osinga, Menaam

2e priis: Wessel Schraa, Wommels, Sietze Bouma, Lollum en Marc Janssen, Easterein

3e priis: Hendrik van der Eems, Easterein en Erik Wijnja, Drylts

Ferliezersronde

1e priis: Jasper Pranger, Snits en Jurjen Miedema, Hilaard

2e priis: Jelger de Boer, Hommerts en Arjen Schaap, Turns

Skoolbern

1e priis: Jacob Visser, Boazum en Selma de Boer, Easterein

2e priis: Timen v Gelderen, Gau en Kees van der Horst, Easterein

3e priis: Jasper de Boer, Spannum en Dieuwke de Boer, Burchwert

3e priis: Jeska Terpstra, Easterein en Julia Paauw, Easterein

Ferliezersronde

1e priis: Sytze Bram de Witte, Easthim en Klaas Jan Oosterbaan, Skearnegoutum

2e priis: Sander R. Pranger, Snits en Marieke Schaap, Turns

Famkes/Jonges

1e priis: Rémon Tie Bouma, Easterein, Jan Teade Nauta, Drylts en Rijkeldotinga, Drylts

2e priis: Bote Jellema, Easterein, Janieke Dijkstra, Easterein en Sanne Rixt Jorritsma, Easterein

Ferliezersronde

1e priis: Jouke Dotinga, Gau, Menno Sweering, Folsgeare en Dewy de Jong, Goaiïngea

2e priis: Marco Lobregt, Harns, Jacob Sijbesma, Dronryp en Geke Posthuma, Folsgeare

WEDSTRIDEN KNKB

09-06-2013: Froulju 1e klasse frije formaasje – Accon AVM

Yn de winnersronde gie de finale tusken Rianne Vellinga (Frjentsjer), Marike Beckers (Boalsert), Miranda Scheffer (Menaam) en Ilse Noorman (Mantgum), Martine Tiemersma (Easterein), Margriet Bakker (Grins). Mei 5-3:6-4 wûnen Rianne Vellinga c.s. dizze striid. In 3e priis wie der foar Sanne Velsma (Grins), Mariska Hoogland (Bitgummole) en Anke Marije Pompstra (Wommels).

De finale yn de ferliezersronde by de 1e klasse froulju gie tusken Evelien Westra (Bitgummole), Hermine Sytema (Deinum), Janneke Terpstra (Wolsum) en Tineke Dijkstra (Easterein), Judy Bergsma (Wommels), Marije v/d Meer (Grins). Evelien Westra c.s. lutsen hjiryn oan it langste ein troch te winnen mei de sifers 5-1:6-2.



Trije fjilden beset mei allegear frijwiligers! Tige tank! En ek it moaie terras waard folop brûkt troch publyk en keatsters.

De trije skiedsrjochters fan hjoed, sweagers fan elkoar. Rene Velzen, Ype Tiemersma en Tjeerd Dijkstra. Klasse mannen!

Al mei al in tige slagge keatsdei yn Easterein, mei tank oan de stiper Accon AVM.

09-06-2013: Famkes A+B – Accon AVM

We hiene 4 partoer by de A klasse famkes dy't yn in poule keatsten. Nei 3 omlopen kamen Anouk Tolsma (Dronryp), Sjanet Wijnia (Wommels) en Ilse Tuinenga (Berltsum) ta 21 earsten foar en 10 earsten tsjin en wûnen de krânsen hjirmei. De 2e priis waard wûn troch Jildou van Dijk (Minnertsgea), Louise Krol (Ie) en Sandra Hofstra (Wjelsryp). Sy hiene 18 earsten foar en 12 earsten tsjin.

Yn de ferliezersronde fan de B klasse famkes waarden de prizen ferdielt tusken Akkelyna de Haan (Wier), Fenna Kramer (Winsum) én Lotte Delgrosso (Marsum), Jeske de Boer (Akkrum). Nei in spannende finale, 5-4:6-4, wie de 1e priis foar Lotte en Jeske en gie de 2e priis nei Akkelyna en Fenna. Mintje Meinema (Dronryp), Martzen Deinum (Wommels) en Leila-Janneke Moufakkir (Reduzem), Anne Monfils (Kimsward) stiene yn de finale fan de winnersronde. Mintje en Martzen wûnen dizze mei 5-4:6-2. In 3e priis wie der foar Rixt Keuning (Wiuwert) en Angela Donga (Hallum).

16-06-2013: Froulju haadklasse ûnbepert – Couperus Hydrauliek B.V.

1e Frije formaasje oerwinning foar Lissette, Leonie en Fenna yn Easterein.

Sportpark 'De Skoallesee' yn Easterein wie snein 16 juni 2013 it dekor foar de froulju haadklasse ûnbepert. Nettsjinsteande de hurde wyn dy't dwers oer it fjild stie wienen de omstannichheden goed om te keatsen. Under lieding fan Marinus Grond en klupskiedsrjochters Sipke Hiemstra en Tjeerd Dijkstra begûn 11:00 oere de partij. Der wienen 19 partoeren en it waard in dei mei in soad spannende partijen en mei ferrassings.

Joukje Kuperus, Feikje Bouwhuis en Harmke Siegersma komme as earsten yn de heale finale. Se begûnen de dei mei winst op de drege tsjinstanner, it partoer fan Nynke Sybrandy, Maaïke Osinga en Wiljo Sybrandy. Beide partoeren kamen goed út de startblokken en joegen elkoar neat ta. Joukje c.s. nimme in foarsprong fan 4-2 (nei de stân fan 2-2) en it wurdt sels 5-2. Op 5-2:6-2 mist Nynke it perk.

De 2e omloop tsjin Marije Hiemstra, Imke van der Leest en Bianca van der Veen. Ek wer in sterk partoer, mar nei de 1-1 rinne Joukje c.s. út nei in 3-1 foarsprong. Marije, Imke en Bianca besykje noch wol de partij te kanteljen yn harren foardiël, mar sjogge it ferskil grutter wurden, 4-1, 5-1. Mar it wurdt noch 5-2 en sels 5-3, mar op 5-3:6-6 slacht Imke de bal

kwea op. Joukje c.s. komme mei in steand nûmer yn de heale finale.

Dêr treffe se Lissette Wagenaar, Leonie van der Graaf en Fenna Zeinstra dy't de 1e omloop fan it famkespartoer mei Louise Krol, Sjanet Wijnia en Sandra Hofstra winne. Mar dat gie net fansels! De famkes jouwe aardich striid en de famkes nimme sels in spul foarsprong. As de partoeren gelyk, 3-3, stean dan is it der op en der oer foar Lissette c.s. Op 5-3:6-4 slacht Fenna de keats foarby en komme se op de 2e list tsjin Rianne Vellinga, Marike Beckers en Miranda Scheffer.

It ferskil tusken Lissette c.s. en Rianne c.s. is hjoed te grut, docht bliken. Op 5-0:6-2 slacht Rianne bûten en komme Lissette c.s. op de 3e list. Dêr stiet it partoer fan Nelie Steenstra, Klasine Huistra en Geke de Boer klear. Ek dit partoer kin gjin potten brekke tsjin Lissette c.s. en Lissette c.s. winne mei 5-1:6-0.

De earste finalist is it partoer fan Sietske Okkema, Anke Winkel en Jelien Pompstra. Mei in steand nûmer op de fjirde list komme hja yn de finale. Se soargen yn de 1e omloop foar in ferrassing troch twa kear nei in efterstân werom te kommen (3-0, 5-3) en winne úteinlik mei deeglik keatsen fan Nicole Hempenius, Marte Altenburg en Renske Terwisscha van Schellinga. Op 5-5:6-4 slacht Sietske wer goed op en de bal wurdt troch Renske kwea slein.

Yn de 2e omloop komt team Okkema yn aksje tsjin harren trainingsmaten, team Grondnet mei Sanne Velsma, Mariska Hoogland en Anke Marije Pompstra. In moaie striid en de beide formaasjes binne oan elkoar weage. By 2-2 witte Sietske, Anke en Jelien de toutsjes yn hannen te nimmen en rinne nei in 4-2 foarsprong. Dêr't Sietske, Anke en Jelien de bêste omloop fan de dei keatse, dêr dogge Sanne, Mariska en Anke Marije harren sels tekoart. As Sietske c.s. de keats pakke op 5-2:6-4 winne se de partij.

Dêrnei moatte se tsjin Tineke Dijkstra, Judy Bergsma en Marije vd Meer dy't ferrassend winst hellen op Iris van der Veen mei Sjoukje Visser en Manon Scheepstra, 5-3:6-4. Ek dit is wer in moaie striid, al wurde der in soad opslachfouten makke oan beide kanten. Tineke mei Judy en Marije nimme de lieding mei 1-3. Sietske, Anke en Jelien komme dan mear yn de wedstriid en knokke har werom nei 3-3. Se kantelje de wedstriid hielendal en nimme in foarsprong fan 4-3. It wurdt dan 4-4, mar op 5-4:6-0 slacht Sietske in moaie sitbal en de finale is in feit.

De heale finale giet dus tusken Joukje Kuperus, Feikje Bouwhuis en Harmke Siegersma tsjin Lissette Wagenaar, Leonie van der Graaf en Fenna Zeinstra. In moaie striid wêryn goed keatst wurdt en ferbaal de froulju ek it nedige hearre litte. Nei twa kear 6-6 hinget der in spul foar Lissette c.s. (Joukje

bûten, 0-1 en boppe fan Fenna, 0-2). De sitbal fan Lisette op 0-2:2-6 betsjut sels in 0-3 foarsprong. As de opslachbal fan Joukje op 0-3:4-6 ek bûten it perk giet is it al 0-4.

Joukje c.s. komme werom op 1-4 en Joukje keart de bal foar de keats op de 1-4:6-4 en krije it spul. It wurdt 5-2 as de bal op 6-4 kwea opslein wurdt. Mar wer in 6-6 op de tillegraaf en no slacht Leonie kwea, 3-5. As Fenna op 3-5:6-6 de bal foar de keats keare kin is de finale berikt en it partoer is út de skroeven.

Yn de finale komt it partoer fan Sietske Okkema, Anke Winkel en Jelien Pompstra tekoart tsjinoer Lisette Wagenaar, Leonie van der Graaf en Fenna Zeinstra. Se besykje it wol mar ha foaral gjin goed antwurd op de opslach fan Lisette. Fenna slacht de keats foarby op 4-6 en it is 0-1. Mar mei de goede opslach fan Sietske twingt sy Fenna ta in kweaslach op 0-1:6-4 en de stân is wer gelyk. Mar dêrnei giet it hurd en op 1-5:6-6 makket Lisette de partij út mei de safolste knappe sitbal. Trije moaie priiswinners dy't allegear hjoed ferrassend en goed keatst ha.

11-08-2013: KNKB Manlju 1e klasse – Grafische Groep Van der Eems

De heale finale gie tusken Johan Abma, Gerrit Flisijn, Jan Hospes en Menno van Zwieten, Hans Wassenaar, Folkert van der Wei. Neidat Johan c.s. yn de earste 2 omlopen wûn hiene fan resp. Site Ferwerda c.s. en Haye Jan Nicolay c.s. en yn de 3e omloop in steand nûmer hiene, koene se it net rêde tsjin Menno van Zwieten c.s. (1e omloop winst op Sybrand van der Wey c.s., 2e omloop steand nûmer en 3e omloop winst op Johan Diertens c.s.), sa't bliken docht út de sifers 5-1:6-6.



Johannes van der Veen, Kees van der Schoot en Peter de Boer berikten de finale troch winst op resp. Jan Sipke Tuinman c.s., Gosse Beeksma c.s., Arnold Zijlstra c.s., yn de heale finale hiene sy in steand nûmer.

Nei in spannende finale waard de winst pakt troch Johannes van der Veen, Kees van der Schoot en Peter de Boer, sy

wûnen mei 5-4:6-4. Johannes c.s. pakten rap in foarsprong fan 5-1, mar nei in tal opslagfouten oan de kant fan Johannes c.s. én knap op- en útslachwurk fan mei namme Folkert waard it samar 5-4 en kamen Menno van Zwieten c.s. werom yn de striid. Yn it lêste earst sloech Folkert bûten op de stân 6-4, sa giene de krânsen nei Johannes, Kees en Peter.

Op in inkele (flinke) bui nei ha we wer in prachtige keatsdei yn Easterein hân. Mei tank oan alle frijwilligers én stiper Drukkerij van der Eems!

1e priis: Johannes van der Veen, Kees van der Schoot, Peter de Boer

2e priis: Menno van Zwieten, Hans Wassenaar, Folkert van der Wei

3e priis: Johan Abma, Gerrit Flisijn, Jan Hospes

01-09-2013: KNKB Manlju 50+ – Couperus Hydrauliek B.V.

Vandaag de Heren 50 + door elkaar loten met verliezersronde gekeatst op sportpark skoalleseize in Easterein. Het was een bewolkte maar gelukkig wel een droge dag. Er stond 14 partuur op papier, maar helaas waren er 2 afvallers vandaag, hierdoor moest er bijgeloot worden.

In de verliezersronde stonden partuur 10: Johannes Siegersma, Eddy Sjollema en Jurjen Dijkstra tegen partuur 1: Klaas Sober, Jan Tuinier en Hans Hilarides. Het partuur van Klaas, Jan en Hans waren te sterk voor Johannes, Eddy en Jurjen. Ze hebben met 5-0:6-6 gewonnen.

In de winnaarsronde waren er 2 derde prijzen die gewonnen zijn door partuur 11: Siebe Marra, Piet v/d Ploeg, Piet de Groot en partuur 5: Piet Zondervan, Andries Idzerda en Jan v/d Meulen. De finale werd gekeatst door partuur 13: Age v/d Goot, Anne Brouwer, Dirk Poortstra en partuur 8: Ludwig Seerden, Bauke Posthuma, Wieger Boonstra. De finale was snel gekeatst en het partuur van Ludwig, Bauke en Wieger waren net wat te sterk voor Age, Anne en Dirk en wonnen met 5-3:6-4.

We hebben een prachtige dag gehad vandaag in Easterein, met dank aan onze sponsor Couperus Hydrauliek B.V.

BYSÛNDERE AKTIVITEITEN

2013 Iepen Frysk Kampioenskip Jeu de Pelote

Easterein wint 3e priis op 15e Iepen Frysk Kampioenskip Jeu de Pelote yn Easterlittens. Foar Easterein keatsten: Dirk-Yde Sjaarda, Jelte-Pieter Dijkstra, Bauke Dijkstra, Robert Sybesma en Marten Faber.

Tongersdei 20 juny:

Winsum - Wjelsryp 7-3
Easterein - Jorwert 8-0
Mantgum - Easterlittens 3-8

Tiisdei 25 juny:

Tsjummearum - Wommels 6-8
Winsum - Easterein 6-8

Tongersdei 27 juny:

Wommels - Easterein 8-2
Easterlittens - Wytmarsum 6-8

Freed 28 juny:

Wommels - Wytmarsum 9-10 (9-9:40-40)



08-09-2013: Stiperdei

Snein 8 septimber wie ús jierlikse Stiperdei.

Moarns kaam de rein mei bakken út de himel en wiene we benaud off it keatsen wol troch gean koe. It fjild wie sa wiet dat we wat langer dwaan koene oer de sop, broadsjes en salade. Gelokkich waard it droech en kaam de sinne der by en wie de loft skitterend blau. En dat soe ek net mear feroarje en sa koe der keatst wurde mei perfekt keatswaar en wie it op it terras betiden sels hiel waarm.

Nei in koart petear en it útdielen fan de ballen giene de 24 dielnimmers de striid mei mekoar oan. It tal dielnimmers is konstant want ek foarich jier wiene we mei 24 keatsers. Tige spannend waard der keatst, de ien wie noch fanatiker as de oar. Mei in grutte bal keatse jout dochs wer in hiel oar spultsje as mei de lytse bal, je kinne in protte mear drave en dat is fansels geweldich om nei te sjen.

Neidat de 1e list ferkeatst wie koe eltsenien efkes bekomme. Nei wat iten en wat drinken en fansels efkes gesellich babbelje wie it wer tiid om yn it fjild oan te treden foar de 2e list. Ek op dizze 2e list waard goed en fanatyk keatst, nei ôfrin hiene in protte keatsers al yn'e gaten off der foar

harren nog kâns wie op in priis of net. Ek yn it konsumpsje ferbrûk koene je sjen hokker keatsers goed rekkenje koene.

Foar de tredde list wie sprake fan ien wiksel. Jan Hiemstra koe helaas net fierder en waard ferfongen troch Wilma Sjaarda. It tafal woe dat Hiemstra lotte hie mei Dirk Yde sadat broer en sus moai tegearre keatse koenen. Opfallend wie it tal famylje ferbannen op'e 3 listen sa mochten ûnderoare Tjeerd en Mattie, Abe Jan en Willy, Peter en Liesbeth en Peter en Geertje in kear mei inoar keatse.

Uteinliks wûn by de A-keatsers Dirk Yde Sjaarda mei 21 punten foar en 5 tsjin de earste priis. Peter Sijbesma hie mar 1 earst mear tsjin en wûn de twadde priis mei 21 punten foar en 6 tsjin. It wie tige spannend by de A-keatsers want ek de tredde priiswinner hie 21 punten foar en mar 11 tsjin en dêrmei gie de priis nei Sipke Hiemstra. Mei 19 punten foar en 10 tsjin wie de 4e priis foar Stefan van Krimpen. As treastpriis wie der noch in aardichheidsje foar Tymen en Talitha Dijkstra, sy hiene elts de minste earsten foar, mar gelokkich net minder wille.

By de B-keatsers wie it ek tige spannend, nei twa listen wiene der nog 3 minsken dy't twa kear wûn hiene. It wie Liesbeth Bootsma dy't mar 5 punten tsjin hie en 21 foar en dêrmei de krâns om'e nekke. Nûmer twa hie twa kear safolle punten tsjin mar ek 21 punten foar, dêrmei wie Hendrik Okkema de winner fan de lytse preemje. Jan Hiemstra pakte mei help fan Wilma de tredde priis mei 18 punten foar en 10 tsjin. De 4e priis mei 16 punten foar en 12 tsjin wie foar Geertje Sijbesma. Talitha Dijkstra ûntfong krekt as foarich jier de poedelpriis.

De moaie krânsen wienen wer stipe troch Tuincentrum Gaardenier te Wommels. Nei de foto's fan de priiswinners wie der noch in gesellige neisit en koe werom sjoen wurde op in tige slagge stiperdei. Alle stipers nochris tige tank foar jimme finansjele stipe oan ús prachtige keatsferiening!

28/29-09-2013: Champions League Llargues – Azoz België

Yn it wykein fan 28 en 29 septimber wurdt yn Azoz, België de Champions League Llargues spile. Nederlân sil dêr ek meidwaan en as jimme it folgje sille jimme sjen dat de Nederlânske ploech yn de wedstriidshirts fan K.F. Easterein spylje sille! Foar 'Easterein' keatse Hendrik Tolsma, Dirk-Yde Sjaarda, Jelte-Pieter Dijkstra, Hans Wassenaar, Hendrik Kootstra en Bauke Dijkstra.

In Kerksen verloor Nederland 2 (Easterein) de beslissende poule wedstrijd tegen de plaatselijke favoriet met 6-2. Nederland 2 speelde met Jelte-Pieter Dijkstra, Hans Wassenaar, Hendrik Tolsma, Bauke Dijkstra en Hendrik Kootstra. Dit team won de eerste wedstrijd tegen het Spaanse Parcent (6-4). Ook Kerksen won van de Spanjaarden en dus was de laatste poule wedstrijd beslissend. Kerksen werd afgelopen

jaar nummer twee van de Belgische competitie. De afgelopen jaren waren ze onverslaanbaar maar de titel moest overgelaten worden aan Baasrode.

Nederland 1 (Winsum) speelt zondag geen finale van de Champions League. Op de kaatsbaan van Terjoden (Hallte) werd niet verloren (5-5:40-30). Na de winst tegen San Juan (Spanje) van Nederland 1, moest de wedstrijd tegen de Belgische kampioen Baasrode de beslissing brengen voor een finale plaats.

Nederland 1 met Marten Feenstra, Johan van der Meulen, Renze Hiemstra, Taeke Triemstra en Pier Piersma, startte sterk en kwam met 4-1 voor. De Belgische kampioen begon de achtervolging en via kleine maar belangrijke foutjes werd het 4-4. Baasrode nam zelfs 5-4 voorsprong. Via een sterk eerst van opslager Marten Feenstra werd het 5-5. In het beslissende eerst kon Taeke Triemstra op 5-5:40-30 de kaats niet passeren en was de uitschakeling een feit.

JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE

29-06-2012: Jong Fammen Mantgum

De Jong-Fammen Tineke Dijkstra, Marije Hiemstra en Martine Tiemersma helje de 2e omloop, mar ferlieze dan fan Frjentsjer mei 3-5:4-6. Fan't selde wie it de earste omloop al dien. Doe stienen se tsjin Peins mei 5-0:6-2 efter mar wisten op 5-5:6-6 te winnen.

31-07-2013: Manljus PC Frjentsjer

Op de 160ste PC yn Frjentsjer wint Jelte-Pieter Dijkstra de 3e priis mei syn maten Sjoerd de Jong en Herman Sprik! Op syn earste PC yn 2008 hie Jelte-Pieter de stimulearringspriis krigen en keatste doe mei Hans Wassenaar en Site Ferwerda. No op syn sechsde PC wie it dan rekke en helle hy de 3e priis. Jelte-Pieter, Herman en Sjoerd, fan herte lokwinske!

Yn de 1e omloop treffe se it earste klas partoer fan Haye Jan Nicolay, Hendrik Jan vd Velde en Jan Schurer. Se komme wol 1-0 en 2-1 efter, mar nimme dan de touwtsjes yn hannen en keatse goed en deeglik nei in 2-5:2-6 oerwinning.

Yn de 2e omloop treffe se it haadklassepartoer fan Menno van Zwieten, Folkert vd Wei en Hans Wassenaar. Dit partoer hie de 1e omloop wûn fan Enno Kingma c.s, mar maklik giet dat net. In soad buordsjes foelen op 6-6 nei harren kant, wylst dat like goed oarsom kint hie.

Jelte-Pieter, Herman en Sjoerd keatse de 2e omloop goed! It wurdt in klinkende oerwinning fan 5-0:6-4. Alles rint lekker en giet as fansels, sa sei Jelte-Pieter. En it partoer van Zwieten kin der net folle tsjinoer sette. In prachtige prestaasje en noch moaier in priis!



Yn de heale finale treffe se dan ien fan de favoriten foar de PC-winst. En it giet net sa lekker as de 2e omloop. De ballen dy't wol yn it perk opslein wurde dy wurde fuortslein troch Hiemstra/Bruinsma en spitigernôch wurde der ek tefolle opslachfouten makke. Jelte-Pieter en dy komme net yn de wedstriid en sjogge tsjin in 5-1 efterstân oan. Mar dan wurde se holpen troch Johan mei in bûtenslach op 5-1:2-6 en op 5-2:6-6. As it wer 6-6 is dan stiet Jelte Pieter oan de opslach en dit kear wit hy it perk Hiemstra/Bruinsma te pakken mei in snelle sitbal! 5-4! Se libje noch en wa wit. Mar op 5-4:6-4 is it dochs oer foar Jelte-Pieter en dy en letter winne Johan, Renze Pieter en Hylke de PC.

Eastereiners op de PC

Fan de lêste jierren wûnen yn 2010 Jacob Klaas Haitsma en Gerrit Flisijn (doe beide noch út Easterein) de 2e priis mei Pieter van Althuis en yn 2009 wie it Dirk Yde Sjaarda dy't mei Erik Haitsma en Tjibbe Hansma yn de finale stienen en ek de 2e priis wûnen. Yn 2007 wûn Feite de Haan de 3e priis mei Rene Anema en Willem Rienks. Dit partoer hie yn 2006 ek de stimulearringspriis krigen! Foar mear ynformaasje oer de skiednis, sjoch op: www.pc-franeker.nl/Geschiedenis

03-08-2013: Ald-Meiers Hitsum

It wie in prachtige dei yn Hitsum op de 14de Ald-Meiers. Geweldige organisaasje en sa'n bytsje de helte fan it doarp (230 ynweners) is frijwilliger. De tariedings begjinne al wer yn septimber, dat se binne der yn Hitsum wol mei dwaande en dat is te sjen! Komplimenten!

De famkes fan Easterein koenen gjin potten brekke, dat wie tsjin le yn in sucht en skeet foarby. We hienen fierstentefolle opslachfouten en úteinlik pakke we mar 12 punten yn de partij en ferlieze mei 5-0:6-2. Baukje, Dian en Nyncke Pytsje koenen har hjoed net sjen litte wylst se wol mear yn har mars hawwe. Peins waard de moaie en ferassende winner. Yn de spannende finale waard fan Dronryp wûn. De tredde priis gie nei it partoer fan Wjelsryp. In slagge dei mei in soad publyk.

07-08-2013: Freule

De freule fan 2013 wie net de freule foar Bote Jellema, Doede Rients Okkema en Rémon Tie Bouma.

Yn de 1e omloop treffe se Tsjummearum en dat wurdt wûn mei 5-3:6-6. De stân docht al bliken dat it net in makkie wie. Oan beide kanten tefolle opslachfouten, mar de ballen dy't der yn wienen dy sieten ek fuort. Bote sloech foar minst op en bûten perk, Doede Rients foar bêst op en foaryn en Rémon Tie efferyn en op de boppe. Op 2-1 kom ik efter it perk fan Easterein en it 4e earst giet nei Tsjummearum op 6-6 nei in sitbal.

De mannen pakke 4-2 as earst Tsjummearum 2 kear bûten slacht op 4-4 en as Doede Rients in sitbal op de kwea slacht by 6-2. Dan stiet it 4-4 en twa keatsen en Bote pakt de 1e keats mei in sitbal. Mar dan slacht Doede Rients twa kear kwea op en is it 4-3. Hy hat sa'n lingte en kin it hiele perk bestrike. Noch krekt wat mear kontrôle oer de bal en it sil noch better gean. Yn it folgjende earst pakt Rémon Tie beide keatsen en op 6-2 wit Doede Rients de 5-3 te pakken mei in sitbal.

Yn it lêste earst komt der in keats en Bote slacht trije kear op en docht dat ien kear goed, 2-4 en dan in twadde keats. Rémon Tie pakt de 1e keats, 4-4, Tsjummearum slacht bûten, 6-4, der komt in keats en Doede Rients bringt de bal bûten. Op 6-6 slacht hy wer op en Tsjummearum slacht út en de bal rôlet oer de perklinen rjochting de kwea en de karmaster dy't dêr stiet wiist yn. Mar Tsjummearum seit (terjochte) dat it noch in lytse keats wie. It die bliken dat de karmaster foar in oar perk yn wees. De skiedsrjochter freget de karmasters op de foarline, mar beide ha se it net sjoen. In nije slach! Doede Rients nochris op en hy pleatst in moaie sitbal op de kwea!

Yn de 2e omloop treffe se Frjentsjer mei Marco de Groot as de grutte man. Him útskeakelje en dan soenen we kâns ha. Eilaas, dat slagge net. We komme wol earst in buordsje foar, mar mear soenen de jonges net helje. As Rémon kwea útslacht op 6-2 wurdt it 1-1. Dan wurdt op 6-2 en 6-0 de bal bûten de linen slein troch Doede Rients en steane we 3-1 efter. Marco de Groot fan Frjentsjer slacht goed op en liedt syn partoer ek goed.



De snelle ballen fan Marco binne Rémon Tie somtiden te machtich en op 6-4 wer kwea út, 4-1. De oanmoedigings fan Eastereinder fans en dat wienen nochal wat koenen ek net helpe. Dit kear slacht Doede Rients de bal kwea op 6-2, 5-1. Der waard oer de hiele dei in soad kwea slein troch de keatsers. Efter de bal skikke soenen je sizze. Op 6-4 kin Doede Rients de keats net foarby en we binne fan de list fan de Freule. Spitich mannen! Frjentsjer sil letter de 4e list helje en ferlieze dan fan Hijum-Feinum mei 1-5:6-6, wol in 5e priis.

22-08-2013: Frouljus PC Weidum

De fjouwer Eastereinder froulju dy't op de 37ste PC stienen koenen spitigernôch de 2e omloop net helje. Meast by-sûnder wie dat Judy Bergsma, keatsmaat fan Tineke Dijkstra en Melissa Rianne Hlemstra nei 9 PC's ôfskie naam en dat dit har moaiste 1e omloop wie.

Tineke Dijkstra, Judy Bergsma en Melissa Rianne Hiemstra moasten fuort tsjin ien fan de favorite partoeren, it partoer fan Iris vd Veen, Sjoukje Visser en Manon Scheepstra. Tineke en dy koenen it earste earst pas pakke op 3-1:6-6 nei 4-0 efter. It waard úteinlik 5-1:6-2, ûntank de oanmoedigings fan de bern fan de klas fan juf Judy!

Martine Tiemersma en har maten Ilse en Margriet rekken der ek ôf yn de earste omloop, mar dat hie samar oars kinnen en miskien wol oars moatten. Neffens ferskillende taskôgers wie de bal fan Martine op 4-3:6-6 WOL boppe ynstee fan kwea en it waard 4-4 en net 5-3. No koe de tsjinstanner, it partoer fan Nelie Steenstra, Klasine Huistra en Marije vd Meer werom komme en de partij sels winne op 4-5:2-6.

Marije Hiemstra, Imke vd Leest en Geke de Boer hienen hielendal harren dei net. Se ferlearen hurd mei de sifers 1-5:0-6. De opslagger fan de tsjinpartij, Rianne Vellinga, libbe har hielendal út op it perk Imke/Geke en sels doe Marije efkes foaryn stie koenen se der noch neat mei. Rianne koe alle ballen pleatse wêr't se woe en hie alles wis yn. In wrede útslach en sa't Imke yn in ynterview sei: "Dit wie net bêst". Ferline jier noch yn de krânsen fan it fjild, mar no wie der efkes gjin ear te beheljen.

NEDERLÂNSKE KAMPIOENSKIPPEN

20-05-2013: NK Manlju - Frjentsjer

Op Pinkstermoandei de tradisjonele keatsdei yn Frjentsjer, it Nederlânsk Kampioenskip manlju senioaren. Easterein moast mei Dirk-Yde Sjaarda, Jelte Pieter Dijkstra en Bauke Dijkstra begjinne tsjin Damwâld. Dizze wedstriid winne se mei 3-5:4-6. Mar yn de 2e omloop treffe se al it favorite partoer fan St Jabik. En Bauke en Taeke Triemstra mei Renze Pieter Hiemstra winne it fan Easterein mei 1-5:2-6. Letter sil St Jabik der ôf gean tsjin Hijum-Feinum.

15-06-2013: NK Jonges - Berltsum

De jonges helje de 3e omloop! Bote Jellema, Doede Rients Okkema en Rémon Tie Bouma begjinne de dei mei winst op Rie, 5-1:6-2. Dan winne se ek fan Seisbierrum mei 2-5:6-6. Yn de 3e omloop is Tsjummearum te sterk en ferlieze de mannen mei 3-5:4-6.

15-06-2013: NK Famkes - Dronryp

De famkes begûnen mei in moaie oerwinning op Hallum. Baukje Terpstra, Dian Dijkstra en Nyncke Pytsje Terpstra winne mei 5-5:2-6 fan Hallum. Yn de twadde omloop tsjin Wjelsryp mei de suskes Hofstra, dit wurdt ferlern mei 4-5:4-6.

22-06-2013: NK Skoaljonges - Damwâld

Gjin partoer/dielname

22-06-2013: NK Skoalfamkes - Mantgum

Yn Mantgum ferlearen Mirjam Punter, Julia Paauw en Jeska Terpstra fan Wytmarsum dat te sterk wie. Se ferlieze mei 5-1:6-2. Wytmarsum wint de 3e priis dizze dei.

29-06-2013: NK Pupillenjonges – St. Anna

Gjin partoer/dielname

29-06-2013: NK Pupillen famkes - Rie

De pupillenfamkes Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Selma de Boer koenen it net risse tsjin Goeïngea en ferlearen mei 5-3:6-6.

06-07-2013: NK Manlju 50+ - St. Nyk

Yn St. Nyk winne Douwe Durk Reitsma, Roel Sijbesma en Sipke Hlemstra ferrassend de 1e omloop fan Dronryp mei 5-4:6-6. Yn de 2e omloop tsjin Winsum wurdt ferlern mei 5-4:6-4 en sa koenen Durk vd Leest (Dronryp) en Sipke Hiemstra efkes letter tegearre nei de dochters sjen dy't foar Easterein yn Jorwert op it NK stienen.

06-07-2013: NK Froulju - Jorwert

By de 100-jierrige jubilaris Hâld Moed yn Jorwert stienen 29 partoeren op de list. Easterein begûn tsjin Bûtenpost en wûn dat ienfâldich mei 0-5:2-6. Yn de 2e omloop in spektakulêre partij tsjin Frjentsjer. Samar trije earsten efter en doe ek noch 4-1. Mar de froulju knokke har werom nei 4-4 en op 5-5:6-0 pleatst Marije in sitbal en komme se dochs op de 3e list. Dêr treffe se Grins dat earst al knap wûn hie fan St Anne, 1-5:4-6 en doe fan Holwert, 1-5:2-6. Easterein begjint hiel goed en nimme in 0-3 foarsprong. Mar Grins komt yn de wedstriid en komt op 3-3. As Imke op 3-3:6-6 boppe slacht ha se wer in buordsje foarsprong. Grins pakt dan in skjin earst mei trije boppeslaggen fan Aukje, 4-4 en nimme dan sels in 5-4 foarsprong. Op 5-4:2-6 slacht Aukje van de boppe oer de kwea en Easterein stiet op 5-5. Eillaas pakt Grins de 6-0 en Marije wit noch in knappe sitbal te pleatsen, mar op 5-5:6-2

slacht Marije vd Meer boppe en bringt dêrmei Grins yn de heale finale. Easterein hat prachtige en frjemde wedstriden keatst en it foel dit kear de ferkearde kant út.

13-07-2013: NK Junioaren – Minnertsgea

Doede Rients Okkema, Carlo Booms en Rémon Tie Bouma ha mei begelieder Dirk-Yde Sjaarda de 2e omloop helle van it NK en hearden dus by de bêste 12 partoer fan Nederlân!

Yn de 1e omloop winne se mei 5-4:6-6 fan Wytmarsum. Dat gie net fansels... Oant 4-4 wurde de earsten ferdiel. 0-1 troch in foarslach fan Doede Rients op 4-6. Easterein komt op 1-1 nei in bûtenslach fan Wytmarsum. 2-1 troch de keats te pakken op 6-2 en 2-2 as Carlo kwea út slacht op 0-6. Doede Rients slacht twa kear in sitbal op de stân 4-6 en se komme mei 3-2 foar. Mar dan folgje 5 bûtenslaggen en stiet Wytmarsum wer foar. Carlo nimt efkes de foar bêst oer en se komme op 6-6. De keats kin Rémon Tie net foarby slaan en it wurdt 3-4. Mei in skjin earst komme se wer gelyk, 4-4. Op 6-4 en in keats slacht Doede Rients goed op en se hâlde de keats, 5-4. As it 4-6 stiet slacht Doede Rients wer in sitbal en de keats dy dêrnei komt wurdt troch Carlo foarby slein.

Dan moatte se it op it haadfjild opnimme tsjin favoryt St Jacob. De jonges steane sûnder skrutelens yn it fjild en pakke bretaalwei de 1-0 foarsprong as St Jacob op 6-6 bûten slacht. Op 2-6 slacht St Jacob de keats foarby, 1-1. St Jacob komt foar mei 1-3 as op 2-6 Doede Rients foar slacht en op 6-6 yn it tuskenspul St Jacob de boppe fynt. Mar Easterein

Kategory	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013
Manlju Haadklasse	0	0	2	2	1	2	4	4	2	2
Manlju 1e klasse	0	0	0	0	0	7	7	4	3	6
Senioaren	6	7	9	8	8	12	10	6	0	2
Junioaren	0	4	5	0	4	0	0	4	0	1
Manlju 30+	0	0	0	0	0	0	0	0	1	1
Manlju 50+	0	0	0	0	0	1	3	3	2	4
Froulju Haadklasse	0	0	0	1	1	4	4	5	7	8
Froulju 1 klasse	0	2	1	3	3	3	7	7	7	8
Jonges	4	5	6	7	5	5	4	5	3	4
Famkes	4	2	8	7	7	10	11	10	8	5
Skoaljonges	7	10	6	4	2	5	4	2	0	0
Skoalfamkes	6	9	5	8	8	9	5	2	0	3
Pupillen jonges	4	1	2	3	5	2	2	0	2	0
Pupillen famkes	7	6	8	5	4	3	2	2	5	4
Welpen jonges			5	3	0	0	0	1	0	3
Welpen famkes			4	2	3	1	2	2	4	1
Totaal yn klasseminten	38	46	61	53	51	64	65	57	44	52
Helle punten	239	266	454	501	470	413	452	371	319	345
Ferskil		27	188	47	-31	-57	39	-81	-54	26

bliuwt goed meidwaan en hellet foaral de punten oan de opslach. St Jacob knoeit dêr ek wat en it wurdt 3-3 (op 6-4 bûten fan St Jacob, op 6-2 foarslein troch St Jacob). Mar dan sette de mannen fan St Jacob efkes oan en it perk hat te min antwurd op de snelle opslach fan sawol Bauke Triemstra as Enno Kingma. Nei de bûtenslach fan Doede Rients op 2-6 is it 3-4 en nei trije sitballen en kwea út fan Carlo stiet it 3-5. Op 6-6 hat Easterein noch in kâns, mar Bauke pleatst in sitbal en Easterein is fan de list.

Jongerein

Nr	Keatser	Punten
28	Welpen famkes	
4	Nynke Paauw	16
54	Welpen jonges	
33	Siebo Boersma	3
39	Redmer Wiersma	2
41	Tjalle Durk van der Eems	2
58	Famkes pupillen	
12	Selma de Boer	14
19	Corrie Kroondijk	12
24	Roelie Kroondijk	8
41	Machtelt Veldman	3
85	Jonges pupillen	
60	Skoalfamkes	
44	Jeska Terpstra	3
51	Julia Paauw	2
53	Mirjam Punter	1
95	Skooljonges	
65	Famkes	
37	Marije Faber	5
40	Dian Dijkstra	4
47	Baukje Terpstra	3
48	Nyncke Pytsje Terpstra	3
55	Sanne Rixt Jorritsma	2
119	Jonges	
32	Bote Jellema	8
41	Doede Rients Okkema	7
61	Rémon Tie Bouma	5
69	Nies Douwe Yntema	3

Nr	Heechste klassering	Froulju
1	Tineke Dijkstra	16

Nr	Top 3 measte punten	Froulju
1	Imke v.d. Leest	31
2	Marije Hiemstra	26
3	Tineke Dijkstra	16
3	Martine Tiemersma	16
3	Nynke Paauw	16

De mannen ha har goed sjen litten en foaral de opslach wie tige goed! Yn it perk noch efkes wat better en we dogge noch mear mei! Op nei de Jong-Feinte!

Senioaren

Nr	Keatser	Punten
58	Froulju 1e klasse	
1	Tineke Dijkstra	16
4	Judy Bergsma	12
8	Martine Tiemersma	9
13	Imke v.d. Leest	8
21	Anke Marije Pompstra	7
33	Sietske Okkema	4
36	Feikje Bouwhuis	3
40	Jelien Pompstra	3
49	Froulju haadklasse	
7	Marije Hiemstra	26
8	Imke v.d. Leest	23
15	Feikje Bouwhuis	15
22	Martine Tiemersma	7
23	Anke Marije Pompstra	6
29	Sietske Okkema	4
35	Jelien Pompstra	2
42	Judy Bergsma	2
114	Manlju 50+	
27	Douwe Durk Reitsma	8
76	Sipke Hiemstra	3
104	Roel Sijbesma	1
106	Eppie Heins	1
44	Manlju 30+	
31	Sybrand van der Wey	2
22	Junioaren	
13	Hendrik Bouwhuis	3
63	Manlju 2e klasse	
14	Bauke Dijkstra	6
58	Gerrit Flisijn	1
91	Manlju 1e klasse	
2	Hendrik Bouwhuis	19
20	Dirk-Yde Sjaarda	11
42	Bauke Dijkstra	7
54	Jelte-Pieter Dijkstra	4
64	Pytrik Hiemstra	3
78	Gerrit Flisijn	2
51	Manlju haadklasse	
14	Jelte-Pieter Dijkstra	17
25	Hendrik Bouwhuis	4

Nr	Top 3 measte punten	Manlju
1	Jelte-Pieter Dijkstra	21
2	Dirk-Yde Sjaarda	13
3	Bauke Dijkstra	11

Keatsmominten út 2013

Der binne in protte oare mominten west yn 2013. Hjir in seleksje...

Febrewaris

16 Keatsclinic op basisskoalle de Foareker.

Maart

17 Sealkeatsen jongerein sêfte bal,
1e priis Bote Jellema, 2e Margriet Jellema en 3e Rémon Tie Bouma.

April

25 Kick-off keatsseizoen.

Maaie

Steunpunt training froulju fan start yn Easterein.
12 Heren ôfdieling Grou 1e priis, Dirk-Yde Sjaarda, Pytrik Hiemstra en Bauke Dijkstra.
Pupillen famkes A-klasse yn Ljouwert 1e priis, Selma de Boer.
Pupillen famkes B-klasse yn Ljouwert 1e priis, Corrie Kroondijk.
Welpen famkes te Skalsum 1e priis, Nynke Paauw.
25 Federaasje Jellum-Bears, welpenjonges 1e priis Rutger Sijbesma.
25 Dames ôfdieling, Marije Hiemstra, Imke v/d Leest en Martine Tiemersma
1e priis yn Kimswert.
26 Bote Jellema wint 1e priis jonges B-klasse t.i.l. yn Marsum.

Juny

1 Yn Goaiïngea federaasje jongerein, 1e priis Sanne Rixt Jorritsma.
2 Winsum froulju 1e klasse f.f. 1e priis Sietske Okkema en Jelien Pompstra.
8 Dian Dijkstra wint 1e priis famkes t.i.l. yn Hartwert.
15 Federaasje f.f. Boalsert, 1e priis foar Gabriële Bouma en Hester Kingma.
21 1e priis A-klasse t.i.l. jonges Raerd foar Doede Rients Okkema.
26 1e priis skoallekeatsen foar Selma de Boer, Mirjam Punter en Julia Paauw.
Nea earder waard dizze priis troch Easterein wûn!

July

3 Easterbierrum, de Takomstpartij Jonges, 1e priis Doede Rients Okkema.
13 Mantgum, froulju 1e klasse t.i.l. 1e priis Tineke Dijkstra en Judy Bergsma.
24 Jong Feinte partij 9e edysje.
31 Jelte-Pieter Dijkstra wint 3e priis op de PC yn Frjentsjer mei Sjoerd de Jong en Herman Sprik.

Augustus

4 1e priis foar Siebo Boersma yn Boalsert, welpenjonges A+B.
10 1e priis foar Jelte-Pieter Dijkstra yn Dokkum, haadklasse útnoeging.
1e priis foar Marije Hiemstra yn Menaam, haadklasse útnoeging.
11 Corrie Kroondijk wint 1e priis pupillenfamkes B-klasse yn Aldebiltsyl.
24 Tirns, de Joostemapartij wint Bote Jellema mei Klaas Kamstra en Kees Merkus de 1e priis.
Petra Jellema wint op deselde partij de 1e priis mei Geeske Yntema en Sietske Merkus.

Septimber

7 Douwe Durk Reitsma wint de 1e priis yn Goutum manlju 50+ t.i.l. B-klasse
Tineke Dijkstra wint by de froulju 1e klas it algemien einklassemint.

Desimber

13 KF Easterein stiet op krystmerke Winterwille.

Sjoch foar alle wiidweidige ferslaggen op ús webside www.kfeasterein.nl



W D
2 3
9 10
16 17
23 24
30 31

W D
2 3
9 10
16 17
23 24
30 31

W
2
9
16
23
30

W
1

7 8 9 10 11 12 13 14 15 16 17 18 19 20 21 22 23 24 25 26

M D W D V Za Zo

1 2
7 8 9
4 15 16
22
29 30

D W D V Za Zo

5 6 7
13 14
20 21
27 28

D W D V Za

2 3 4 5 6
9 10 11 12 13
16 17 18 19 20
23 24 25 26 27
30

decem

D V Za

4 5 6
11 12 13

14 15 16 17 18 19 20 21 22 23 24 25 26 27